



It doarpke oan 't spoar : rîm en onrîm

<https://hdl.handle.net/1874/233691>

IT DOARPKE OAN 'T SPOAR.


RÏM EN ONRÏM,

MEAST FOARDRACHTEN FOAR TWA PERSOANEN,

FEN

AUKE BOONËMMER.

PRINTE BY T. TELENGA,
TO FREANTSJER.



15

IT DOARPKE OAN 'T SPOAR.

RIJKSUNIVERSITEIT TE UTRECHT



2716 810 7

IT DOARPKE OAN 'T SPOAR.

RĪM EN ONRĪM,

MEAST FOARDRACHTEN FOAR TWA PERSOANEN,

FEN

AUKE BOONĒMMER.

Ik nim hjir de earmen in biskerming,
Dy sa biswierd throch 't libben gean,
En freegje for hjar lot ontferming
Fen hjar dy fier der boppe stean.

PRINTE BY T. TELENGA,
TO FREANTSJER.





FOARWIRD.

Ik hab de greatste achting foar it publik, dat my, do ik de ear hawn ha om mei to wirkjen ta it Friske Winter-joune-ocht, sa folle goed dien het. 'k Scoe allinne in boekje skriuwe kinne oer it ontheljen, dat bistjürders fen forien-gingen en halders fen logeminten, societeiten en herbergen ús oandien ha; sels ek in de stéd Grins en Grinserlân.

En den dy thúsenen dy ús bisochten, hwersen safollen, mei sjongen en foardragen, sels ús like folle werom joegen dêrin, as wy brochten — diene den de kosten en frjånlikens der op ta.

Ik wit wol dat it net om my sa tagong; mar dochs ik sâlde mei in 't selde farwetter, as wier 't den ek in 't soch.

Fen bern ou oan hab ik altid it-lok hawn, dat ljue mei jild of mei kennisse my de hân tarikten, en oan diss'tid ta, sels by it útjaen fen dit boekje.

Hearen boekforkcapers namen my om sa to sidzen de in-teikening út 'e hannen, en dat ek al wer, omdat ik by 't biggin, anstons earsomme nammen opdie. Al hwa ik op-neamd ha, bin ik dêr thankber foar.

To Grou to wrâld komd, waerd min skrandere heit as skoalmaster op pensioen steld, do ik seis jier âld wier.

Twa jier letter wennen wy to Birgumer Nystéd, dêr min heit boekhâlder wurden wier op ien der beamkwekeryen.

Ik kuyere oan min heite hân de do yet sa greate Bir-gumerheide throch. Den résten wy in mannich hutsje hwer

min heit boadskip hie oan arbeiders foar sin hear en master.

Letter by in hantwirk pleatse to Grou, silden en roeiden wy op 'e hearlike farwettters nei de golle boeren fen it Grouster leechlân en oer de mar nei de boeren fen de Bird en roanen throch it lân nei it slot en de boeren to Idaerd.

Twa jier letter bea by de winter, do ik wer nei skoalle gong, de goede master fen Birgum my oan, om my kosteleas op to lieden ta onderwizer; sadat ik kwekeling waerd, en allinne throch omstânnichheden, foaral ek throch praten fen in mûlripe ferwersbaes, wer by 't hantwirk rekke in Sumar.

Dêr foaral die ik folle op út it libben fen de biwenners fen de Tieke, de Harste, de Heide fen Sumar en Garip, it wetterige Earnewâld ensf. Ek to Haulerwîk hab ik mei libbe — en dat is mear as efkes kipe.

En do iet en dronk min by de minsken dêr 't min arbeide — by krasse boeren en boargers, mar einlings de hutten moasten ek glêskes ha.

Moarns to njuggen úre om in went forlegen en om toalf úre onder dak en geïnstalleerd, by gûds dy 't rommer hieden, therskers mei frouljue in 't gelid.

Ite fen ierdappels mei roâk en kammisoal; klets! op de rounne thryepoatige wiptafel, de koekpanne mei spek en fet in 't midden op in rânne fen in málketjems, as in mar to mids fen in rotsich eilân, hwer fen de stalle de beaken wier.

Wier it tafelsblêd achtkantich en net roun, den miste der ien latsje fen de rânne, en sloegen twa grouwe reade mei hier biwoeksen earmen fen de faem om it oerbliuwsel hinne — ien, twa thrye, in de skerldoek, en derût klets! in 'e bargetroâch.

To Birgum, Bûtenpost en omstreken, en den hast in thritich jier to Hirdegurip en dêrom hinne, het min hantwirk my mei de leechste ta de heechste rangen der maet-skippy in oanreitsing brocht.

Mei ús foardragen hab ik binei hele Fríslân throchsjoen,

FOARWIRD.

en dat het my mei foarname en gelearde hearen in selskip en by hjar in 'e hûs en oan tafel brocht.

Lésers! dit skriuw ik allinne om jimme better oer min stikjes oardiele to litten, hwent onderfining — mear as kennis — het my folle in 'e pinne joun. Onder de titel „'T DORPKE OAN 'T SPOAR' kry' jimme hwet ik fen mîn stikjes yet lidzen hic.

Forbild jimme, as jimme wolle, dat op it „Doarpke oan 't Spoar" de stikken dy folgje foardragen binne; mar jouw mîn „doarpke" gjin namme, hwent it het dy net, en meitsje fen mîn figuren gjin persoanen, hwent ik wol nimmen biledigje, mar as 't koe jimme formeitse, en dêrom scil min inkelde setten hwet tajaen matte, sa as ik ek altiïd it lok hawn ha, dat my dien^eis.

Farwol, goedginstige lêzers!

10 October 1876.

De skriuwer,
A. BOONEMMER.

Inhâld.

	Bleds
It Doarpke oan 't Spoar.	1.
De Friske Polderjonge.	26.
Jetske.	32.
De Heidehutte	34.
Nocht en Wille.	53.
De Widdous Soan.	70.
In goede Learning.	84.
Nei Amsterdam.	95.
Net al to carlik en net al to godleas.	102.
Breawapens.	121.
Twa Bûrwifkes	130.
Krap Jild.	145.
Maimoarne.	151.

It Doarpke oan 't spoar.

Sketkes.

I.

SKEARWINKEL.

„'t Is der throch!” sei baes skearder, en seach skean oer 't skouder, mei de mûle heal iepen en 't skearmês mei de sneed in 'e hichte niunken 't ear. 't Wier gewichtich, dy positie fen baes, fen sa de man, dy 't er onder it mes hie, in skrik ôf to jeyen. — De kop hie de klant yet, dat fiede er wol; mar baes sei al wer: „It is der throch!”

„Hwet divel is der den throch?” sei *Lumme*, „ik haw in fel as in bollehûd; mar dou kinst my fêst net út elkoar fille sonder dat ik it fiel?”

„De spoarwei, man! — de spoarwei,” sei baes, „de litse en de greate keamer en de gediptearde staten fen Frislân hadde it allegearre goed kard — wy krye stalen spoarwegen.”

„As 't oars net is,” sei *Lumme* „skraebje den mar oan, as wolle hja se ek fen silver meitse, 't ken my neat skele.”

„Hwet prate jimme fen stael en silver”, sei *Simen*, soms byneamd, *Godloas*, om 't er net trou nei tsjerke gîng, „hwet prate jimme? Staets-spoarwegen wirdt er bedoeld.”

„Ja,” sei baes, „dou hest altdid oare bedoelingen as in oar; mar it jild of silver dat it kostje mat, scille wy mei elkoar bitelje en opringe matte.

„Wy krye der ek allegearre geriif fen,” sei Simen, „as wy 't bilibje dat it klear is.....”

„It mocht hwet!” foel baes him tsjin, en feegde sa stiif mei de skeardoek Lumme sîn kin ôf, dat dy sei: „ik hab ljeawer in greate noas as hielendal gjin, mar ik wol foar de hele spoarwei der net in stik fen misse. Dou jouwste mei rare opteuters, baes!”

„Ja!” sei baes, „der binne wol mear dy de noas stompe; mar ik woe wol dat dy spoarwei gleaun throch de loft fleach.....”

„Goeijen avond, vriende! goeijen avond!” sei in oppronke stêdman, mei 'n reissek onder de earm, dy ta de doar in kaem. en in hânnelsreisger blikte to wêsen. „Ik hoor je daar spoorrije door de lucht. Nou, ik mot je ook zegge, we hebbe dunkt me niks met die boel te make, we hebbe wege, vaarte, kanale, ons land heeft volstrekt geen behoefte aan spoorwege; 't ls, dunkt me, niks als geld fermorse, en de deur open te sette dat allerhande vreemde snuiters je de kees van je brood kome ete.... baas! wil je me skere?”

„Hwerom net” sei baes, „jy prate yet al forstânnich foar sa'n stokmantsje. Binn' je faek in stille grawearder?”

„Een Telegrafist, bedoelt u? Volstrekt niet! volstrekt niet, ik ben Commissionair.”

„Komik en raer!... jawol. Ja, komik en raer is de hele wrâld langer. Mar ik miende dat sokke *stille* grawearders de boel ouharken en opskreauen. en dy tidingen roun stjûrden, en om 't jy in reissek by jou hieden, nou thocht ik, dat der stille biriuchten in wieren.”

„Ook al!” sei de stêdman, „maar van particulieren aard vriend! Een dubbeltje — as je blief! Adieu!”

„Allerhande poepen en walen mat min bisnoeye,” sei

baes, „hwa wit hwet freamd soarte fen skepsels as dy spoarwei hjir ienkear ûtspye seil as de boel klear is.”

„Hwet mear sielen, hwet mear freugde!” sei Jan Bakker.

„Ja!” sei baes skearder, „en hwet mear magen mienste. Mar as 't mei de spoartrein giet, as mei de buyen forline simmer in 'e droechte, den drait it om ûs hinne, en 't jouwt neat. Sa think ik ek dat it ûs giet, man! Je bliuwe mei de stuten sitten as je der op bakke.

Ik kry der neat fen, hwent alle forwaide fûgels, dy 't by uses oansile, seille allegearre wol mei hiedde en flaechs to keap rinne, dy hearen litte de *baard staan*. Wopke kastlein wol greater boppekeamer ha, omdat s'n foargonger it folts net bergje koe, dat dêr sims to brillofthâlden kaem, mar 't seil wol mei ûs eigen *Rik-to-rike* ophâlde think ik — hjit dat spil sa net, baes skoenmaker? Jou en jou soan bin der ommers mei-libjende ledematen fen, oars net?”

„Meiwirkjende leden,” sei de skoenmakker, „dy dea is kin to minsten gjin lid fen Rethorica (sa hiet it) wêse.”

„Nê,” sei baes skearder, „mar dy hâlde hjar stil, en ik ljeau dat dat better is as jimme hele lawai.

„Neamst' dat lawai!” sei de skoenmakker! „'k Ha de leste kear in fers opsnien dêr 'k in bulte eare mei bihelle ha, it het ta 'n titel:

Aldra!

Aldra eer keijen sijn brillanten,

Aldra omringt aan alle kanten

Ons d' iyz'ren spoorweg met zijn band;

Aldra het lieve vaderland.

Aldra, met vleugels aan de voeten,

Zal Ceres hier Mercurus ontmoeten,

Als d' iyz'ren spoorweg met zijn band

Doorslingert 't lieve vaderland.

Aldra rijdt harder dan de heeren
 De handwerksman in Zondagsch' kleeren ;
 Door d' ijz'ren spoorweg met zijn band
 Reist hij met vrouwlief hand aan hand.
 Aldra zal 't land van Turk en Mooren
 Ook aan de menschheid toebehooren ;
 De ijz'ren spoorweg met zijn band
 Brengt volk aan volk en land en aan land.
 Aldra zal uit de handwerkstanden
 Ook menigeen bij 't spoor belanden ;
 De ijz'ren spoorweg met zijn band
 Bevordert schielijk elken stand.
 Aldra zal dan een werkman leeren,
 Met kunst en smaak telegrafeeren ;
 Door d' ijz'ren spoorweg met zijn band
 Krijgt 't domste volk het meest verstand.
 Aldra zal ook met gladde knoopen
 De sjouwerman de straat oploopen,
 Daar d' ijz'ren spoorweg met zijn band
 De zegen brengt in elke stand.
 Aldra, mijn pen die moet bezwijken,
 Zal schipper Jan de fok neerstrijken,
 Daar d' ijzeren spoorweg met zijn band
 Dan 't scheepje vaart op 't vaste land.
 Aldra zal ook de voermanswagen
 Met diligence om afscheid vragen,
 Daar d' ijz'ren spoorweg met zijn band
 Dien heelen rommel helpt aan kant.
 Aldra zal men hier tierelieren,
 Als men bij Wopke feest gaat vieren,
 Daar d' ijz'ren spoorweg met zijn band
 Dan bij hem brengt den hoogsten stand.

Aldra maakt Wopke met den hamer,
 Met bijl, en zaag, en schaaf een kamer,
 O Wopke, mocht het reeds zoo zijn!
 Kristallen glazen, blauw porc'lein
 Daar zullen wij bij 't tierelieren
 Hier in ons dorp dan feest mee vieren.
 De ijs'ren spoorweg met zijn band
 Brengt zegen in het vaderland!

Ik heb gezegd! Pier Elzikus.

„Hwet seist' der fen, baes skearder?“ — frege de
 skoenmakker.

„Dêr sids ik fen, hwet ik er altîd fen sein ha,“ sei
 baes skearder, „jimme jouwe der sok raer gûd op, dat min
 wit er nin bean fen as 't op 'e preekstoel of in 't Jan-
 Klasenspil thûs heart.“

„Nou mar,“ sei Simen, „baes skoenmakker is oars echt
 poëtisk, 't is spitich dat er sa 'n prozaïsk wiif het.“

„In boasaerdich wiif, dat ljeau 'k wol!“ sei baes skear-
 der. „Lêsten bin 'k hjarres foarbygien, en do *deklompearde*
 baes skoenmakker, think ik, hwent hy sei mei 'n stimme
 sa swier as in thongerbui:

Ik ben de graaf van Zonderland....

en do kraide it wiif der throch hinne:

en ik slavin en sonder brand!....

en aste nou net handich turf helleste mei de kroade, den
 stek ik dîn pompierrommel onder de ierdappelpoât. Dou
 woste er mei lietsjelêsen throch en skoenmeitsjen hest in
 ougriis fen; en ûs Pîbe bringst' ek op 'e dwaelwei, dy
resumeart ek al fersfekken seit er, fen *hagelwît* en *lelie-*
blank en *blauw koraal* en *rozerood* en *ranke leest*. — Dat
 is fêst fen in skoenmakers dochter omdat er in least by

komt — mar ophâlde scilt, ofik 't seil gjin Trîn fegebeard mear hjitte.”

„Ja,” sei de skoenmakker, „elk het sîn biswier; mar ik gean mîn eigen gong. As min smaek in letterkinde kriget, dat bikomt yen throchstrings better as in hâd fol jenêwer.”

„Ik hâld it meast fen bêste dominys,” sei baes skearder, „it oare drait my foar d' eagen.”

„Ja it drait dy wol mear foar d' eagen” sei de skoenmakker wer, „hwent dou hâldste ek fen pleisierige merken; hwet biste de leste kear, mei griene tûken biwoele en swart om 'e kop, raer ta de doar in rôlle, en hwet het dîn wiif do 'n grimmitige oanspraek dien.”

„Nou matt' jimm' ophâlde, — — nou is 't lik, sei Simen, „as de iene de oare borstelt, den wirde se beide skjîn.”

„Mar de skoenmakker borstelt my swart,” sei baes, „en dou kinst' dîn wereldske spreuken om mîn part sels wol brâke.”

„As jy bros wirde, baes skearder, den gean ik er út” sei Simen, — „allegearre goe joun!”

„Joun Simen! Gean mar nyljochter!” sei baes skearder, „mei dîn wereldske waenwîsheid.”

De bakker wier sa fier hinne, dat er de âlde stuten fortard hie, dy baes skearder him in hoartsje lân beskikte, en nou frege 'r oan baes: „Wit je ek as Lumme al tastimming jown het om sîn kampke lân foar 'n diel ou to stean oan de spoarwei?”

„Hest' er in tastimd, Lumme?” frege baes skeader do. Gjîn antwird! Lumme slepte.

„Lumme wost' ek lân misse . . e . e ? Lumme Skobbert Lummert.t.t.t!”

„Lumme slept as in dea poep,” sei de bakker.

„Gean efkes út 'e wei,” sei baes skearder; „ik seil him in pear drippen kâld wetter in 'e nekke falle litte.”

Dat barde en Lumme sprong oerein en sei koartwei: „Divel! hwet lekt dy goate!”

„Goate?” sei baes skearder, „droomste.”

„Nou,” sei Lumme, „ik wier min of mear in 'e dodde — min het de hûd jouns fol.”

„Ja,” sei baes skearder, „de iene het de holle fol, de oare de hannen fol, in oaren it gemoet fol fen onrest, mar dou seit de bûse wol fol jild krye foar dîn kampke lân, oars net?”

„Dat wit ik net. Mar hwet foel my niis op 'e kop?”

Baes wer: „Och ja, mîn âld hûs wirdt minder, it lekt dêr by dy spant lâns, en dat het dy bidript.”

„Den bin 'k fen de oes in 'e drip rekke.” sei Lumme „sa giet it wol mear — en ast' er hwet fen witte woste, as ik mîn lân net misse wol foar de oanbeane priis, den wirdt it my gerjuchtelik ûnteigene. Dat 's ek al fen de oes in 'e drip.”

„Dou mast mar oanhâlde,” sei baes skearder, „sa ha 'k mîn wiif ek krige.”

„As min heech inset kin min letter altiid wol ta sayen komme, plichte ûs heit to sidzen.”

„Lit dy smelbroeken der earst mar ris hwet omstappe mei hjar tsjoenderremeedsje. Mar sa tsjok astou de ribbe snien ha woste, kin 't ek net, elk mat hwet ha. Licht lêste dy stêdmannen ek wol spek.”

„O bliksmoi! dêr komt notaris oan, scoe 'k sidze oan 'e stap.”

„Goeden avond saam! — Baas, wat laat je me wachten!”

„Ei nou,” sei baes, „ik wachtsje ek wol ris; mar wy ha sa 'n drok petear oer de spoarwei, mînhear mat it my net kwea nimme.”

„Nu, nu!” sei mînhear, „scheer my hier maar.”

„Kom” sei baes, „it giet mînhear as de dief dy 't net skele koe as er to Grins gisele waerd as to Ljouwert; nou dy de minsken maklik skeart het in earlike kostwinning.”

„Is die koop doorgaan, baes bakker?” frege Notaris.

„Ja,” sei de bakker, „dêr ha 'k gauwer nôch mei wêst. Simen ken der in moai lûkje mei dwaen, as de spoarwei him fen in hoeke fen 't lân ôfhelpt.”

„O,” sei baes skearder, „den het de bakker dêrom nei Lumme sîn lân frege en hy miende 't jinge er nêst lai, mar den is 't to let, baes; kwît is Heintsje de mosk. Simen Godloas is jou to boas.”

„Hea baes, jy beginne to rimen sei notaris.”

„Ja, mar wy hadde oars in rimersprofeet dêr in 'e hoeke sitten. Né, hy is al útfile. Dat komt fêst omdat ik him mei de wirden fen sîn wiif om 'e kop smiten ha.”

„Heb je misschien op Simen tegen,” frege notaris, en forfolge sûnder antwird ou to wachtsjen, „dat doet my leed, want ik hou hem voor een fermem vent, die van arbeider het zoo ver wist te brengen, dat hij door oppassen en knapheid in den veehandel eenig vermogen verworven heeft; ik hoop maar dat het hem verder goed moge gaan. Goeden avond saam.”

„Navond mînhear!”

„Mînhear sîn pinne is ek better as mîn skearmes, wost dat wol ljeauwe bakker? Dy pript ek in 'e spoarwei — om reitsjen! Simen en hy scille elkoar de skiepkjes wol ta driuwe — think der mar om.”

„Zoo zoo, dan is 't hier? dankje wel!” hearde min bûten doar sidzen, en twa hearen in langen en in koarten stoepen de skearwinkel in. De feint fen Wopke kastlein hie se der hinne laet.

„Zoo baes, zou je ons wille scheere?”

„Ik skear altijd, mar 't jouwt in bitsje wol ; as de hearen mar sitten gean wolle. — Dogge de hearen ek al in spoar-saken ? Den kinne wy krekt mei elkoar — ik sit er de hele joun ek sahwet in ?

„Nu ja ! dat kon u gerade hebbe . . . weet u hier ook wone 'n zekere Lambertus — Lumerus is 't niet ? — Lumerus — Soes — Soes — Soes ?”

„Ja de hearen miene fêst, Lumme Lefferts Soesebol, dy sit dêr to knikkeboljen. Ik hab him niis mei kâld wetter by 't forstân brocht, mar dat is him al wer for- getten, scoe 'k sidze. Lum. . mer . . . t !” roap baes sa lûd as er mar koe.

„Hui kerel, wat maak je mij verschrikt.” sei de iene hear dy onder 't mês siet.

„Wel ! je zoudt iemand de koorts op 't lijf jage,” sei de oare.

„Ja,” sei baes, „de hearen hadde heel oare sinen as Lumme, hwent dy forlûkt er noch gjin hier om,” en baes gâlde yet lûder : „Lu . . . um . . . mert !”

„Warempel niet om uit to houe,” seine de hearen — „Kerel, ben je dol ?”

„Ne,” sei baes, „mar as jimme Lumme sprekke wolle, den tsjinnet de man dochs wekker to wêsen, in 'e sliep kin men elts en ien wol bitrappe . . .

Hâld him efkes in swewelstoâk ûnder de noas, bakker, en oars scil ik wol.”

Dat barde — en dêr rîsde Lumme oerein, en sei : Dy 't my ha wol dy kin my krye — ik lit my fen gjin ien by de noas krye, sa lang as ik Lumme Lefferts Soesebol hjit.

„Nou,” sei baes, „dat is ek goed, hwent hjir binne wol twa hearen om dy, en de iene is ek ridlik lang, dou meiste wol deales oppasse.”

„Dou hest' er slach fen," sei Lumme, „om in oar alles onder de noas to thriuwen, mar hwet wolle disse hearen fen my ha?"

„Wat blief!" sei de iene hear — „jelui hebbe hier 'n Arabische manier van spreke, maar je kunt toch een gewoon christen mensch beter verstaan dan wij u. En dus, wij wilden Soesebol verzoeken met ons mede te gaan, ten einde overeen te kome over zijn aan den spoorweg af te staan land. We zijn landmeters en komen van Rijkswege. Kom een glas wijn met ons drinken, dan kunne we 's overlegge en skikke en plooije; we wille dan dat varkentje 's even schoon wassen, hé? — Wat zegt u daar nu van?"

Lumme seach hinne en wer, en dêrom sei baes skearder: „Mînhearen, Lumme kin better oer sûpenbry en kofje, as oer wîn en jenever; en dêrom thocht my de hearen moasten mei gean nei Lumme sîn hûs; den koene se mei iens sîn wiif ek ris sjen, dy kin ek meirate, en het in heel skel lûd as 't nedich is; dat wier heel amusant. Neame de hearen dat sa oars net?"

„Jy met je friesch latijn, jy speelt satieretje, hoor! 'k hebje begrepe, maar enfin! we gaan met je mee, Soesebol!"

„Nou Lumme, as 't sa lang wekker bliuwe kinste, wolle de hearen mei dy gean," sei baes.

„Bêst," seit Lumme, „goe joun!" en de hearen sidze: „Adieu — Adieu!"

„Nou, baes bakker, nou biane jou en ik like machtich as de stoellen, dy mîn wiif en ik hiene do wy trouden," sei baes skearder.

„Mar twa?" frege de bakker

„Mar twa," sei baes, „en de kleankiste der twisken,

dat wier ûs tafel, — Ik hie yet thrye gâne rê jild, en mîn wiif hie neat. En nou ha 'k yet greater plak groun in eindom as ik mei 'n lege jildpong oersmite kin. Disse went en 't hornleger is mines. Dat ha 'k allegearre mei skraebjen en skrippen krige. Mîn bern binne great en der út en troud. Nou kin 'k mei gjin ien rûsje in 'e hûs krye as mei mîn wiif en de kat. Mei 't wiif, omdat se sa lang wei bliuwt as se mâlke hellet, en mei de kat omdat se de mâlke opsûpt as 't wiif net thûs is. Mar dy spoarwei, bakker, seil ûs doarp net foarût helpe, dat ljeau ik. Wy sprekke elkoar wol ris wer. Litte we mar ris tsjien jier fierder wêse, den steane hjir hûsen leech, dy nou net to kryen binne, dat seill' je sjen!

„Mar ik mat yet inkele klanten oan hûs bitsjinje, en mîn wiif is op kreambisite.”

„En ik mat nei hûs,” sei de bakker. „Mar is je wiif op kreambisite op Snjeun?”

„Op Snjeun,” sei baes skearder, it is ommers Woansdei hjoë. Hwet sit dy dat kampke lân in 'e mage, dat Simen nou het.

„'t Seit sahwet,” sei de Bakker. „Joun Baes!”

„Joun Bakker.”

II

BIJ LUMME-BOER OAN HûS.

Wy hawwe niis Lumme Lefferts Soesebol opstappe litten mei de beide lânmjitters; dy al pratende wei op sîn hûs mei him tagongen. Einlings stiene se op it hiem foar de doar.

„Je moet hier nederig in je eigendom kruipe,” sei de iene tsjin Lumme.

„Omdat de doar hwet leech is, hé?” sei Lumme. „Mar alle minsken binne ek gjin lange lânmjitters! Jy matte de kop mar foaroer of op 'e side falle litte — en jou maet koe der wol mei 'n koer ierdapels op 'e kop throech, dat liket wol sa 'n lîtse glûpert, dy forpraet him ek net.”

Lumme sîn wiif seach forheard op; mar de lange mînhear seach hjar sa gau net, of hy sei: „Verduiveld, wat knap wijje! Om daar een zoentje van te mogen hebben, zou een daalder waard zijn.”

„Dat ljeau 'k wrachtich!” sei Lumme, „'k hâld 't er foar dat my 't stik wol op 5 gûne to stean komd is. Hja wier der earst lang net rînsk mei, mar omdat dit spiltsje mîn eigen wier, het se op it lêst hwet tafalle litten. — Nou Trîn!” sei Lumme lûder, „dêr kom ik nou mei twa hearskippen oan, en de iene het swart krol hier, dat mochte altiden sa gracch lye, oars net?”

„Warempel!” sei de mînhear, „dat heb ik dan op je vooruit, Soesebol. Uw haar komt my voor is zoo wat licht blond.”

„Nè,” sei Lumme „ljocht bronse hier ha 'k net; ik piel mei gjin hieraalje en smardery. Mar dochs mîn hier is sawet slûk en flacchshachtich fen kleur; mar dou bist er linkende wei al hwet oan wend, net Trîn?”

„Hwet hest it altiden raer,” sei Trîn. „Nou, hearen, gean sitten, as je blyeft, it is hjir net bot in oarder, ik wist ek net dat hjir sokke foarname hearen komme scoeden.”

„En wy wisten niet dat we hier zoo 'n lief vrouwtje zouden vinde, en zoo 'n dikke ferme meid, — 't is de moeite waard, hoor!” sei de lêste.

„To dinder!” sei Lumme „de lîtse mînhear foroaret ek al, mar 'k scoe jimme beide wol riede, dwaen der mar neat gjin mocite om, it iene is mîn eindom, en dat ha 'k djûrder nôch, sa as 'k niis al sei, en ûs faem der tornt in boerefeint oan, dy disse lîtse mînhear wol onder 't baitsje stopje en de greate wol dûbeld gear teare kin. Dos bliuw fen alle beide froulju mar in eintsje wei.”

„Dêrom mei min wol in geklik wirdtsje ha, hwet sidze de hearen oars?” sei de boerinne.

„Ik zou 't gelove,” sei de lange, en stapte nei de boerinne ta, wilst er hjar in klapke op it skouder joech; — „Ik zal u eens 'n grap forhale . . .”

„Né, né!” foel Lumme dêrop in, „gjin grappen! Dêr bin 'k folstrekt net op geset. Mei de hân dat giet noch, mar mei dy swarte bakkebirden mast net thichter by mîn wiif komme, dêr wirdt se wîld fen, en den kry 'k er moarn mar lêst mei. Hînders op 'e rin, en mâlle froulju der ha 'k it min op stean, hja matte beide in team bliuwe.”

„En dou mochtste wol mear in 't fatsoen bliuwe,” sei de boerinne. — „Disse hearen, kin 'k wol bigripe, komme fen wegen de spoarwei, en aste dy hearen nou frjeunlik bihânnelste, den kinne se ûs faek in hele bulte goed dwaen, mei 't forkeapjen fen ûs lân; hwent misse matte wy it dochs.”

„Wel nou,” sei Lumme, „ik wol de hearen gracch goed bihânnelje, mar as ik it lân misse mat, den wol ik dêrom it wiif der net by insecjitte. Ik bin sa fier, ik wol 't boadskip fen de hearen wol witte.”

„Jawel, jawel nu, ter zake dan, boer! Kijk, hier heb je de kaarten en plannen — zie eens! dit land hier hoort aan den bakker in 't dorp.”

„Né,” sei Lumme, „dy is der al efter, dy het it forkott oan Simen godloas.”

„Ei, ei!” sei de hear, „dat is een slimmert geweest, hoor! — Nu, maar daar naast, dat is het land van u, niet waar? en juist dit land is aangeweze om er 't station op te bouwen.”

„Nou, nou,” sei Lumme, „as de staetstonne op mîn lân stichte wirde mat, den seil der in bîtsje fen oerbliuwe, ha 'k op 'e rekken.

„Vreemde manier van spreke,” seine de hearen tsjin elkoar. Tsjin Lumme forfolgen hja do: „al nemen wy uw land geheel, dat is niewedal — wy betalen het immers duur; maak daar staat op.”

„Dêr hest it al,” sei de boerinne; „dou mast mar net dwêrs tsjin alles înlidze, Lumme.”

„Je het een allerliefst wijfje, Soesebol,” seine de hearen tagelik.

„As 't moai waer is,” sei Lumme, „mar to dinder man! hja kin ek oar bier taepje! Mar mîn lân is ek bêst, en 't leit my gadich, as 'k it keare koe, den woe 'k it net misse.”

„Missen moet u 't toch boer, en door redelijk te zijn bespaar jy je zelf en ons ook, veel moeite, en bovendien bevordert u een goede zaak van algemeen nut en belang.”

„Je matte mar net bigjinne to preekjen,” sei Lumme, „hwent den giet it jou krekt as ûs dominy, — de man wirdt net ljeaud — oars diene de minsken der nei.”

„Hoor eens,” sei de hear — u krijgt per bunder of hectare naar rato”

„Gjin bunders en hektarjen en centarjen en aekliks; mar pounsmjitten en roeden fen 13 foet en 2 thomme ha 'k it meast bigrîp oer,” sei Lumme. „As de hearen

mar ôfroaye hwet ik misse mat, den seil 'k it moarn ris omtrêdsje, 4 trêdden geane er moai likernôch in 'e roede, en den seil 'k it sikûr mei de roede neimjitte."

„Dat zullen we doen," seine de hearen, „accoord!"

„En nou ha 'k de hearen in pantsjefol kofje in skonken, en hjir binne klûntsjes, as je blyeft," sei de boerinne.

„Een suikerzoet boerinnetje ben je, een snoepertje van een vrouw! Zoo dank je, moeke!"

„'t Is mâl," sei Lumme, „dat de hearen sa 'n bigearte nei froulju ha, binne der by jimmes gjin, of binne se to djûr to onderhâlden?"

„We zoeken er nog om, boer, maar als ik er eene vind als de uwe, ik neem ze gerust, hoor! En nu moeten we gaan; tot later Soesebol! dag moeke, lach nog 's lief; zie zoo! — dag dikke meid," en dêr wieren de beide hearen de doar wer út.

III.

TSJEN JIER LETTER.

In tsjen kin der fry hwet barre, en dat hie foaral ek in 't spoardorpke pleats hawn.

De spoarwei wier mei 'n jier of seis dêr al klear warden en brûkt, en de ûnderfining hie de forwachtingen biskamme en ek wier makke. Alles throch 'noar nomd hie it dorpke der net sa 'n bulte by woun, as 't net earder forlern hie. In de greate herberch kamen net sa folle greate lju mear as 't plichte om der oansetten to hawwen. Boar-

gerlju, om ris in 'e tûn to thêdrinken, kamen wol — mar fen sels mei 't spoar, en net as earder de hearen mei moaye rîdtugen.

Dillesjans- en postkarre-riden wier ophâlden. Op 'e diik seach min lang safolle foetgongers net mear as 't plichte — gjin iens gêrspoepen. Sadwaende hiene herbergen, kroegen, bakkers en winkels minder fen de reisbere minsken, as do de spoarwei der net wier.

Marsdragers pochten ek net, hjer!

Mei ien wird sein: de drokte giet nou om it dorp en foar 't spoar gîng dy er throch.

Min seach ek net jamk mear in hear rinnen, dy omseach om in hûssteed to finen. Der knîpte earder ien út; en wier der foar nimmen earder ek net, och, sa 'n lîts wentsje leech of to hier, nou stiene der fikse hûsen en wenten leech.

't Is bikend dat in folle opsichten sommige stêdden der by forlern ha. Stêdden as Grins en Ljouwert ha der by woun. Mar ha de nearingdwaenden forlern, it geriif, dat it spoar oan elk en ien bringt dy reisgje mat en wol en foardiel ek, dat is hast net to sidzen.

Min wirdt hinne en wer toawere — dat is mar wier, en het gjin tiid om hunger en thoarst to kryen.

Nei disse opmerkingen wolle wy wer de skearwinkel opsikje. Baes is âlder wiriden en in bitsje jichtich, mar oars de âlde baes yet. Ek twa, thrye fen de ûs bekende klanten binne der en Simen is oan 't wird.

„Nou, dat it jimme forbaesd foarkaem, dat wol 'k wol ljeauwe,” seit Simen, „mar hwet diene jimme dy kant út?”

Wel! ik hie byen stean to Dârswâlde en Lumme hie folk to Appelsgea wenjen, en sadwaende rounen wy nei Appelsgea,” sei de skcarder.

„'k Ljeau dat it de 19e Septimber wier, de jouns om in ûre saun, acht. Ik hear sahwet gesûs sûnder to witten hwet it wier, en do in lûd as in basune, mei in stimme efter nei: *Waar zijn wij hier?* Wel man, 't wier as ik throch de groun gong.”

„Ja,” sei Lumme, „baes foel foar dea del. De manchesteren broek heakke efter in oubritsene twige, en waerd in frouljusrôk. Ik krige him by de lurwen, ik skodde him, ik wreau him mei 'n hânfol dauwiet gêrs om 'e holle en einlings suchte er: Och heare, hest ek hwet sjoen, Lumme, of heste licht net iens hwet hjerd?”

„Ei ja, ju!” sei 'k, „dat is fêst dy loftbonge, dat hest' hjoed sels út 'e krante lêsen, dat se dy hjoed to Amsterdam op gean litte scoene. Dy is oer sé en al hjir binne dreann, think ik. Witst net, Simen, in dy tiden do 't spoar hjir komme scoe, dost' dat lân fen de bakker koft heste, dat baes skearder do hjir op dit selde sté sei: ik woe wol dat it spoar gleaun by de loft lâns fleach? Nou miende er dat er dêr foar straft waerd en dat er sa 'n gesichte oan him jown waerd.”

„Ja,” sei baes skearder, „min kin gau to folle sidze.”

„Dat stimden de oaren allegearre mei.

„Wonderbaerlike útfiningen binne er langer,” sei baes skearder. „It spoar ek, dêr scoene wy allegearre rîk fen wirde, mar 't mat noch.”

„Wy hadde der dochs in lûkje mei dien, Lumme, hé?” sei Simen, „mei 't oustean fen ûs lân; der ha we do goed jild foar hawn?”

„Ja, dat koe al,” sei Lumme. „'k Hab lêsten ek ris spoard; ik koe der oars hast net ta komme, 'k ha 'n hekel oan dy nye útfinfels. 'k Mat fêst hwet tai sjoen ha, hwent

in hear dy foar my oer siet, sei: „Je rijdt liever met je bruintje, Soesebol, hé?”

„’t Scoe wêse kinne, sei ’k, mar kenne jy my?”

„Dat hoort u, en hoe gaat het uw vrouwtje?”

„To dinder,” sei ’k, „nou kom ik er efter! Jy binne de lange mînhear lânmjitter! Nou matte wy ris fûskje, net? sjea sa! — Nou, mîn wiif is lang net in vrouwtje mear — hja is wol helte breder wirden, en ik doar der mînhear nou ek wol thichte by komme litte, hwent mînhear sîn bakkebirden binne sahwet silwerskier wirden, Mar mînhear is fêst al troude?”

„’k Heb er nog geene gevonde, boer.”

„Net? né jimme binne fen dy wâlde jerken, en as jimme den by njuete eintsjes komme, den fleane se foart, dat kin ’k al sahwet bigripe.”

„Zoo, zoo? Maar mijn kleine kollega van toen heeft er toch eene heele groote vrouw gevonde, hoor, die hem totaal over ’t hoofd ziet.”

„Nou,” sei Lumme, „den is er bêst bewarre, hwent de greaten matte op ’e lîtsen passe. Is mînhear lêsten ek mei throch de loft flein, of hoeft it der net metten to wirden?”

„Neen boer! heeft u ’t gezien en waarzoo?”

„Wis! thichte by Easterwâlde; ûs skearbaes wier by my, dy het er fen omlein fen skrik. Hwer seil mînhear nou op ta, benn’ der al wer spoorwegen in oantocht?”

„O ja, er zijn er zoo veel onderscheiden planne, dat houdt je levensdage niet op.”

„Nou”, sei Lumme, „by uses is ’t nou al sa fier, dat hinders en ky dêr net mear fen op ’e rin tsjenne. hja litte hjar earder dea en stikken ride, sa goed is ’t al biwend. Mar ik hoopje net, dat de loftbongen in ’e moade komme; dat spil koe ris del ploffe.”

„Wat blieft! — wat noemt u daar?”

„Wel, loftbongen — ken minhear dy net? Ho se 't ha, dat kin 'k ek net sidze, mar der forkeare minsken ûnder, ik ha se praten en trompetjen hjerd: 't liket mâl!”

„O juist, Godard met de luchtballon.”

„God aerd, sids jy! my thinkt sa'n kearel het in diwels-aerd, sa by nacht throch de loft to fleanen. Mîn sinen binne moai tai, mar oars wier 'k er ek hinne ploft.”

„Dêr mei wieren wy by de staetstone fen Ljouwert, en do binne wy skaet. Dat binne oars wol smedige kearels, ik mocht se wol lye!” sei Simen.

„Dat ljeau 'k,” sei baes skearder, „dou hest er in goede ribbe útfeegd!”

„Hwet ik krige ha, kaem my ta, baes,” sei Simen; „mar haw ik net in goed wird dien foar jou beide soannen? Jy ha sa fen 't spoar ousein en der bang foar wêst, en nou ha dochs jou beide soannen der in goed arbeiders bestean fen. Dy beide hearen lânjitters ha my dêrta holpen, en dêrom mei 'k se foaral graech lye.”

„Ja,” sei Lumme, „ik ek, mar by in tsjep jong wiif binne se net to goed bitroud.” —

„Wohnt hier nicht der scheerder?” waerd dêr bûten doar sei, en dêrmei gîng de doar iepen, en kaem in reisber man in, dat wol in hantsjemier like to wêsen.

„Wol oe mich auch scheeren, baos?” frege de man?

„Mei alle plesier,” sei baes, en de poep waerd oan-spand op 'e skearstoel.

„Dat skearmês,” sei baes, „ûnder 't însjipjen, dêr dy hoeke mei fen jou kin ôf snien is, het greater wêst as mines, Dûtskman.”

„Das glaub' ich,” sei de poep, „aber da hat ein Turco mir gesabelt, ond ein andrer kerl hat nachbeer mir

drein geschossen in 1870, in den Kriege; ich bin ein Lanwehrman. Verstehn sie mir?'

„Ja best," sei baes, „ûs heit hie ek hast sa 'n tongslach. Den binne jou ien fen Keiser Wilhelm sîn greate helden, forhelje mar fierder!"

De poep forfolge:

Der herr haubtman sagte gegen mir, ich soll aus den streit gehn, aber ich sagte: nein, herr haubtman, ich hab den kerl g'sehn der 's gethan hat, der Teufel hol' ihn, wenn ich ihn krieg.

„Sica sa! to mar!" sei baes skearder.

„So bin ich oet den geled'ren gelaupen und habe ein turco fast gepakt ond habe ihn mit geslepft nach den hern haubtman, ond da habe ich gesaget: Herr haubtman, da habst doe ein Turco — da!"

„Nou ik bewûnderje jou, man," sei baes; „woll' jy to nacht by uses bliuwe?"

Dank oe, baos, thank oe! ich komme von dem bauer her ond hab auch gewarkt an den haven da zu Harling, ond geh noe nach den spoorweg von Irhove, so bin ich neher an das vaterland."

„Ja," sei baes, „dat vaterland, dat vaterland, hê?"

„Kann ich das spoor haben, zu neun ûhr?"

„Dat ken je best krye," sei baes."

„Ond wollen mir auch, mal sagen, wo der backer wonet."

„Mei alle plesier," sei baes, „kom mar mei."

„Ond ist auch speck hier zu kauf?"

„Ek wol," sei baes, „jy matte mar sidze hwet je op it hert leit, hwent it scoe my net forfele as scoe 'k de hele nacht nei jou harkje."

„Das ist gar sjeun von oe; noch mûs ich bûter ond brot haben."

„Dat 's neat,” sei baes, „dat is in dy selde winkel, ik kin 't jou hjir wol wîse. Sjoch, dêr dy faem foar de doar stiet wennet de bakker en de winkel is der nêst.”

„Oh, das hüpsche maidchen da, dank oe baos! Lebe glücklich, gûten abend!”

„To dinder!” sei Lumme „dy âlde poep het ek yet frouljusflesk oan him, oars scoed er net sein ha: dat hüpsche maidchen?”

„Ja,” sei baes, „dy net in Fries is hjit hjir altiid mar skimpjende wei in poep, mar sa 'n man as disse, dy sîn faderlân fordigene en in stik fen 't kin forlern het, dêr mat min earbied for ha.”

„'t Kin wol wêse,” sei Lumme, „mar ik ha mear earbied foar mîn wiif; dy is wol helte breder fen kin wirden, en dat mei 'k ljeawer lye as sa smel om 'e kiuwen. Mar nei 't jinge dat de man opslaen woe in sîn spîskeamer op 'e rêch, liket er oars goed soun to wêsen. Ljeawe sauntsien en gjin ein! der komt de skoenmaker ek oan! nou komt it folk by de liuwe; mar dy het de kop op 'e side”

„Nou”, sei baes skearder, „den het er fêst wer rîmstikken profetearre, dy sit ommers altiid fol fen profesy.”

„Goe joun?” sei de skoenmakker.

„Ha jimme hjir in poep hawn? — ik seach poepeleasten in 't paed hjir hinne en hjirwei; dy haw we altiid spiker-koppen ûnder de skoen.”

„Ja,” sei baes skearder! „stil! ik hjer him fen fjirren sjongen.

Wer sagt mir an wo Weinsberg liegt?

Das ist die stad mit ehre,

Wo Weibertugend ond Weiberlist

Die Freinde konten wehren, ensf.

„Nou, in mirakel is 't! in mirakel,” sei baes, „ho 't dy minsken sjonge kinne!”

„Soa, binne jy ek in ljeafhahber fen musîk” sei baes skoenmakker, „ik ek, ik hâld fen dichtkinde, musîk en alle kinsten en wittenskippen.”

„Hâld jy ek wol fen jou wiif?” frege Lumme.

„Pas dou mar op dîn eigen wiif,” sei de skoenmakker.

„Dat jouw 'k oer” sei Lumme, „hja het nou de hichte to minsten de breedte, dat freamde fûgels der net op in fleane, mar to 'n earsten do 'k hjar hie, do hie ik it net op freamde snûshoannen. Do wier se ek sa gau as wetter, mar nou ûntrint se my net mear.”

„Ik forwachtsje,” sei Simen, „baes skoenmakker seil wol in moai gedicht in 'e holle ha. Wy ha by 't oanlidzen fen 't spoar sa 'n moai ding fen him hjerd.”

„Ja,” sei Lumme, „dat hjitte Alva, 'k miende oars dat dat sa 'n minskefretter wier.”

„Né, né! It hjitte: „Aldra,” is 't net wier baes skoenmakker?”

„Krekt,” sei baes. „Ik hie oars in ding ûnder hannen, om it nut fen de spoarwei ûtkomme to litten, binammen foar ûs dorp, mar ik hab in neidelige infloed der in krige throch it ûtpakken fen in keardel by Wopke kast'lein dy him konkurent neamt. Dy kundicht in greate plakaten oan, dat er alderhande earsen en skoen foar in thrêdde minder forkeapet as ik foar bisteld gûd ha mat.”

„Gemoedsbiwegingen in in dichtstik meitse 't wol ris moai,” sei Simen, „ik scoe 't wol graech ris hjerre wolle.”

„As 't lang is,” sei baes skearder, „den wol 'k it net hjerre; ik kin 't net bêst oan 'e kop ûtstean.”

„Ik wol,” sei Lumme, „ik wird er altiden slûch fen.”

„Dy tel ik net,” sei de skoenmakker.

„Né,” sei Simen, „helje mar op baes! Ho hjit it ding?”

„It het ta 'n titel „Als nu,” sei baes.

„Als nu het oog aanschouwt het wonder onzer dagen,
Die treinen, lang en vol, die op den spoorweg jagen;
Alsnu het oor verneemt dat sissen en dat stenen,
Men 't dorpjen vergelijkt bij 't dorpjen van voorhenen
En hoort het schel gefluit, 't is onbegrijpelijk, maar
Voor mij ook vetleeren manslaarsen voor 4 gulden 50
't paar!

Als nu met snelle vaart, nog sneller dan de rijken
Voorheen per as en paard, Jan rap per spoor gaat strijken,
En koppen vreemd en raar door 't spoorwegraampje turen
Als Moor of Indiaan of als de drommel gluren
Naar 't dorpje hier aan 't spoor, 't is onbegrijpelijk maar
Voor mij ook vetleeren mansschoenen, voor 3 gulden
slechts het paar!

Als nu een lange rei van bonte vreemdelingen
In Wopkes fraaijen tuin formeeren ronde kringen
Om tafeltjes geschaard, stoffeerd als schilderijen,
Men ons het dorpje aan 't spoor als woonplaats gaat
benijen,
Zoo welgelegen, schoon, 't is onbegrijpelijk, maar
Voor mij ook glad leeren vrouwenlaarsjes voor / 2.50
slechts het paar!

Als nu geen diligence 't Wilhelmus meer laat hooren,
Maar 't schrille stoomgefluit u door het hoofd gaat boren,
Als lach voor karrepaard, en voor des schippers zeilen,
Mijnheer de concurent rondvliegende gaat feilen,
Schier allerhande waar, 't is onbegrijpelijk, maar
Voor mij ook welgehakte vrouwenmullen voor slechts
/ 1,20 't paar!

En, toch, al brengt het spoor niet allen ruimen zegen,

De levensad'ren zijn nu langer deze wegen ;
 Moge ook het stoomgefluit niets zijn als aaklig huilen ,
 Wij zouden met voorheen niet gaarne willen ruilen ;
 Als nu geen concurrent, hier henen spoorde maar
 Hij geeft mansmuilen tot mijn schade en verwondering
 voor slechts / 1,50 't paar !

Ik heb gezegd Pier Elzikus."

„Knap sein !” sei Simen. „'t Makket fry hwet onder-
 skie as immen sîn eigen warden brûkt, of in oar efternei
 praet. Jy geane foarût ! dat kin min skoan wite. In
 bulte sidze mei 'n bitsje warden, dêr mat min yen mar
 op ûtlidze.

'k Ha je wol begrepen. Erekt it spoar mannich ien
 sîn kostwinning, in oar geslacht het der minder lêst fen.

Binne der nou to folle jeneverforkeapers, pakkedragers
 of marsierinders en boerearbeiders en sjouwerlju, wol nou !
 den mat sok soarte fen folk net mear oanset wirde ! Den
 mat it der mar op taleid wirde dat er nou telegrafisten,
 machinisten, smidden, rîdtûchmakers, wetterboukindigen
 en al sokke bidriuwen foar in plak komme, hwent ho folle
 libje der ek al net fen de spoorwegen en hwet der by
 to pas komt.

Us foarâlders en âlders hadde sêdiken makke, kanalen
 grawen, de Spanjaerden weiband, Fransken en Engelschen
 fen 't hiem jage en oukeard ; — wy meitse kinst- en spoor-
 wegen, „werken des vredes,” dat is ommers it moaiste
 fen allegearre.

Foar in stûr of hwet komme wy wit ho fier, maklik
 en smout.

Gelearde ljuwe ha hjar holle, rike ljuwe hjar jild, de
 regearring de moeite der foar oer, tallease arbeiders in
 alle fakken hast ha der wirk throch, wy meye as 't net

slimmer wirdt wol dûbeld en dwars tofreden wêse. Wy hoopje to minsten hertlik dat de lîn Snits—Bolswerd—Lemmer—Holwerd—Birgum—Drachten en bybehjerrrende pleatsen en sa gau as 't kin

Het gansche land

Omringd door d' ijzeren spoorwegband

Komt tot stand!

„Hwet thinkt jou, baes skearder?“

„Ik doch er it harkjen ta,“ sei baes.

„En ho seit boer Lumme.“

„Easterwâlde!“ roâp Lumme sa lûd as er koe.

„Hwet nou?“ sei Simen.

„Och,“ sei Lumme, „ik miende dat ik dy loftbonge wer seach; dat ding komt nachts altiid wer by my.“

„Ik hjer it al,“ sei Simen, „wy matte nei hûs, it wirdt bédgeanderstiid.“

„Kom boer en ûs poëet-skoenmakker! Wol to rêsten, baes skearder!“

„Ek sa!“ sei baes.



De Friske Polderjonge.

Kom sjongster! sjong ris op! Fen djippe — djippe dingen
Wier ik mîn liere kwit; Dou langst him my wer oer!
Ik wol in djippe thins it djipste boppe bringe;
It djippe fen 'e wrâld — dat jowt mîn rîmkreft fjûr.

Dy in 'e hichte wol — Goe' reis! Ik lit him stige!
Ik net — ik gean omleech, dy 't sjen wol, wit ik fêst,
Scil foar mîn held — jawol! de holle frjeunlik nige
En litt' him fierder noch mei wille en mei rêst.

Ja, saun foet in 'e groun, en den noch sims wol thrye,
Dêr stiet mîn stoere helt, alhiel in 't ingelsk lear,
Mei learsen, skep en lep, mat 'k him in 't harnas krye
Mei hier en bird en pet — den ha 'k mîn ridder klear.

Der stiet er — tsjok en breed — 't kanon oan d'iene side
Mei kanonniers er by — dy wachtsje op bifel
Strak litt' se fochtich krûd, der út 'e skeppe glide
En 't sakket in 't kanon (de kroade mien ik) del.

It fieldstik — siuch, it komt! de harrikaden bibbr'je
De putbaes, de kornel, dy winkt . . . en dêr is 't fjûr!!
Klets!! Alles swart fen krûd! Dy him net wol bislibbr'je
Kom nimmer ûnder skoat, hwent oars den giet 't er oer.

Ja, sejit mar, dapper folts! — sioch! dy dêr tiraléra,
 Hwet lade en sejitt' se rêd hiar buksen in it roun,
 Nin wetter sân of liem — neat kin de helten keare
 Hia sejitt' mei ien en oar, dat 't dawert oer de groun.

Ja, sejit foar wiif en bern, foar hird en plakjes heide,
 Foar fitskacht baitsjes en foar roâk en skelk en jak,
 Foar 't bichjen op 'e stâl, en skiepkes in 'e weide —;
 Licht komt throch 't slattersfjûr noch alles op sân plak.

Earbiedich stiet it folts (de Boargers) op 'e wallen,
 De Boargemaster sels — bûcht linich op 'e wâl,
 Elts heart forbûke en stil de heldeskoaten fallen
 En wikt foar wissichheid in eigen hûs en stâl.

De wolfeart fen ûs lân is in mîn heldens hannen;
 De wei for wolfeart en bidriuw, hja meitsje 'm klear;
 De beakens fen de baen dy sett' hja in 'e lannen...
 De spoarwei skepp' hja skielik mei hiar wapens gear.

Mar hark!... dêr slacht de klok — hja smite 't ark der
hinne;

De mage seit er ien, sit oan de ribben fêst!
 Nou, 't sprekward seit it ek dat slatters iters binne,
 En niget is it net, dat elts in 't skoft hwet lêst.

In Moriaen dy kin sân fel net witer blikke,
 In slatter, swart as roet, dy wit dêr middel op,
 Dy kin dy swiere kinst oan 't slatterslichem skikke
 En spielt de kleur der ôf mei liemich wettersop.

En ja, mîn stoere helt kin fjuchtsje ite en flokke;
 Omtrent ek like goed as mannich freamde poep

Kin hy it spek en brea sa linich binnenslökke,
 Dat 't swiere swarrespek meast glêd nei binnen sloep.

Ja, hânbrê stikken brea en spek en griene earten
 En beanen ûnder 't smoar, dat is sîn swiete kost ;
 Ik ljeau as hearen sims dat in hiar mage meaten
 Dy rekken sûnder help er net wer fen forlost.

Mar wol min den mîn helt net in it iten folgje,
 It drinken fen de man dat is sa swier hast net,
 Hwent sûkereyewetter kin er bulten swolgje,
 En dat het in 'e maech net jamk in damme set.

En Jouke-bier, jawol, dat plichte er swiet to drinken
 En joech mei klompen op de fier den wol musik,
 En hie, as d' Ingelskman mei boksen, ek soms flinken
 En gâlde en bâlde en song en sprong soms rare brîk.

Hwet koed er in sîn fleur den danich merke hâlde !
 Nen ien dy greater wird op striette hie as hy,
 Hy joech om nimmen neat, om jongen net noch âlde
 Elts hokke om him gear, adstinten faek er by.

Mîn putbaes korrenel dy briek do sims wol glêsen
 Sloech stoellen kirt en klien en tape oer de fier
 De swiete barndewin, — en just om sa to wêsen
 Dat makket d' âlde dei licht ienkear him noch swier.

Woe mannich in sîn fleur foar d' âlde dei hwet sparje.
 En smiet it jild net wei sa as nou mannich docht,
 Hy koe sîn libben throch den wille dêr foar garje
 En hie in pleats fen krûs, op d' âlde dei den nocht.

In pleats fen bidd'le brea in eigen aerdich klintsje,
 In pleats fen roppich goûd in himmel pakjen klean
 In pleats fen 'n smoarge steech in kampke of in fintsje,
 In pleats fen ûnder thwang — koe'r fry dêr hinne gean.

To let sjocht mannich in — ho swier de cinten weage,
 Hwet kwea hy sels him docht, dy 't jild onnut forbruit
 En sa sîn eigen lok út heel it libben reage,
 Dy thoarnen op sîn paed in pleats fen roasen struit.

Kom, slatters, hâld mar moed, sejit mar mei modder-wetter,
 Wês krigel, fuchtsje foel, — licht dat it noch wol
lokt ;

Throch warber wrotten wirdt it libben meastal better
 As net in wide kiel de oerwinst wer forslokt.

It sûpen rekket faek wol ienkear út 'e moade
 En levert Skiedam brea in pleats fen rinnend fjûr ;
 Den kryt it wirkber folts, de helten foar de kroade,
 Licht flesk en spek en fet — goekeap in plaets fen djûr.

Ja, slatter, sa mat 't gean ! De helt fen weake drabse
 Het meastal wiif en bern, moai stevich fen bistek,
 Moai stevich ek fen mage, en, ljeau mar, dêr throch habb'se
 By winterdei sims faek oan 't ien en oar wol brek.

De man fen stikken brea, fen spek en griene earten,
 Fen beanen onder 't smoar, is dy soms âld en krom
 En ken er neat mear dwaen oan 't slatten in 'e fearten,
 Den komt 't bidroefde krap der by him thûs sims om.

Sîn wirk is swierdernoach, mar 't lean om fen to sparjen
 Dat is by mannich ien, leau 'k, throchstrings net to swier ;

En fen in lichte pong den ek noch oer to garjen
Foar d' âlde dei, dat wirdt meastal net folle, n't wier?

Mar 't skoft dat rint to'n ein! — Rûf! pankoek brea of
bolle,

Rûf! strôtteknep en strou, mei fet of loll'manstip,
It is dêr rûch en rêd in slattersmagen rôlle;
It mat mar hastich gean, de klok slacht op 'e hip.

Tobaksdoas, tonderpôt wirdt út 'e bûse helle
En stiel en fjûrstien jout oan âlde foddien fjûr;
Nou throch 'noar elk noch lûd en laitsjend hwet fortelle:
Dêr slacht de klok, hawar! Begjinne! 't skoft is oer.

De wapens in 'e hân, kanonnen wer forsette
En barrikaden ek forbett'rje hjir en dêr
Sa wirdt it krêchsbedriuw op ny nou wer forfette;
De putbaes kommandeart — en 't modderkrûd spat wer.

't Spat wer ta oan de joun om learsen nei de hoksen,
Oan boarst en troanj'en hals, en ek in hier en bird,
Oan rêch en skouderblêd, en onder oan de boksen.
Dat sejit en slat mar wei, hast altd like hird.

Mar hark! dêr let de klok! 'k ljeau fêst dat is nou holdert.
De artlery dy swyt. It wirdt nou wapenrêst;
De festing noch bisiûn en alles in 'e poldert,
En ite — en wirrich krûpt mîn polderjonge in 't nêst.

Wier ik fen elts sîn sliep in swietens nou ris skatter,
Hwa fen de minsken scoe de swietste sliep wol ha?

De Kening fen ûs lân? — of faek mîn wirge slatten?
Ik sei de slatter, ljeau 'k, de seafste rêst wol ta.

Hab ik mei rimen jimme in glimke in 't wêsen jage,
Den ha 'k mîn winsk folbrocht, — mar né alheel noch net;
Foar slatters âld en stram woe 'k wol dat jimme it hage,
Dat elk dy 't barre mei in gawe der foar het.



Jetske.

De keine Jetske, fol fen fjûr
Forgeat hjar fammeplicht sa mâl
En 't freeslik onk dat kaem hjar oer
Hja kreamme in jonkjen in 'e stâl.
„Rêd, rêd my, sister! help en ried!
Hoed ûs foar hân mei ried en died;
Forbergje my — dit hert — mîn jong....”
„Né!” sei de sister, „né” en gong.

De keine Jetske blea en maf,
De boppeklean en 't hier mar losk,
Roun 't tsjuster paed mei 'n suteldraf,
Nei d' iserraendery in 't bosk :
„Broer, kear mîn skânde — 't kin sa skoan ; —
„Forskûlje, broer! my mei mîn soan :
„De himel leant dy boppe in oar”....
„Sleep!” roâp de broer, „foart, bûtendoar!”

De heit dy kaem fen 't nachtmîel thûs,
Godfruchtich mei in stichte sin ;
Hja falt him nou to foet mei 't krûs
En bidt dat 't hert him brekke kin :
„'t Is wier, ik hab it grou bidoarn,
Doch nim my as jins tsjinstfaem oan...”

„Né slotske! wês biskimpt — bipraet!
 „Foart!“ — Fen hiar heit op striette staet!

Do foel se oerstjelpe fen hjar smert,
 Hjar mem yet kritende to foet:
 „Och, iep'nje 't skildich bern it hert;
 „Forjow my, hwet ik bitter boet.“ —
 „Sioch, bern,“ spriek mem, „tonei dochs ta!
 'k Forjow dy 't quea — doch God dy 't sa! —
 „Dou kenst net heal dîn memme hert:
 „Kom hjir, mîn laem, forjit dîn smert.“
Oerset.

— 1876 —

De Heidehutte.

PETEAR FEN IN STEDSSKOALLEMASTER MEI
SÏN TÛNARBEIDER.

DOUWE.

Nou, Master, ha 'k jou tûntsje hakke.

MASTER.

En thige bêst nei 't sin my makke ;

Ik hab it nêskes krekt bisjûn.

M'n wiif is efkes út, — wy kinne,

Nou 't wy hjir mei ûs beiden binne,

Ris aerdich prate disse joun.

DOUWE.

Ei ja, it kin al wonder rinne,

Hwent jou en ik, wy beide binne

Oars út de selde oarde wei ;

Jou, boeresoan, binn' hearskip wirden,

En ik, de man fen heide en sjudden,

Bin d'âlde wrotter dei by dei.

MASTER.

Sa is 't. It lok dat het my tsjinne,

'k Hie koart mar ïn de stêd hjir wenne

Of 'k troude in tsjep en rîk jong wiif ;

Den bin 'k hjir master as jy witte,

En dos wol 'k my net lye litte

Mar nim fen ien en oar geriif.

DOUWE.

Dat thinkt my ek — ik bin forbûke,
Ik mat forheard de eagen lûke,

Sa prachtich is 't hjir om en om ;
Ik kin 't my siker net bigripe,
Ik mat mîn eagen thicht soms kaipe,

Sa blinkt it rounom hwer ik kom !
Hwet hinget dêr in moaye skûdel!
Is dat in klok ef sa 'n pandûdel ?

Dat fromin's is dat ûs keningin ?
Hiar man dêr boppe 't kaminetsje ?
't Is freamd en brîk, ik kin 't net fetsje !

't Is krekt as 'k sels bitoaw're bin.
Hwet moaye blommen op 'e mûrre !
En den de flier mei thekkens floerre !

En blau porslein op 't skoarstiensboerd !
'k Leau dat mîn tonge in 't kielsgat rekke,
Moast ik de freamde warden sprekke

Sa 't wêse mast en hearre scoed.

MASTER.

Jou kinn' 't al stomme mâl bithinke !
Dy keningin, ju, dat is Hinke,

Min wiif ; — der nêst hingj' ik, hiar man.

DOUWE.

Dy mei dat great bosk hier en knewel ?
Binn' jou sa 'n biustre freamde skewel ?

Ik ha hjir nearne hichte fen.
Min kin al nuw're mâl forwaye,
En ek in rare pûrem swaye ;
Ho ha jy sokke fratsen leard ?
Jou pake sloech in oare slinter ;
Dy wier ek master by de winter,

Mar dead-ienfaldich — master Geart.
 Hy wier in dregen âlde master,
 Hy hie in houten hanneplaster,
 Dy brûkte er as er nidich wier;
 Us heit het my wol faek forhelle,
 As master dêr mei ûtbitelle,
 Den gûlden bern in ûre fier.

MASTER.

Dos fiel jy wol, men mat as ikke
 Yen nei d' omstândichheden skikke
 Fen tiid en wise dêr m' in is.
 Hwent hwa dy dingen mei bikoare,
 My thinkt 't is ginstich nou foroare
 Mei 't onderwis of ik bin mis.
 In libbenswîs in klear en wenten,
 Al kostet alles rîklik cinten,
 Hwet is 't nou better dochts as do!
 Ik think dat mannich arbeidsminske,
 Dy nou in wente het nei winske,
 Mei dy tiid net graech ruilje woe.
 Jou hadde nou in wente Douwe,
 Sa as se rounom nou gûds bouwe,
 Doelmatich foar in arbeidsman.
 Alear siet do in earne bodder
 Hast oan 'e hals ta in 'e modder
 Der grîs'je, think ik, sels nou fan.
 Jou en jins wiif jimm libben beide
 Foar jierren ek yet op 'e heide, —
 O né, mei 't earste wiif — mei Sjurt;
 Mar dochts jou sels, jou hadde er wenne;
 Sa scoe'n jy nou net bêst wer kenne,
 Nou 't rounom sa forlett're wirdt.

DOUWE.

Nou, Master, ha jy 'n snare rekke,
 Dêr kin my yet it hert fen brekke,
 Mîn earste wiif mîn dierbre Sjurt.
 Min mei de wrâld foroarje litte,
 Hiar namme seil ik net forjitte,
 'k Skriem yet as oer hjar spritsen wirdt.
 In eigen went, dy ûs sa hage,
 Al wier'n de mûrren plagge op plagge,
 Al wier 't fen boppe 'n strieën thek,
 Al wier 't in molsheap op 'e heide,
 Mîn Sjurt en ik, wy alle beide,
 Dy libben lokkich, sonder brek.
 In plakjen tûn mei 'n dîkjen walle,
 In 't efterhûs in skiepke stalle,
 En den in koeske ek dêr nêst ;
 Den goudsjeblommen foar de glêsen,
 Den foar it finster Sjurt hier wêsen,
 Dat het mîn sillichst libben wêst.
 O, onforjitber eabel fanke !
 Hwet hab ik thûsen kearen thanke
 Foar 't lot, dat ûs der barre mocht.
 Alhiel hast wei in grien en blommen,
 Sa seach ik by 't nei hûs ta kommen
 Dêr jouns mîn hutte fol fen nocht ;
 En moarns den kamen faek ûs hinnen
 Mei ljeawe pîkjes pîpjend binnen,
 Kenîntsjes hipten oer de fier,
 It koeske gnoarre, it skiepke blêtte,
 Wilst Sjurtsje 't ombît klear ûs sette ;
 In himel wier it siker wier !
 It is foarby. Dêr jinsen rêste

Mîn wiif mei 't bern, dy beide bêste,
 Dêr fier — dy swarte heide oer.
 Dêr binn' se mei wît sân biditsen ;
 De heide swart — faar roukleed stritsen,
 Dêr by de tsjerke sonder toer.

MASTER.

Dat wier de earste ljeafde, Douwe !
 De wenst er by. Dat mat jou rouwe ;
 Dy rouwe past in kristlik man
 Wy matt' sims as it kin forjitte,
 En âlde wounen heelje litte,
 Oars fin' wy dêr de ein net fen.
 En freamd — ja, bjustre freamd kin 't rinne,
 In man, sa lîk as jou ien binne,
 Trout letter dochs in greatljus faem ;
 In man sa djip út heide en wâlden,
 Net jong mear, mar de troanje in falden :
 In wonder dat dit foar 'noar kaem !

DOUWE.

Dat wonder, master, wirdt forklearre
 Heel dûdlik, as jy my oanhearre :
 Mînhear ontfanger, sonder frou,
 Dêr wenne Trui allikme allinne
 Ik tûnte dêr — en dos wy binne
 In kinde rekke, ridlik gau.
 Ik rekke mei dy faem oan 't fryen
 En ringen kaem it âlde lyen :
 't Wier krekt as 'k in 'e maling wier ;
 Trui „had hur nocht so skoan fan dienen”
 En sioch jy wol — klear wier 't in ienen.

MASTER.

'k Think, dat se jou to gochem wier.

DOUWE.

Dat ried jy, Master, — foart in ienen.

It wier my oars in 't earst gjin mienen,

Mar Truike hie my gau sa fier.

Ho min my oars in stêdsfaem noaske,

It is sa gien, wy binne boaske,

En Trui „had an 'e heide 'n mier,”

Hja sei: „ik laat my liever hange,

'k Hê altîd na de stad forlangen

Te wonen — as 't in bitsje ken.”

Ik hie gjin rêst, — ûs went moast springe,

Ik moast Trui in in stêdskou bringe,

En ploakje nou de frucht dêrfen.

MASTER.

Nou sioch, it minske is hjir berne

En het hjir in hiar jonkheid wenne,

Bihoarlik lêsen, skriuwen leard

En oare frouliusnuflyen;

Se thocht hjir mear fortsjinst to kryen

En dêroan die se net forkeard.

Hja kin moai skoan hjar hannen reppe,

Jou ek — dos as jimm' mei 'noar skreppe,

Den hawwe jimme 't better nou.

Jou leare gau de stêdske slinter,

En, sioch, sa midden in 'e winter

Is 't better hjir as bûten ou.

Jimm' wente kinn' jimm' skoan in wêse;

Jou wifke kin moai skiklik lêse,

En waskje en plaskje en strike en dwaen;

Sa kin it libben, dat jimm' liede,

Jimm' beide nocht en wille biede

En ek in goed bistan wol jaen.

Ho folle keamers binn' der, Douwe? —

DOUWE.

Dêr in dy minskefûgelkouwe?

Der binne sekstsien mei elkoar.

By nacht den mat 'k de doarren telle
Hwent, och, dat stêdsfolk kin sa skelle!

It is in finsnis — doar by doar.

Kortlân do sei mîn wifke: Douwe!

Toon nou ris dat je fan mij houe,

En doen in boodschap vlug en gau;

Loop as je blijft na van der Schering

En haal in nije pekelhering,

Ik ben fan daag zoo schriklik flau.

Ik gean in ienen op 'e trippel

Ik kom werom — ik hear gehippel

Sa by en om us doar omtrint.

Ja wol, der kaem it lyen ommers!

Ik stuitsje tsiin in stewich frommes,

Dat bry hjar by de klean del rint.

Mîn hearring kaem by hjar to lânne

Mids in de rîsenbrye panne

„Wat suiplap sei se doe je nou? —

„Hier dronken op de straat te loopen

„Om pekelheringen to koopen,

„Zeg, lompe ezel, ben je flau?“ —

Mis, moeke, sei 'k dat wier mîn Truïke.

En geande wei bisakke 't buïke;

Ik krige wer in oare doar.

En, siuch, in moaye frouliusholle

Dy scoe my, leau 'k, wol patsje wolle,

Ik hâlde hjar de hearring foar. —

„Foei laffert, sei se, pak je biesen !”
 Do waerd ik dochs ris slop fen gnîsen !
 Us bûrfaem mat in fryer ha ;
 Dat wol de âlders net riucht lye,
 Nou scoen' se 't sa by tsjuster krye,
 Ik kaem fen onpas dêr op ta.
 Mîn wiif roâp : „Zeg waar blijft je, Douwe !”
 Hjir, sei ik, krûp mar in 'e kouwe,
 In dy kanarjeflechtery.
 Dêr hest in sâlte pikelherring
 Mei rîsenbry, as kreamfrou learling,
 En 'n flauwe leffe man der by.

MASTER.

Ja, siuch je, dat binn' fen dy dingen
 Om hast oan 't laitsjen yen to bringen
 Howol 't fen sels mar selden bart.
 Mar rin by nacht ris op 'e heide,
 Ho 't dêr is witt' wy allebeide,
 De paden djip, de heide swart.
 Ik bin der oerkomd thige tsjuster
 By nacht mei onwaer — o, 't is bjuster !
 Fen ând'ren en fen boppen swart.
 Den skoppe tsjin in knibbelshichte
 Den klets ! in 't wetter in de lichte :
 Ik, Douwe, hâld it hjir foar kar.
 Forlitten fielt men dêr yen selme,
 Throch lîtse liochtsjes hast bidwelme,
 Rounom yen alles, alles swart ;
 De wîn mei rein raest om jou hinne,
 Jy witte sels net hwer 't jy binne,
 't Forstân, jou sinnen sejjitt' to koart. —
 Jy wrame foart, de knibbels knikke,

En einlings — einlings — fiel j' in hikke
 En sjugg' sahwet in heidehut.
 It hontsjje blaft, de doar giet iepen,
 De bern lidze om 'e hird to sliepen,
 Jy binn' sahwet foar 't waer biskut.
 Ik sids jou, dat it my hwet skeelde,
 Dat aeklik swart — by ljoecht en weelde
 Sa by en om ûs in 'e stêd.
 Hjir oan 'e side fen mîn Hinke
 Mei ik net om 'e heide thinke,
 Ik wird it libben hjir net sêd.
 Dy moaye winkels moaye hûsen,
 Dy stêd fen Ljouwert, ien út thûsen,
 Dêr is it dat it my foldocht!
 Dêr slît ik noflike âren jimmer,
 Dêr hab ik wille by de simmer,
 Dêr hâld wy Winter-joune Nocht;
 Dêr leare en dogge ûs bern sa thige,
 Dêr ha 'k in aerdich postje krige;
 Dêr stiet de Aldehouster toer,
 Der stiet dy moaye kanslerye.
 Kom, Douwe, 'k seil de fesse krye;
 It Liouwter libben mei ik oer.

DOUWE.

Nou, Master, kom! Hwet ha je? — bitter?

MASTER.

Dy deale né! — dy fesse sit er
 Goed efter 't slot. -- Ik ha hwet wîn.

DOUWE.

Nou, ek al goed! jiet den mar in.
 Jy practten oer de kanslerye,
 Dat dy sa moai wier; — ik mei 't lye.

Der hab ik thritich dagen wêst;
 Ik krige wirden op 'e marke,
 Ik focht mei Olferts greate Harke
 En knoeide 'm hwet op 't alderlest.
 Do waerd it oanbrocht, ik moast bliede;
 Mar 'k sids: gjin better plak op ierde
 As in dy selde kanslery.
 Sa'n libben mocht my nea oars barre,
 Ik thocht 'k seil wer ris ien ousmarre,
 Sa goed bifoel dat libben my.
 Jy ha der niis in wirtsje opp're,
 Dêr het mîn wiif ek wol oer mopp're,
 - Dat learen sa'n fortuten docht.
 As wy dêr lang en breed oer prate,
 Dat kin my net in bit mear bate
 En Trui het fierst to folle liocht.
 Hja lêst mei staesje út 'e boeken,
 Dat froulju passe manljusbroeken
 En manljusposten like wol.
 Den sids ik, ja, ik seach foar jierren
 Wol froulj' op bokweetstellefieren;
 Dy hâlden dat tsjin keardels fol.
 Ek oaren seagen hwet to winnen
 Mei wollekardsjen en mei spinnen,
 In hele winter, joun op joun.
 Sok ding wol Trui mar net bikenne,
 Dat tsjinstich foar de froulju binne,
 Dêr ha wy nea de ein fen foun.
 Hja praet oer dokterjen, aptheekjen,
 Oer telegraefjen sels en preekjen
 En ek wol oer Notarisklirk;
 Der praet se oer mei in hele staesje.

MASTER.

Oer Frouwen-emannecipatie.

DOUWE.

Hwet blyeft jou ?

MASTER.

Frouw'n-emancipatie.

DOUWE.

Ho sids je ? — frouljus manljuspaedtsje

Is manljuswirk den frouljuswirk ?

MASTER.

Dat is in saek dy litt' wy rêste,

Wy siikje foar ûs sels it bêste,

En as elk ien dat altiid die,

Scoe elk foar oar forbett're wirde.

Ik merk, dou kinst it net goed hirde

'k Wit wol hwet foar dy better wie'

Dou meist' net oer de stêdske dingen,

Wist ik dy op in plak to bringen,

Fen field en romte, tûn en bosk,

Der ljippen, ljurken, finken fleagen,

De goessen throch it loftrom teagen,

Dêr fry to libjen as in mosk,

Dat wier it libben dat dy hage.

As wier dîn went den plagge op plagge

As wier it field ek heidegroun,

Dêr scoeste as ûtlitten minske

Wol libje sa 't dîn hert' it winske

En sprongst ten blûdskip in it roun.

DOUWE.

Krekt Master!

MASTER.

My giet it oars ; hjir is sa folle

Dat my as bern siet in de holle,
 Dat 'k heare, sjen en witte woe.
 It ien en oare is my slagge;
 De stêd het my altiden hage,
 Omdat 'k dêr witnis fine koe.

DOUWE.

Krekt Master!

MASTER.

Hjir binn' concerten en komeedsje,
 Ik hear ho learde lju hjir reedsje,
 En kinst en witnis haget my.
 Mîn masterpost dy is hjir thige,
 Ik hab in wiif út thûsen krige
 Mei 'n aerdich heapke jild der by.

DOUWE.

Dat leste dat is net it minste.
 Is dat in skoallemasterskinste?
 Dat think ik, hwent mei my is 't mis.
 Trui het in hele bulte fratsen,
 Mar jild, och hearink! net in botsen;
 De wierheid is 't hwet ik jou sids.
 Hja is oars ek wol by de pinken,
 Mar het ek fen dy nuw're flinken
 Dat skûrt se út de boeken wei.
 Hja het in boek, dêr kin min lêse,
 Den mat se sels in sûchdier wêse,
 Hwet ding as ik bin ried ik nei.
 En den wer 't frouljus-manljuspaedtsje
 Dat kry' we op 't lest mei alle staesje,
 't Is as hja s' alle fiif net het.
 Mîn earste wiif dy praette oer spinnen,
 Oer hînsers, ky, oer hoannen, hinnen,

Oer frouljus-manljuspaedtsje net.

Ik spâlje meast mar Tuike, Tuike !

Mar, heare ! 'k ha sa 'n rare Truike !

Hwet brout se my in freamde kost !

It rôkt sims krekt as âlde k'lonje

Dat neamt se, leau ik, den bûljon, ju,

Wier 'k fen sok siepsop mar forlost !

As 'k my net stiif er tsjin forsette,

Den moast ik griene blêdden frette

Dat neamt se andîvje så-lâ-laed ;

Den sop fen griene kjellebonken,

Healgearre koal mei tsjokke stronken;

't Is freamd hwet ik in 't liif sôms laed !

Ik bin sa tier oars net in 't iten,

Mar hâld fen drege fette biten,

Fen spek en woarst en bargesmoar,

Fen grouwe en griene earte, beane ;

Dat 's kost dêr 't manlju fêst op steane ,

Dat helpt mear as dat goelegoar.

Hwet ha 'k in wonder pakjen krige

Dat knipt my hjir en dêr ek thige

It jaske is sa 'n swellestirt,

In festje mei in blês fen binnen,

Mîn broek is hast net in to rinnen,

Omdat 't sa stram in 't krûs my sit ;

De learsen nei de foet net makke ;

De iene foet in steltehakke,

De oare bin 'k al lang by del,

Mei 'n hoed op rin ik oer de striette,

En komt in kinde my to miette,

Den wird' wy throchstring beide kjel.

En Trui ken stiwe mûtsen meitsje,

Dy hinne of nei de nekke n't reitsje,
 In skerldoek brûkt se langer net,
 In jak krekt as in fâld'rich baitsje,
 De kîps dêr mat 'k it meast om laitsje,
 Dy liket in hanswoarstepet.

MASTER.

Mar Douwe, wol 'k jou ien ding sidze?
 Jy mat jou wiif sa leech net lidze,
 Dat is beneden it fatsoen.
 Jou wiif dy folget stêdsmenearen,
 En dat is goed, ho 't jou ek beare;
 't Is siker al to mâl to joun.
 Hark Douwe, út jou dwaen en litten
 Kom ik it ien en oar to witten,
 En net it minste út jo praet,
 As 't heidrobîntsje in in kouwe
 Sa binn' jy, leau ik siker, Douwe!
 Ik wit in middel dat jou baet.
 It heidepleatske fen mîn âlde,
 Dat koe ik in dy tiid net hâlde,
 Dat is forkoft mei al it lân.
 Mar witt' jy, ho ik nou al thochte?
 De heide dy ik letter kochte,
 Dat wier in kolfke foar jou hân.
 Dêr scill' we midden op 'e hichte
 In greate boerehusing stichte
 En meitsje bou- en weidefield,
 Mei sleatten, bosken en mei greften,
 Der brûk ik jou, jy hadde kreften
 Dêrta en ik ha dêrta jild.
 It plak hwersa dat scill' je kenne,
 Jy ha der tsien jier earder wenne,

Dêr libben jou do mei jou Sjurt.
 Dat plak dêr matte jy wer hinne,
 Den think ik dat jy lokkich binne,
 Hwent dêr stiet ek jou heidehut.
 Dêr meitsje wy fen swarte heide
 Mei wirk en kosten griene weide
 En fruchtber boulân in 't rounom.
 En as den alles bloeit en tieret,
 Us libben nei it ein ta slieret,
 Den winskje ik dat ik sels dêr kom.
 Ja Douwe! jou en ik togearre
 Wy wolle op dat plakje stjerre,
 Dêr wy togearre boarte ha.
 Gjin stân — gjin jild binimt de wille,
 Dy wy dêr ienkear smeitse scille;
 Wy matte nei de heide ta!
 De indrûk dy wy iens ontongen,
 Do wy fen honk de wrâld ingongen,
 Dy bliuwt, leau ik, in minske by,
 En wirdt min âlder, den sims thige,
 Het wer dy indrûk fiedsel krige,
 Forlangt min dat wer op in ny.

DOUWE.

Krekt Master, mar as 't siker wier is
 En wis en wrachtich ek sa fier is,
 Ho kry ik dêr mîn stêdske frou?
 Ik hab er al oer praktisearre:
 Wy binne mei 'noar iens togearre,
 Ik jouw se mar present oan jou.
 Jou wiif draecht fêst ik stive mûtsen,
 Of het wol dit en dat to pûtsen,
 Of oare fine flittnery.

As ik it wol ha, sjuch, den is er
 Fen my dêr yet in omkesidzer;
 Dy paste jinsen wol by my.

MASTER.

Dêr mat 'k my earst ris oer bithinke
 En oerlidze ek mei 't wiif, mei Hinke,
 Den wirdt jou Truïke secondant;
 Mar letter mat se ek dêr hinne,
 Omdat jimme troude minsken binne,
 As 't dêr in 'e es is — klear en kant.
 Den, sa by hoarten en by stuiten,
 Den neam' jy 't mar „een heerlijk buiten,”
 En jiet ly wetter hjar in 't ear.
 En hearlijk hûs mei flinke boaden,
 Wel, as jy hjar den efkes noaden,
 Den roun dat hele spil wol klear.
 Den komm' wy mei 'n oar, ik en Hinke,
 En scille 't nye spil bidrinke
 En doape 't hûs: De Heideblom.
 Sa scill' wy stiltsjes, as wy kenne,
 Dêr Trui en Hinke beide wenne,
 En op it lêst foar fêst: ik kom!
 Den scill' wy mei 'noar ûs dêr reppe,
 In eden skeppe, altdid skreppe
 Om elkoar wille en nocht to jaen.
 't Akkoart dat scill' wy heel wol fine,
 Nou, Douwe! wol jy jou forbine?

DOUWE.

Ja Master! mar ien foarstel dwaen,
 As ik dat spil in oarder meitsje
 En âld, krom en forfallen reitsje,
 Gat al mîn dwaen neat mear bitsjut,

Mat ik dat spil den wer forlitte ?
 Of woll' jy my den wenje litte
 Dêr ik sa lokkich wier mei Sjurt ?

MASTER.

Mîn hân dêr op!

DOUWE.

Nou scoe min krite,
 Den scil 'k mîn âlde dei dêr slite,
 Dêr 't iens mîn earste ljeafde wie',
 It plak beskûl in grien en blommen
 Dat wirdt mîn leste hinnekommen,
 Dêr Sjurtsje faek foar 't finster stie,
 Hwer ik sa fry wier as in protter,
 Ik, oars in earne heidewrotter,
 'k Ha dêr de folle fryheid kend ;
 As 't heidrobîntsje in 'e kouwe,
 Sa gîng it in 'e stêd mei Douwe ;
 Ik bin de folle fryheid wend.
 Ik thank jou master for jou jeften,
 Ik bin sa oandien, al mîn kreften
 Dy sitte in dit iene wird.
 In gjin forgildne slawernye
 Kin min dat lokkich libben krye
 De fryheid fen in heidehut.

MASTER.

Dat is sa, — reade Indianen
 Oanskouwe nou de spoarweibanen
 Mei leed en inerlik forthriet.
 Ik leau dat 't ek de heideljuwe,
 Dy wy út heidehutzen driuwe,
 It selde leed oan 'therte giet.
 Ik seach soms in mîn feintejierrren

Dy heidehutten ek fen fieren,
 Mar ek alheel wol thichte by;
 Ik kuire mei mîn heit dêr hinne,
 Dêr hwer se nou alheel net binne,
 En 't is soms hast as rout it my.
 Dy hutten mei dy ljeawe tunen,
 Dy twisken seadedîkjes lunen,
 It wier in pracht by simmerdei.
 Se binn' fordwoun foar jild en kennis,
 't Is wier, — mar 't is hast heilichskennis;
 It leste fry foar d' earmen wei!
 Dy plakjes tûn mei swit bidrippe,
 Dy frucht fen jierren, jierren skrippen,
 Gîng throch kultuer en jild forlern
 Foar d' earne minsken, mar foroaren
 In fielden, dy it each bikoare;
 Min kin der bûtenpleatsen sjen.
 Mar as in ein fen 't nêst ôf jage
 Flucht út sîn went fen heideplagge
 De heidbiwenner nei de stêd.
 Wy mei him fikse wenten bouwe,
 It bliuwt foar him in minskekouwe,
 Om 't hy der sa sîn fry net het.

DOUWE.

Krekt Master! krekt! in eigen hutte,
 Al mei de wearde neat bitsjutte,
 Giet boppe 't moaist en greatst kastiel;
 En in 't foarûtsicht mei 't my barre,
 Jou rêdde hwet mei Trui en hiarre,
 Op 't lest kry' w' elk sa'n lot ta diel.
 Het Trui mar earst hwet dîdldomdante,
 Sa sein j', n't wier? — —

MASTER.

Né! secondante.

DOUWE.

Nou my om 't effen, — dril se mar!
 Jou ha 't foar my sa thige makke,
 Ik bin fen blidskip in 'noar sakke,
 Jou rêdde 't licht ek wol mei hjar.
 Jou ha foar my de hier bitelle
 My út de fûgelkouwe helle
 Fen Trui ôf holpen, ljeawe grut!
 Dêrfoar het nou mîn kiel gjin klanken;
 Mar nou en letter — îwich thanke
 Foar fryheid in de heidehut.

MASTER.

Nou, Douwe, winskje ik wol to rêsten;
 Goên joun oan Trui, it alderbêste!

DOUWE.

Jou ek sa, Master! Goeden joun!



Nocht en wille.

JAN EN TSJEARD.

JAN.

In minske, dy 't net folle wit,
Mar wol hwet witte wol,
Dy leart, al sit er oars den ek
Hast mei foaroardiel fol.
Sa sei mîn bûrman Tsjeard lestdeis,
Hy het hwet letters iten
En snûrret my den reis op reis,
Mient alles hast to witten;
Mar blikje! komt er hjir ris wer,
Den scil 'k kastanjes briede
To gleaun dat hy se daye kin;
Dêr scil 'k my op biriede.
Wy binne beide hantwirksman,
En ek hast like rîk;
Dat hy nou wîser is as ik,
Dat liket mâlle brîk.
Hy kin hwet freamde wirden mear
En sit hwet mear to lêsen;
Mar dêrom hoeft er net waenwiis
Tsjin elk en ien to wêsen. —
Dêr is er wrachtich! — Kom, goen joun!
Dou trefst it as de dief

Dy 't gîsle wirde scoe, hwent ik
 Scoe krekt ek dy to liif.
 To sidzen, op dîn wîsheid los.
 Sids my ris : nocht en wille,
 Hwet ûnderskie is dêr dochs in ?
 Kinstou dat út 'noar fille ?

TSJEARD.

Dat binne sibbe wirden, maet ;
 Dy koen' hast mei 'noar trouwe.
 Dêrop koe 'n spraeksom man op 't Nut
 In redefiering bouwe.
 Hwent ha je nocht, it sprekt fen sels,
 Den folget ek de wille ;
 Hwent wille sûnder nocht, leau 'k, dat
 Wy net licht siikje scille.

JAN.

Nou biste foart al glêdwei mis,
 Der wirdt sa folle winske,
 En wille habbe, ljeawe man !
 Dat winsket eltse minske.
 En komt er den gjin nocht mei del,
 Den rêdde hja 't er sûnder.
 En wille smettsje, kearel, dat
 Is ommers ek gjin wûnder.
 Dou bist oars, miende ik, sa geleard,
 Dou mast my dat fortale ;
 Dou hest oars ommers ek studeard
 In sa 'n grammatikale.

TSJEARD.

Hwet slachste er nou wer dom nei ta,
 De regels fen in tael
 Dy mat men kenne goed en wol,

Den is 't grammatikael.
 For nocht en wille, goede man,
 Kinst dêr nin bît mei wirde;
 In 't wirdboek fen de Frîske tael
 Mat dat ûs ûtlein wirde.
 It komt er ek net krekt op oan,
 Plesier en nocht en wille,
 Dat binne thrye wirden, dy 't
 Net folle skele scille.

JAN.

Ik leau, dou sitst er al mei fêst,
 Ik jow 't yet net forlern.
 Ik wol dy beide wirden wol
 Ris tige goed bisjen.
 Stel, dat ik graech jenever mei,
 Den sûp ik mei plesier;
 Mar kom ik dronken by mîn wiif,
 Hwet wille ha 'k? Gjîn sier!
 Dêr scoest in botsen op forsjen,
 Ho 'n krib as dat den is.
 'k Bin oars sa mâl mei hjar, dat 'k soms
 Dêr 't sûpen om forsids.
 Mar de âlde Adam noeget my
 Den letter wer sa smûk,
 Dat ik in korte poas dêrnei
 Al wer to folle brûk.

TSJEARD.

Dat komt dat is forkeard plesier,
 Der is wol oare soarte,
 Mar dochs, ik fetsje dy, wy binn'
 Nou, leau 'k, al hast akkoarte.
 Dou wotte sidze: wiere nocht

Dêr mat de wille op folgje ;
 Min kin mei bulten sterke drank
 Dat net de kiel in swolgje.
 Nou , doch dat den hwet minder , Jan.
 Ik siikje nocht in boeken ;
 Mar drinkstou soms in slok , dou hoefst
 Sa 'n liifol net to brûken.
 Ik stel dou mochtst er nocht oan ha
 Dîn glêsen in to bruyen ,
 En mei de skerpe stikken glês
 Dîn hûsflier to bistruyen ,
 Den trappen wiif en bern dêrin ,
 En sels moast dêr op dûnsje ,
 Den bleauste , al hieste in lekk're rûs ,
 Net heel lang froalik Fransje !
 De deale , né ! de wille bleau
 Den stellieh wol binefter.
 Sa makket dos 't forkearde nocht
 Yen 't libben lang net sêfter.

JAN.

Ik leau , nou praetst my efternei ,
 Ik ha 't foar dy dikteare ,
 En mîn bidoeling wier , dou scoest
 My 't iene en 't oare leare.

TSJEARD.

Nou, wost in foech eksamen dwaen ,
 My goed ! Hwet is in letter ?

JAN.

Dat is in lange of korte krol.

TSJEARD.

Ei ju ! witst dat net better ?

It binne teikens, dêr 't wy mei
Utbildsje hwet wy thinke.

JAN.

Ik thocht al, dîn forklearing scoe
Wol hwet gelearder klinke.

TSJEARD.

Mar wist wol hwet in wird is, Jan ?

JAN.

In sniebâl of in stien, goe man,
Dêr 't we elkoar fiks mei reitsje.

Dat kinn' de hearen in 'e kroech
Den stomme moai soms meitsje.

As ik dêr nocht en wille brocht,
Hwet scoen' se dêroer tsiere!

En mei in sniebal of in stien
Elkoar om 'e earen giere.

Ja, warden skiftsje kinn' se dêr,
In lust is 't oan to hearen,

Hja witte dêr de warden ek
Roungear en krâm to tearen.

Mar bûten dat, in 't algemien,
Hwet wirdt er al net spritsen ?

En mannich wird, al die 't hwet sear,
Het folle quea ûtlitsen.

Sjuch, as je 'n losse sniebâl treft,
Der kinn' je wol om laitsje,

Jy skodsje den de snie mar út
Jou hier en fen jou baitsje;

Jou witte, 't giet mar út in grap,
En dêrom kinn' je 't stelle;

Wier 't om biledigjen to dwaen,
Den scoe 't jou ek wol knelle.

Sa is 't mei warden krekt allik ,
 Dy de echte soarte bakke ,
 Dy kinne dêr de hele wrâld
 Mei bite en ek forlakte.
 En as min warden net in skrift
 Brûkt mar ta praet allinne
 Den kin ien út de bûterhoek
 Der ek hwet mei bigjinne.
 Brek den ris ien de mûle los ,
 Dêr komt er in orasie,
 En bûnte wîfkes , thûsen hast ,
 Dy harkje er nei mei stasie.

TSJEARD.

Ja man , dat jouwt hjar wille en nocht ;
 Dat's krekt as mei de glêsen ,
 Dêr 'k niis fen sei, it is der net
 Plesierich by to wêsen.
 In skiklik minske fînt doch fêst
 In oarljues lêst gjin wille ;
 Doch binn' se er ek by thûsnen , dy
 Dêr langst nei hadde scille
 Dat 't mâl giet ; en ho mâlder den ,
 Ho moayer en ho better ,
 En mei 'n skînheilich, from gesicht
 Biklaget min dat letter.
 Dat immen deugdsom is en goed ,
 Mar inklen dy dat haget ,
 Min sjucht ho graech as mannichien ,
 Mei laster 't goed forjaget.
 Inwindich wille en nocht wirdt throch
 Gjine lastertongen rekke ,
 Mar immens wolfeart wol min soms,

As 't kin, wol graech forbrekke,
 Dat komt út breagebrek wol faek,
 Mar immens goede namme
 Skandalich to bikladsjen, dêr
 Wirdt faek út nocht op flamme.
 En wol dat beide net to goed,
 't Bistean en de car to brekken,
 Den fine lege sielen nocht
 In 't leffe gikoanstekken.
 Ja, nocht en wille het hast elk,
 Mar op forskate wîse;
 Mar sokke nocht en wille mat
 In skiklik minske oangrîse.

JAN.

Ei nou, dat wirdt al better, man!
 Der binn' sa 'n maetskippen,
 Dy witte licht it kweade nocht
 Wol út de wrâld to kryen.
 Mar nocht dat mat er wêse, Tsjeard,
 Al is 't ek dûnsjen, springen;
 Dy 't oars net ha, matt' dêrmei mar
 Hjar nocht sjen oan to bringen.
 Sa stie 't kortlîn hast in 'e krant
 In dokter, dy 't sa thochte,
 Do 't min de merkeouskaffery
 Sa 't hiet ter tafel brochte.
 Sjuch, de iene jaget, de oare rîdt,
 Wilst oaren wer ris farre,
 En in fatsoenlikens mei elk
 Wol nocht en wille barre.
 Ik ha ris mei 'n pleisiertrain wêst.
 Fen twa ta fjouwer rinne

In de iere moarn, mei 'n nochtren maech
 Nei stêd, — en dêr gîng 't hinne.
 Do sieten wy in ûre of saun
 Dêr stiiffêst nêst elkoaren
 En seagen elkoar op en del
 Fen eft'ren en fen foaren.
 Wy kamen der mar ienkear út.
 It wier in lange rige,
 Sadat ik do in foech idêe
 Fen înlânsk oproer krige.
 Mar wy forlearen net in man.
 Mar ien moast langer bliuwe,
 Dy moast do as in heal hânswoarst
 De wein wer binnen kljuwe.
 'k Hie foar my in komediant,
 En nêst him siet sîn makker.
 Hja fierden twamans-stikken út,
 Formakken sa hjar wakker.
 De loft wier buyich, hjir en dêr
 Blonk efkes soms de sinne.
 Hja roapen : „Baes fen 't spoar ! sa'n loft
 Matt' je ûs bisoargje kinne.
 Wy hadde ûs jild bitelle en dos
 Jy binn' 't moai waer ûs skildich.
 Mar mei dy praetsjes — 't wier mar koal !
 Wy waerden ongedildich.
 Lîkwol, wy hadde t' Arnhem wêst
 Acht ûren ; — reine en waye !
 Do 'k wer nei 't spoar gîng thoct ik : hwa
 Scoe der sîn hoed sa swaye ?
 Dat wier deselde toanielist ;
 Hy seach dat ik it wier ,

Do roap er : „Buurman ! vind je niet ?

Van daag in boel plesier !” —

Mar kremes ! 't wier yet lang net op ;

In ûre of acht wer spoare !

Komedianten koene do

Hjar sels net iens bikoare,

Mar de iene makke fen sîn faem

Hjar skouder mar in kjessen ;

Hwent ek hjar snobkoer wier al leech

En like leech hjar flessen.

Do like er wol in greate spin

In 't midden fen in webbe ,

En roap min „Steenwijk !” of hwet oars,

Sei hy : „Wat mut je hebbe ?”

Den waerd er wekker fen 't rumoer

En gîng komîk wer lidzen.

Mar op it lest do hie gjin ien

Hast mear in wird to sidzen.

Om middennacht wier'n we in 'e stêd.

„Slaapdrongen, half bezopen

Ben ik ; nou vrind, ik wens je nog

Pleisierich twee uur loopen.”

Sa gîng dy bisfeint by my wei.

Ik, throch de sliep ek drongen,

Moast rinne, mar ik koe hast net,

Sa hie 'k it in 'e skonken.

Sa'n reiske wirdt den op sa'n dei

Net djûr mei jild bitelle,

Mar dochs 't plesier wirdt mei de hûd

To swier, to fierou helle.

TSJEARD.

Bliid út ! bliid thûs ! sa giet it mear

Al is me ek fry fen rinnen ;
 Mar 't is foar sljuchtwei ljue dochts moai
 Sa'n reiske dwaen to kinnen.
 Ik hab sa mei nei Utert west
 En dêr de stêd bikipe ,
 Mei 't aldermoaiste waer. — Sjea dêr !
 Ik koe 't my net bigripe,
 Sa fier fen honk en dat sa gau !
 In hege toer, de Domme,
 Dy rinn' je thûsenkear in 't roun
 Foar dat jy boppe komme.
 De doar stie op en foart dêrby
 Frege ik in foege jonge :
 „Mei elk dêr op, forgees, of mat
 Min earst ek ta de ponge ?”
 Hy sei: „'t Is fry ; et valt je zuur
 Genoeg, dat tijdverdrijf,
 Je loopt, voor dat je bove komt
 Je darmen uit je lijf.”
 En siker ! efter my dêr roan
 In wiif fen de âlde Leye,
 Dy hime en pûste en switte sa !
 „Ik scoe jou wol bikleye,”
 Sei ik, „mar 'k ha gjin tiid dêr ta,
 Sa mat ik rinne en draye.” —
 „Wel heden !” sei dat wifke wer,
 „Ik mat sa gapje en blaye,
 En 'k rin dochts alle dagen fêst
 Nei Ljouwert mei in weintsje ;
 Dat falt my meastentiids net swier,
 En nou — sa'n — fotsen eintsje,
 Dy trep — op — heare — stom — noch ta !

Ho — is 't — doch sa — mîsrabel ?
 Dy toer — is folle — heger — fêst
 Ek — as — de — toer — fen — Babel."

Wy kamen einlings op 'e toer ;
 Der stiene twa to loeren
 Mei 'n îstrument, ik thochte sa,
 Dy likje net op boeren.

De jongste frege 'k : „As 't je bljeaft,
 Mînhear, ho hjit dy kiker ?” —

Hy seach do mâl sîn makker oan,
 Dy seach yet helte briker
 En sei gjin wird. Mar de earste sei
 Do : „Anglisch !” en skodholle, —
 Ik thocht dêrop, sok soarte helpt
 Hjir boppe my net folle.

De ljue dy 'k gean seach op 'e groun,
 Dy liken lîtse pinken.

Wy gîngen leger in 'e toer
 Om dêr hwet bier to drinkan.

Dêr is in hele tappery
 Sa moai, alhiel bysonder ; —
 Mar 't bier is djûrder dêr as oars,
 Dat is fen sels foar 't wûnder. —

In Utert is in boel to sjen,
 To folle om to fortellen,
 Mar ik fortsjinne er gjin deihier,
 'k Wit net hwa't dat dêr hellen.

Mar foar op 't Sinkel-winkelhûs
 Stean' hele greate beelden,
 In „moedertje” fortelde my
 Dat dy hjar sels forfeelden,
 Om altiid sa rjuchtôt to sjen,

Krekt nei de selde dingen ;
 Ik krige in slompe jild , as ik
 Se oan 't laitsen wist to bringen ,
 En och , dat wîfke hie sa 'n nocht
 Dêrmei , en ik sa 'n wille .
 Ik thocht , hwet we in in oare streek
 Nou wer ris fine scille ?
 Alwer in wîfke , 'k leau stkôdoaf ,
 Sei tsjin my : „Zie je 'm loope ,
 Daar ginder op et end der straat ?
 Die vent daar , mooi bezope ?
 't Is zonde en schande , vind je niet ?
 Zen ouwers zoo te plagen
 En al het zuurverdiende geld
 Zoo door de keel te jage .
 Et is Godsjammer en beklaagd ,
 Waarempel ! 't was en zegen
 Wis voor zen moeder als ze hem
 Maar nimmer had gekrege .
 Die deugniet en zen ouwers zóó
 Wier 't leste dat ik hearde .
 Dat âlde hert dat prott'le sa ,
 Dat my it glêd oandearde .
 Do in 't museum , op 't stêdshûs ,
 En in in âld ruwine
 Fen Vredenburg ; en om 'e stêd
 Koe me ek oeral hwet fine .
 En in 'e spoarwein ûnderweis
 Sjucht me ek wer om yen hinne ,
 Sadat dy reisen foar in kear
 Wol rjucht plesierich binne .

JAN.

Dat mei sa wêse, mar ik thoct
 Do dochs op 't alderleste
 Nou reisgje mar nei east of west,
 It is dochs thûs it bêste.
 In eigen hûs, by eigen hird,
 Dêr ha wy nocht en wille,
 As 't goed stiet, dy 't wy fier fen honk
 Wis nearne fine scille.
 By âlds reisge elk en ien sa net,
 Do gîngen se to praten,
 Sa nei mankoarren ta, sa 't hjit,
 En 't joech hjar better baten.
 Hja breiden by dat praten hwet,
 Of wierne om kriich oan 't spinnen;
 Al joech dat ek sa'n bulte net,
 It wier doch altiid winnen;
 Us nocht en wille is wol goekeap,
 Mar dochs it mat forliese.
 It nocht is nedich, mar it nut,
 Dat mat men nedichst kiese.
 De kosten binne for sa'n kear
 Al licht ris oer to kommen,
 Mar mei dy saken giet it as
 Mei persiken en prommen:
 By smeitsje follentiids nei mear,
 Den nimt min licht to folle;
 Den kin min 't net fortarre en kryt
 Den lêst fen mage en holle.
 En boppedien de bûdelpest;
 Dat is in slimme kwale;
 Hwent as doarwaerder komt, den is 't

Mar kort en goed: „betalen!”
 En oars forfolgje! — Dêrom woe 'k
 Wol nocht sjean út to finen
 Dêr 't wiere wille wit ho lang
 Yet wier oan fêst to binen.
 Lids dou my dat ris better út;
 Dou scit it fêst wol witte,
 Oars meist dîn hele boekeboel
 Wol gau forbarne litte.

TSJEARD.

Praet dou dy mar ris út! Ien gek
 Dy freget soms sa folle,
 Dat hûndert wisen hadde 't licht
 Net mei'n oar in 'e holle.
 Mar 't stiet, leau ik, al heel moai fêst,
 Throch alle tiden hinne,
 Dat ljue, dy 't wirksom binne en froed,
 Throchstrings ek lokkichst binne.
 Nou wol men sokke warbre ljue
 Soms ek ris hwet formeitsje
 Der binn' forieningen, dy 't ek
 Dat doel bijeye en reitsje,
 Elk ken hast leare hwet er wol,
 Forgees of foar in kromke;
 De greate ljuwe kostet dochs
 Dat learen gâns in somke.
 Nou, dat is ommers wol in nocht,
 Dêr 't nut in sit en wille,
 En scoe dat ek for wit ho lang
 Gjin fruchten drage scille?
 Dou hest altiid by alle ding
 Breidspriemmen en de wiele,

Mienst dat de minsken in ûs tiid

Net wirksom binne en piele ?

Dat merkefjuchtsjen fen alear

Katkneppeljen, goeslûken

Dat wieren nochten, dy kinn' wy

Nou siker net mear brûke.

Biquame ljue dwaen' nou hjar bêst

Om 't folk hwet goeds to learen ;

Mar dêrom is it wrâldske quea

Net út de wrâld to kearen.

Sa komt it nea, leau ik ; altiid

.Komt de aep wer út 'e mouwe ;

En minskequea en minskegoed

Seil in in minske bliuwe.

Slacht nou mar de eew'ner throch nei 't goed,

Throch al dy nye dingen,

Den ha wy de biwirkers dôch

Der thank foar ta to bringen.

JAN.

Dat kin wol wêse, mar den matt'

Wy ek de mûle snûrje ;

Dat leanforheegjen kin, fordeald !

Dochs ek net iwich dûrje

Der komme gau Sinezen los,

Ek licht wol Indianen ;

De krante sei, it wirkfolk kaem

Him dêr licht oan to barnen.

As 't wirkfolk altiid mear ha woë

En hele Europe thwinge,

Scoe de Sineeske katestirt

Hjar wol torjuchte bringe.

Dy bodsje foar in swart gesicht ,

En sâpe net, mar sparje ;
 Hja wolle for hjar himelsk rîk .
 Mar ljeafst hwet jild oergarje.
 Hja hâlde krekt as stôfrein oan,
 Mei tige lange dagen,
 Oan oplein wirk, en sedich stil
 In hâlden en in dragen.
 De mûrre, dy 't om Sina stiet ,
 Is nou foar goed forbritsen ;
 Hja binne, as byen út in koer,
 De hele wrâld oer stitsen.
 Hjar warberheid en arbeidskrêft
 Is nou de wrâld in rekke,
 En kin hjir 't wirkfolk, ho brutael,
 De nekke wol ris brekke,
 Hwet rîs mei fisk, in sobre kost,
 Der binn' se mei fornoege ;
 En spek en flêsk, jenever sels,
 't Skînt dat se dat net hoege.
 Dêr neffens thocht my, scoene wy
 Ek wol hwet sparje kinne ;
 Of sidze hja mei rjucht, dat wy
 By hjar barbaren binne ?
 Matt' wy licht al 't oerdiedich nocht
 Fen ûs tiid ek yet deye ?
 Of net to kearen earremoed
 Op 'e âlde dei bikleye ?
 Min mat mar leare hwer 't min kin,
 Al is 't ek fen Sinezen,
 Den het min minder sorch en lêst
 En earremoed to fresen.
 Den wirdt ûs daegliks wirk ûs nocht,

En sparjen licht ûs wille ;
 Sa dat we er op ûs âlde dei
 Yet fruchten fen ha scille.

TSJEARD.

Dat liket my sa slim net ta,
 It jowt yen rêst fen binnen ;
 As min for nou en letter brea
 Mei eare sjucht to winnen,
 Den is ûs de âlderdom gjin spoek ;
 Den mei ûs mooglik barre
 In eigen hûs, mei 'n ljeawe tân
 Throch eigen flit bisparre,
 Dêr 't blommen foar de glêsen stean'
 En skiepkes by de hikke,
 Mei lamkes, springende op en del,
 Hwernei 't de bernsbern rikke ;
 Den hingje er apels oan de beam,
 Hwerthroch de byen snûrje ;
 Den kin ûs libben swiet en gôl
 Oan 't uterste ein ta dêrje.



De Widdous Soan.

BAES RJUERD EN PITER SÏN BÛRJONGE.

BAES RJUERD. (*Sjucht ta 't finster út.*)
'k Scoe sidze, dat ûs bûrwiifs jonge
Dêr jinsen oan komt op 'e diik.
Elk het ûs bûrwiif op 'e tonge,
Hjar bern binne ek gjin munsters lik.
Foarearst matt' se elk de gek oanstekke,
Dy foar hjar hûs it paed lâns giet,
Den by de wei lâns slope en brekke,
Hwet timm're is, of to waechsen stiet.
Fatsoen kin 'k in dy bern net krye,
Hofolle 'k dêr mîn bêst op doch,
En letter matt' se 't sels bilye,
Dat ik mei noed tomiette sjoeh.
Dy jonge is soun en flink fen lidden,
Sîn lichem skeelt nin gewel oan;
Mar leart er in 'e hûs gjin bidden,
Dêr bûten leart er 't flokken skoan.
't Is: „hê?” en „hwette?” „kop” en „bek.”
Sa 'n onbisnoeidens kin 'k net hirde. —
Jawol, hy nimt de gier hjir hinne
Hy hâldt fen my oars gâns in bult,
Ho fel wy harrewarje kinne,
Hwent ik fordraech him mei gedild.

PITER, *inkommende.*

Baes ! baes !

BAES.

Seaft, saaft in bitsje, Piter !

Min seit ek wol ris fen „goendei”,

Oars net ?

PITER.

Dat rekket my gjin miter.

Der brek ik nou mîn kop net mei,

Ik mat jo gau hwet nys fortelle ;

In plak kin 'k krye, man, for fêst,

Dêr by dy slachter, grouwe Jelle,

Ik hab der efkes hinne wêst.

It is in kearel as in bolle,

Wol thrye kear sa swier as ik ;

Hy scoe my moarn wol hadde wolle,

En dêr bin 'k diwels mei in 't skik.

Den kry 'k de hûd ris goed fol fretten,

En thûs kry 'k altiid fierst to min,

Dat 'k graech allinne er binnen sette,

Dêr it' wy mei ûs fiwen fen,

En ik kin faek it minste krye,

Hwent ik bin allemans forthriet,

Hja winksje faken alle thrye,

Dat ik op Mokerheide siet.

Nou sjuch ik ûtkomst, ja fordikje !

Nou kry 'k it liif deis op 'e least.

Lit den ris ien wer tsjin my kikje,

Den bin 'k it hele dorp wol treast.

BAES.

Mar stil ris, jonge, hwer wost' hinne ?

Hwa is dat, dy 't dy hadde wol ?

't Scoe lokkich wêse, hwent jimm' binne
 Jimm' mem ta lêst, 't is al to fol;
 Mem kin op jinn' gjin each mear hâlde
 Jimm' binne ondogens oan 'e diik.

PITER

Dat lieg' jy, baes! hwermei den âlde?

BAES.

Dêr ha wy 't wer! it is den brîk!

Ik mien altiid, it seil my lokke,
 De rouwens fen dy ou to slaen;

Dou kinst' forniele, rase en flokke,
 Mar gjin fatsoenlik antwird jaen.

Fatsoen, mîn jonge, mast hwet leare,
 Oars komst er net fatsoenlik throech;

Mar 't wol mei dy alhiel net beare,
 It helpt net, hwet ik oan dy doch.

PITER.

Nou baes, dat wirdt ek al in kromke,

Om de oarde snein sahwet in cint.

Jy ha den oars sa 'n sûkertrompke,

Ik hâld 't er foar dat sit fol splint.

For 'n goed stik spek wol 'k in gjin wike

Fen diwel sidze noch fordomd,

En bart it al, den seil 't jou blike,

Dat my it by forsin ontkomt

Of jouw my 'n goed stik Dimter koeke

Of fine, mei sok spek der in,

En 'k span gjin tou foar bûnte Jûke,

Of kerf de kruk fen kwelse Trîn.

Dat wol ik litte in fiertsien dagen,

En jouw' jy er my in stoater by,

De liu, dy 't oars wol oer my klagen,

Ha den sa lang gjin lêst fen my.
 For 'n fifke wol 'k in sankje sjonge,
 Sa mâl en bjuster as 't mar kin,
 En krekt as Hans, de skoayersjonge
 Dêrby ris thige skilich sjen.

BAES.

Al wer fen 't spoar. Dou mast dat litte,
 It komt forkeard oars foar dy ût,
 En 'k frees soms datst' bilânje scitte
 In 't tichthûs yet in 't einbislût.
 Hiest sa brutael net wêst by Geale,
 Den hiest nou al in thige plak,
 Dy ûnbiskoftens, dat 's de deale,
 Dy bringt dy noait goed onder dak.
 Dy lju binn' from en froed, nei 'k hearde,
 Ik thoct dy knappe Piter op,
 Mar 'k mirk al gau ho min dat bearde,
 Dou krigest throch dy sels de skop.
 Nou rinst er deis wer liddich hinne
 En mûglik nimt dy nou wer ien,
 Mar as 't al goede minsken binne,
 Dou krigest stellich gau wer dien,
 Learst gjin fatsoen in dwaen en sidzen.

PITER.

Hê?

BAES.

Hê? sjuchste wol, dêr is 't al wer;
 It is gjin minsken ût to lidzen,
 Ho 't dat biwirtle sit, sjea dêr!

PITER.

Hwette?

BAES.

Dat wird mast lang sa faek net brûke.

PITER.

Net brûke? Us mem dy seit it ek.

BAES.

Dat's ek al út 'e rouwe hoeke.

PITER.

Wel, sa 'n gesanger! Binn' jy gek?

BAES.

Kom, kom! mast sa tsjin my nou prate?

Mar kibjen helpt my ek gjin bean.

Kin gjin forstânnich lieden bate,

Den seil't mei dy biswierlik gean.

It falsk fatsoen wirdt wol ris lekke,

Mar hwa 't net hâldt fen kliemrich praet

En komplimenten, mat dy sprekke;

Dou bist foar sokke in kameraet.

't Fatsoen, lîk as in hopen 't leare,

Wirdt soms foar falskens wol biskoud,

Mar 't wol in de omgong better beare

As ûnbisnoeid en ûnbihoud.

Mar dy kin 'k siker neat forwite,

Dou bist mei 't lok to wrâld net komd,

In earmoed moast dîn jeugd forslite, .

Biskawing het it dy ûntnomd,

Net jown, woe 'k sidze. — By de strjitte,

Komt dat de bern sa gau net oer,

Is 't oars net wier? Hwet seiste yette?

PITER.

Och, gekkepraet! rin nei jou moer!

BAES.

Dat wier foar dy oars folle better:

Dou mast dîn mem to kennen jaen,
 Hwerst komme kinst, den kin hja letter
 Dêr ek ris ûndersiik nei dwaen ;
 Hwet man dat is mat se earst al witte,
 Hja mat mei dy dêr sels ris sjen.
 Den mat se him ris freegje litte,
 As hy dy hwet biskawe ken.

PITER.

Né, wrachtich net! fen dat biskaefjen
 Ha 'k mîn bikomst al thige hawn
 By Geale en Griet ; — krekt as fen 't slaefjen
 En wrotten dei by dei op 't lân,
 Der wier gjin tiid foar iten, drinken,
 Wol foar in thige lang gebet,
 Mar as min bealget, is 't to thinken
 Hwer 't immen 't measte langst nei het ;
 Nei 't brea, dat kinn' jy wol bigripe ;
 Mar né, dêr ha jy, think 'k, wol oan,
 Jy sieten nea sa in 'e knipe,
 Jy hiene 't altiid thige skoan.
 Mar ik, man, ik moast deis dêr lodsje
 Mear as ik tille en drage koe,
 Ik moast by nacht en dei soms bodsje ;
 Mar mien' jy dat 'k sa langer woe ?
 Al binne Geale en Griet dyaken,
 En is ûs mem dêr ledemaet,
 Ik leau foar fêst, it binne snaken,
 Ho fîn se binne in al hjar praet.
 Mem bleau mei ûs as widdou sitten
 En krige in lits bîtsje ûnderhâld ;
 Wy moasten wjûde, liet men witte,
 Wy lîtse bern — throchwiet en kâld.

Of as de sinne thige barnde ,
 Den wieren we ek al mei in 't ploech ,
 Sadat min hast op 't lân toraende
 Om 't lîts deihierke dat it joech !
 Sa learden wy gjin lêsen , skriuwen ,
 Mar wol in rûge , rouwe tael ,
 Oars koen' wy net in 't libben bliuwe ,
 En dêroer ha jy sa 'n gemael.

BAES.

Ja , Piter , dat wier do sa 'n mantsje ,
 Mar nou bist fêst al fiftsien jier ;
 Hwerom helpst mem nou net in hantsje ?
 Sa bliuwst dôch ommers like fier.
 Dat kouedriuwen datst' wol dieste ,
 Dat joech jimm' wol in goede stâr ,
 Mar lomp en dom bliuwst aste wierste ,
 En in ûndogensheid kaemst oer.
 Dou learste sûpen , rachen , skelden
 En al hwet mâl wier op 'e wei ;
 Om malle setten moast net seldom
 Ek sitte soms in nacht en dei.

PITER.

Ja , dat lapte ûs dy bânste Jûke ,
 Dy loebes mei sîn reade noas.

BAES.

Dou mast sa 'n rare tael net brûke ,
 Oars makkest my op 't lest yet boas.
 En 't wier nou better , woe 'k fortelle ,
 Dat immen him dîn lot oanteach ,
 Dy by dîn earme mem wei helle ,
 En oan in tsjinst to helpen seach.
 Hie 'k nou dy man mar efkes spritsen ,

Dy 't gading oan dy makke het,
Den hie 'k hwet mei oan 't lintsje litsen,
't Is deales, hwent nou wit ik 't net.

PITER.

Ik kin him wol út thûsen bargaen,
It is in ûnbiroaid ein man;
Hy hinget gear fen spek en marge;
In sûch -- dêr het er folle fen.
Ik wenne oars ljeawer by in thinnen,
Hwent as 'k ris mei him fjuchtsje moast,
Hie ik net folle kans op winnen
Tsjin sa 'n ûnfoege grouwe knûst.

BAES.

It bliuwt mar raer al hwetste seiste! —
Dêr leit in brief, dy hie 'k net sjoen.
't Is fen dy slachter, dêrst fen seiste
Ek al gjin man, leau 'k, fen fatsoen.

(Hy lêst.)

UNBIKEND, 13 fen disse.

En oan baes Rjuerd. Jy kenn' my fêst?
My thoct to minsten 't koe net misse.
Ik ha korts om in jonge wêst.
Dat rekket jou net, kin 'k wol gisse;
Dat sprekt, as 't mar in mûle hie.
Mar 'k woe omtrint fen jou wol witte,
Hwet knapsak as dat sahwet wie'.
Sîn mem sit ûndr'e djakenye,
Dat wit ik al throch Geale en Griet;
Dy seine, ik koe 'm om skik nou krye,
Do sei ik: sjuch, as dat sa stiet,
Den seil 'k wollicht de jonge nimme.

Dat's goed, sei Geale, hy is rou.
 Den seil 'k him diwels 't hier útkjimme,
 Sei ik, en ek fordomde gau.
 Nou woe 'k wol, baes, dat jy my skriuwe,
 As ek sîn mem hjar tawird jowt;
 Dy kin der net bêst bûten bliuwe.
'k Bin

JELLE JANS UT 'T HELE HOUT.

In wûndre brief, dat mat 'k bikenne,
 Dy man het net to folle leard.
PITER.

Gjin donder.

BAES.

Sjuch, dêr flokst wer hinne,
 Dat hest mar al to folle heard. —
 Hja smite faek mei 'n earem minske
 Mar om as mei in keatsebâl
 En mei dy fjouwer bern fen Rinske
 Wirdt dat licht ienkear ek 't gefal.
 As hannelswaer biskout min hjarren,
 Dat throch it ûntûch hinne groeit;
 Soms binne se op in plak bidarre,
 Hwer 't nimmen him om hjar bimoeit;
 Hja leare op 't lest yet wrotten, skreppen,
 Mar bliuwe jimmer bot en rou.
 Sa libje ridders fen de leppe,
 Sa libje en sa stjerre se ou.
 De wet fen needsaek het gefolgen;
 In earne kriget hân en spot,
 As wier de wrâld op him forbolgen,

Sa teistert en sa skûrt him 't lot.
 Hwet baet in widdou deugd en eare,
 Dy bern, mar gjin rîksdaelders het ?

PITER.

Gjin diwel !

BAES.

St! . . . Hwet kristenleare ?

De bakker borget dêr op net.
 De ûnripe frucht fen bernehannen,
 Untidich ploâke, is siker sûr,
 En wit me er need soms mei to bannen,
 Biskawing litt' se glêdwei oer.
 It is gjin dwaesheid as da liuwe
 Oer 't skoaltsjeskûljen kris en kras
 Op 'e earme lju hjar rekken skriuwe,
 En 't komt, thinkt my, dochs net to pas.
 De bern freegje omners earst om iten,
 Of tagelik soms ek om klean ;
 By dy twa dingen mat it witen,
 It learen altiid efter stean.
 Wol leare om gau hjar lea to reppen,
 Of oars hwet dat in bitsje docht,
 Mar mei 'noar om 't fortsjinst to skreppen
 Dat is hjar greatste libbensnocht.
 En is in minske ek gjin masine,
 Dochs slît er throch biweging fêst ;
 It skreppen seil sîn krêften sline,
 En den wol 't learen net sa bêst.
 Jawol, der rint soms wol ien ûnder
 Dy 't oanlids het foar stûdsje of sa ;
 Mar altiid wrame ! 't Is gjin wûnder
 Dat se oars hast nearne nocht oan ha.

PITER.

Nou, as't je bljeaft!

BAES.

Dou learst al jonge!

As jouns de sinne in 't westen sakket,
 En 't skaed oer fruchtbre fjilden driuwt,
 Den sjucht min mannich earne stakkert,
 Dy geande wei hast steande bliuwt;
 Den sit it wifke op 'e hûken,
 Mei berntsjes om hjar, swart en brân,
 Yet greate beanen út to lûken,
 Op de ikker fen hjar eigen tûn.
 Den nimt de man yet skeppe en lodde,
 En smît it baitsje yet ris út;
 Al het er 'n hele dei ek bodde,
 Hy hakket raepgroun ta bislût.
 Sa docht er yet hwet boppe 't fêste,
 Sa wrot en wraemt er jier op jier,
 Sa giet er joun op joun to rêste
 Mei wirge lea, as lead sa swier.
 Ik nim dos de earmen in biskerming,
 Dy sa biswierd throech 't libben gean',
 En freegje foar hjar lot ûntferming,
 Fen hjar dy fier der boppe stean'.
 Nou Piter, mem en dou matt' witte
 Ho 't seil mei Jelle út 't hele hout;
 Ik woe 'r dy net graech tsjinje litte,
 Hwent nei de trant, hwerin er skriuwt
 Hâld ik him foar in sielforkeaper,
 Dy 't neat om earne minsken jout,
 In botte domme jildopheaper,
 Dy 't ljeaftst mar alles nei him klaut.

PITER.

Oars wie' 'r sa tsjok net om 'e holle
 Fêst fret er 't spek allinne op.
 Hy liket krekt sa 'n nûtlich bolle,
 Licht krige ik twa kear deis in skop.
 Earst moarns ien op 'e nochtren mage,
 En de oare jouns op 't alderlest,
 En middeis dûsten ând're krage,
 Dat waerd mîn lot en deel dêr fêst.
 Den wol 'k mar ljeawer konedriuwe,
 En siikje wirk hjir thicht by hûs,
 Den kin 'k mîn eigen man wer bliuwe,
 En nimmen slacht my in 'e sûs.
 Ik kin hjir hiel wol tientsjes fine,
 Licht snap ik ek wol biesemriis;
 Den koerkemeitsje, biesembine
 Of keapman wirde in wrakke tsiis.
 Oars mat 'k hwet bies en popel stelle,
 En drai dêr stoellematten fen;
 Mem het my ommers wol forhelle,
 Dat hja fiermatten flechtsje kin.
 En ha wy den yet stric en heide,
 Hanskrobbers binn' der altheid brek;
 Reapdraye — mem kin 't allebeide —
 As 't nedich is, den lear ik 't ek.
 Den hazzestrikje, lîsterfange,
 Of knipers meitse út eikenhout,
 't Kin ek wol, mar om Jan de Lange
 Is 't wrêchtich wier hast net bitroud
 Hwent Jan de Lange en bânste Jûke
 Dy litte 't kapen ûs net ta;
 En tienem, hout, dat mat min brûke

Goekeap, dos matt' min 't stellen ha ;
 En biesemriis en hazzestrikken
 En heide — 't is foar jild to djûr,
 En as wy sonder jild it pakke,
 Den falle ûs licht dy kearels oer.
 Den mat min nei de kanslerye,
 Hja sidze oars wol, dêr het min 't bêst,
 Ik kin 't by mem sa goed net krye,
 Min ît goed en min het er rêst.

BAES.

Nou, nou! ik kin 't net mear forkropje
 Dêr mat in ein oan sikerwier.
 In gat fen earmoed seil ik stopje,
 Sa hjoed de dei net, den moarnier.
 It mei my barre, disse jonge
 Wirdt net in tichthûs-galgestrop ;
 Ik seil mar taeste in mîn ponge,
 En lied de jonge better op ;
 Ik lear him seden en menearen
 En sa fen sels fatsoenlikheid.
 Sids Piter, wolst wol gean to learen,
 En by my wenje, as mem it seit ?

PITER.

Hê ? —

BAES.

Dêr ha wy 't wer! Wost hjir wol bliuwe
 En dwaen it wirk, dat ik dy sids ?
 En lêsen leare, rekk'njen, skriuwen,
 En hwet ik dy to foaren lids ?

PITER.

As mem it lye wol, fordikje!
 Den kry 'k it liif deis op 'e least.

Lit den ris ien wer tsjin my kikje,
 Den bin 'k it hele dorp wol treast.
 Hwet seil er opsjen, Jan de Lange,
 En bûnte Jûke like goed;
 Nou seill' dy snaken my net fange;
 Och, koen' se 't dwaen, den dien se 't hjoed.
 Foar de earmen binn' der netten spannen,
 De maetskippy oerdwars in 't roun,
 En jimmer throch polisjemannen
 Wirdt 't tichthûs de bifolking jown.
 Dy netten kin ik nou ontspringe,
 Ik âldste earne widdousbern;
 My seil min net in 't tichthûs bringe,
 Us mem seil dôch ien lokkich sjen.



In goede Learning.

PIER EN MASTER.

Ik winskje jou goen joun en hertlik wolkom, master!
It stiet my danich oan, dat 'k jou hjir wer ris sjoch,
Jy ha for elke saek throchgeans in goede plaster,
En redeneanje meast mei glâns er stewich throch.

MASTER.

Fy man! jy matte my sa net mei huning strike,
Dat is forkeard, den set ik skielk to hegen krop.
En den, ho wier as 't is, dat mat yet neyer blike,
Hwent dwaen dat is in ding; sa 'n idel lofgerop
Dat is mar neat. Mar hwer woen' jy mei my oer prate
Ik stel my foar, jy ha wer de iene of de oare saek.

PIER.

Hwet praet jy, master, fen in saek? Ik ha forskate,
Dy binne n't in 'e heak. Al gîng al wit ho faek
Sint Adams tiid de skeaf oer folle dingen hinne,
Ik merk yet dei by dei in hopen saken op,
Dy 't lang net glêd en flak en rjucht en suwer binne,
Al mient min dat soms wol, throch 't bjuster lûd gerop.
Der bljuwe yet oeral sa 'n boel dwarsthriedige oasten,
Dat seage en bile komme er daegliks by to pas.
In hele bulte ljue dy binne yet Sint Joasten,
Soms binn' se diwels dom en soms wer diwelsk kras.

MASTER.

Nou, kras to wêsen mast, thinkt my, net diwels neame,
Hwent dat 's in heblikkeid, dy 't smoar en bûter jout.

PIER.

In 't goede! — Mar in 't kwea den jout it goare reame;
In goede lear dos, dat min mar by 't goede bliuwt.

MASTER.

Ja, goede learing kin min oeral yette garje,
De stoffe dêr ta fînt elk minske dei by dei.
Mar sjuch, min mat de sichte om frucht to rispjen harje,
Dat bliuwt foar mannichien in thige swier krewei.
Mar op it libbensfjild elkoar it sichtsjen leare,
En 't harjen like wol, sa goed als eltse ding,
Dat wol in disse tiid dochs folle better beare
As 't plichte, al achtsje dat in hopen ek gering.

PIER.

Dat stim ik healwei ta. As boer in boel to learen,
Dat is fordealde moai; mar hwer 'k in mier oan ha,
Al hwet wy witte, dat witte ek de greate hearen;
Hja rekkenje út in pleats ûs krekt ûs oandiel ta,
Ik hie in lânhear ljeafst sa dom mar as in bolle
En den sa goed as Job, mei och, sa 'n lege hier,
In pleats fen sa 'n sinjeur mei 'n tûke snoade holle,
Dy 't my in hier ontwingt, de helte wol to swier.
De lânboumaetskippy dy hâldt fen dy congressen,
Dêr leare hearen fierst to folle fen in boer;
Hja fille ûs op hjar tiid mei finnich skerpe mÛssen,
Hwent is de hiertiid om, den is 't mar wer: „kom oer!”
Allike wiis as ik is ek mîn bûrman Bauke;
Is my de hier to stiif, den biedt hy yet hwet mear.
Al rint hy mei sok dwaen ek faker noach in blauke,
It rint doch jimmer út op foardeel foar mînhear.

By âlds do gîng it oars, och ginst! ûs pake en beppe
 Dy wennen fiftich jier oan ien foar 't selde jild;
 In onderwrotter moast ris fen mear hierjaen reppe!
 .En 't wier in pleats binei sa great as 't Geastmer fjild.
 Nou is dy selde pleats al lang fordeeld in thryen,
 En eltse thrêddepart docht yet wol helte mear.
 Hwet thinkt jou, master, wirdt it boerkjen sa gjin lyen?
 Al hwet in boer biwrot, dat sjout er nei mînhear.

MASTER.

As 't iene net mear wol, den wirdt it oar probearre,
 For 't doomnywêsen is de bêste tiid al oer;
 In hearskip dy alear ta dominy studearre,
 Dy docht dat nou net, mar hy leart in pleats ta boer.
 De boerestûdsje kost net heal sa folle moppen,
 En rinte fen ûs jild, dêr leit men 't ek op ta.
 Dy wiere leare wirdt net folle lûd fen roppen,
 Mar dêr sit de oast, as ik it goed bigrepen ha.
 Dou wiste, Pier, it fet wol altiid boppe driuwe:
 Studearde ljue mei jild bliuwe ûs in reed in 't foar;
 Hja scill' wol nûmer ien en wy de oarde bliuwe,
 Hwent oars rekke ommers ek de wrâld it efterst foar.
 As mei in hammerslach in inkelde rîksdaelder,
 Foroare in thrye, Pier, hwet scoen' de minsken dwaen?
 Elk waerd den silwersmid foar fêst, de dikerhaelder,
 Hwet scoe 't in klopparty en bjuster libben jaen.
 Hwent jild formearje wol min ljeafst mar allegearre,
 It libben thwingt dêrta en earlik stiet it fry.
 Woll' jy dat ek net graech? Sa is ek jou lânhearre,
 En wy dien' in sîn plak fêst krekt allik as hy.
 De lannen ha nou fêst ek thryris heger wearde
 As in jimm' pake tiid, hja dogge merke gong.
 'k Think dat in d' âlde tiid, de boer de lânhear skearde,

Ja, in de âld iken kas hie 'r mannich folle pong.
 Dat wol nou skraech sa goed', mar as nou thrye boeren
 Hjar brea fine op in plak, dêr 't do mar ien op wie'
 Al ha se er drokte mei om 't brea der út to skûrren,
 Dat is dochs better as dat ien 't er rom op hie.
 Hwent hwer 't ek krapte oan komt, yet net oan boerejonges
 Dêr wirdt op past, dat mat wol, oars kin 't ek net gean ;
 En spilje se ek komeedsje of wirde 't moaye sjongers,
 Dy dingen jouwe op 't lest hjar net in goed bistan.
 't Is goed dos dat er ek formeardring komt fen plakken.
 Al is de hier to heech nei 't jy bipraten ha,
 It giet den dochs al wer. Dy âlde boeren makken
 Ek neat gjin wirk fen 't spil, dêr wier gjin oandrang ta.

PIER.

Jy prate er maklik oer, mar think ris, de arbeidsleanen
 Binn' stellig ek de helt wol heger as alear.
 It wirkfolk spint mar op ; hja binn' sa fûl as earnen
 En freegje jimmer oan en altyd wer om mear.
 Hwer mat in hierde boer op sa 'n menear bidarje ?
 As jy it witte, ik net, dat wøl 'k wol wêse, hear !
 Hja kinne thige goed de seine en sichte harje
 En meane it foar de boer sîn teannen skjin, sjea dêr.
 Mei boaden mat min ek mar tuike tuike spilje,
 Dy stekke ek dealske gau de hoarnen in 'e wâl,
 En om in inkeld wird den kinn' se mar ûtfilje,
 En oeral in 'e wrâld is dat allike mâl.
 Foarhinne wier dat folk sa dom as nochtren keallen
 In knoffel of in skop, dêr wisten se ek net fen.
 Ik wit yet heel wol dat foarhinne in boerejonge
 Net roppe koe fen skrik as doomny by him kaem.
 Hy haffle er hwet nei ta mei 'n rare dûble tonge,
 As doomny fragelearde en him de les ounaem ;

Mar nou is 't krekt oarsom, ûs doomny mat hwet beare
Hwennear 't er by ûs feint om sielesaken komt!

Dy wol neat witte fen de suw're wiere leare,

Hy leaut hast neat, sa fier is 't nou al hinne komd.

Ja master, dêr binn' jy leau'k ek alhiel net bûten;

Op skoalle is 't ek godleas en nyerwetsk en fransk.

In master wirdt mînhear en rint mei stiwe kûten,

Ja jimme wirde nou hwet al to folle mansk.

Dat skeelt in danich ein by âlde master Jelle,

Mei 'n klinkebaitsje en mei in koarde om 'e âlde hoed.

Hwet ha 'k dy master faek to boekweitherskjen helle;

Hy skearde maitiids skiep en bargaen ringe er goed.

Nou bin 'k er faek in wei as 't doomny is of master,

Jimm' habbe beide in blês en ek in swellestirt;

Ik bin út 't hele hout en hâld net fen geplaster,

Jimm' rinne my foarby, mar meastal fierst to hird.

MASTER.

Dat leste is my to gek, dêr wol ik net oer prate,

Mar 't earste, dat 's hwet oars, dêr seil 'k je op tsjinje, man.

Hwet koe foarhinne 't lean in boerewrotter bate?

De wolfeart fen in hoer, hwet krige hy der fen?

In mannich einten deis, ik leau fen winters tweintich,

En beane mei hwet spek. Sa lang se 'm brûke koen'

Wier dat sîn traktement. Wie' 'r oubrûkt en krebintich

Of âld, hy krige den in 't earmhûs pensioen.

In 't âlde Krekenlân dêr hiene se in goddinne,

Dy waerd Nemesis neamd, en dy leane alle kwea;

Al roun in doechneat lang, sa 't like, er lokkich hinne,

De straf foar 't misdwaen foel him ienkear op 'e lea.

Sa komt nou ek de tiid, dat al de inhâlden stûren

Dy de earne arbeidsman al lang ha matten hie,

Throch needthwang, 't wrede beest mei finnich skerpe kloeren,

Opeaske wirde, krekt as iens Nemesis die.
 Né, suwer wier 't net mei dy linnen jildsoldaten,
 Dy in in lange rige op 't boppest kasboerd stie'n ;
 Gjin echte winst altiid, dy riders en dûkaten,
 Swit siet er oan fen ljue dy 'r meast foar wrotten hie'n.
 Klei net to bjuster oer de hege arbeidsleanen,
 Leau, dat in arbeidsman sîn lean wol wirdich is,
 Dy 't ûs bilang biskript, mat dy op hîngstebeanen
 Omkoaye, as wy sitte oan in goed forsjoene dis ?
 Jy seye, 't folk leart nou al sîn forstân to brûken,
 Jy neamden dat forkeard, jy hien' dat ljeawer net,
 En ik hie 'r skild mei oan, hja sâge 't út de boeken.
 Ja, kennis, man, is macht, dy 't kapitael forset.
 It is in falske lear dy minsken doemt ta slawen,
 En machten oer hjar stelt, as wier'n se skiep en ky ;
 Al neamde oerhearskippy dy dommen ienkear brawen,
 In better leare neamt nou eltse minske fry.
 Fry, mar mei ien forbûn oan godstsjinst plicht en reden
 Oan maetskippy en wet, oan wierheid en oan rjucht,
 En gjit er dêr by lâns, den fint er oeral frede,
 Howol er fen sîn dwaen net altiid fruchten sjucht ;
 Mar fruchten fen de skoalle ha we oeral om ûs hinne.
 Biskieden freget nou de wirkman better lean ;
 Hy het der rjucht ta om't sîn krêften sines binne,
 't Kaptael dat mat, thinkt my, sîn reden wol forstean.

PIER.

Nou, better licht as ik. 't Bigjint my al to mjellen,
 Jy slaen' fen 't ien in 't oar, mar 't leste is my to gek.
 'k Begûn niis klear enoach fen feinten en fen kjellen ;
 Jy bring' my net foarût, mar skûrre my tobek.
 Ik wol in goede leare út alle dingen helje,
 En ek wol lik en rjucht en goede dingen dwaen,

Mar líkwol ljeafst sa min as 't mûglik is bitelje

En gjin mear lean as 'k hoef oan folk en boaden jaen.

Dy nyichheden ha 'k nin bult foar op 'e rekken,

Elk wirdt allike wiis en praet my glêd foarby

Wy krye, leau'k, de wrâld yet fol forwaende gekken,

Der is to folle sok mei lânbou, skiep en ky.

Hirddrawe dei by dei en moaye hînders karre,

Dat is wol aerdich wirk, mar jout it in bistan ?

It moast mar ienkear jiers op 't alderfaekste barre

Den scoe 't mei 'n hopen ljue, wol 'k hadde, better gean.

It lân forbetterjen is wis en wier to priisjen,

En ljeawer ha 'k in bêste ek as in minne kou ;

Mar lânforbett'rjen mat in hierde boer oangriisje,

Sa 'n bulte kostet dat, 't is bêst, dat 'k mines bou.

Ik hab net lang forlîn in knappe boer yet spritsen,

Dy 't op in hierde pleats mar dien hie hwet er koe,

En dochs hie 'r fen dat wirk de fruchten sels net litsen,

Omdat de lânhear do to folle hier ha woe.

Den matte de eig'ners sels de lânnen mar forbett'rje,

In hierde boer dy komt it dûbeld djûr to stean.

It ein is — hwet se er ek oer redencarje en snett'rje, —

Hier bringe dûbeld op, of — fen 'e pleats ougean.

Ik hie ta lânhear ljeafst in thige domme soksis,

Bitelle 'k dêrthroch mar in thige lege hier,

Al neamden wîse ljue ûs beide slûge moksis

Dêr joech 'k gjin diwel om, as 'k mar bistie, dat 's wier.

MASTER.

Bistan to kinnen, Pier, dat mat de haedsaek bliuwe

Dat is in libbenssaek, dêr kinn' wy net fen fry,

En om 't it spant soms, dat wy goed ûs saken driuwe,

Sa mat er nou en den de holle thige by.

Hwet wy net witte, man, dat wit soms wer in oaren,

Dy 't op in gearkomst graech dat ûs to witten doecht ;
 Dos komme ljue fen 't fak mei sa 'n doel by elkoaren,
 Dat het sîn foardiel en 't jout dûbeld, nut en nocht.
 't Jout kosten, mar min lit sa faek in tieling fleane
 As dêr foar 'n fette ein to kryen is in 't plak.
 It giet sa folle, dat de stôrkes him ûntgeane
 Dy 't gûnen fandlje wol tonei mei mear gemak.
 Mar, sjuch, gjin minskedwaen is sûnder lek en brekken ,
 Dat is in goede lear, dy 't altyd wierheid is ;
 En neamt min nye ljue nou dêrom dwase gekken ,
 Den sjucht men net heel tûk, mar roait de planke mis.
 Ik hab in hearskip kend, smoarrîk, — mar throch sîn âlden ;
 Fortsjinne hie dy man, leau 'k, net in heale stûr ; —
 Sadwaende koed er soms de wîse net goed hâlde,
 En gîng ta bjuster dwaen en mâlle setten oer.
 Hwet wearde in goune hie, dat learde hy net kennen,
 Omdat er jild by 't hier thrôch âlders erfskip hie ;
 Hy pielde follentiids mei riden, hînstemennen,
 Hy koft de greatsten ljeafst, ho meager as 't ek wie' ;
 De rounne skoarstien, by thry romers seill'je kenne ?

PIER.

Dat leau ik siker al, dêr ha 'k fen 't winter wêst
 Mei alderheislikst waer, — net wêst just, mar wy binne
 Dêr do foarby gien, ja, dat wit ik yette bêst.

MASTER.

Dêr ried dy hear ris lâns ; hy seach in joadtsje rinnen,
 En roap : „Koetsier ! kom nim dy jonge 's op 'e bok.”
 Dat died er, mar mînhear roap throch de glêsen hinne :
 „It is hjir better, feint !” De joad sei : „'k loof et ok !”
 „Nou, aste 't leauste, kom, den maste 't ek mar witte,
 Kom handich mar der in !” Hwet wier dat smouske brat !
 Do koed er nêst mînhear op 't seafte kjessen sitte.

Dy frege 'm : „Nou, ho is 't, wol 't mei de hannel hwat ?”
 Mynheer, dat steekt niet uit, et gaat soms weerga 's pover ;
 Ik heb geen geld genoeg. Gaf iemand my te leen
 Een vijftig gulden maar, licht won ik gau wat over.

Maar och ! wie leent my dat ? Of weet mynheer zoo een ?”

PIER.

Hwet binn' dy joaden slim ! Al kinn' se hast net rinne
 Fen meag'rens in 'e win, hja binn' by 't rêd om wei.
 Nou master, praet mar foart, hwer wol 't forhaeltsje hinne ?
 Dat joadtsje seach mînhear der fêst ris thige nei.

MASTER.

De joad dy krige 't jild, en hwer 't minhear om thochte,
 Dat joadtsje en dat jild, dêr thoct er nea wer om.

PIER.

Dat wier mar nochlikst, hwent, fen sels, it joadtsje brochte
 Dat jild him net werom. De set wier aerdich dom.

MASTER.

't Wier wit ho lang forlîn, do 't by mînhear ien skelle,
 Hiel deftich in 'e klean, in hearskip op en út,
 Dy moast de hûshear sjen en waerd dō by him helle,
 It wier dyselde Joad, dat wier it einbislût.

Hy stie der hird op oan, mînhear moast by him komme ;
 Hy wenne in Amsterdam, dêr hie 'r in greate saek.

Mînhear dy reisge er hinne en stie alhiel forstomme,
 Sa rîk en great en moai wier alles, mar om raek.

En wilst mînhear dêr siet do rounen folle liuwe

De finsters dêr foarby. „Hwet is der ?” sei mînhear.

De joad dy sei : „Jy matt' hjir yet mar efkes bliuwe

Sa daedlik seill' je 't sjen, den is de boel dêr klear.”

En skielik hied er dêr in keppel earne minsken

Oan 't iten, rûm en breed, in 't efterein fen 't hûs.

Do sei de joad : „Mînhear ! alhiel boppe al mîn winsken

Ha 'k rîkdom krige en dêrby wille by de rûs.
 Dat thankje 'k jou, mînhear! dat die'n dy fiftich gounen,
 De frucht is 't fen jou dwaen, hwet hjir foar je eagen is.
 Ik wier sa lokkich dat mîn saken altiid wounen,
 Mîn hannel slagge my gjin ink'le kear hast mis.
 Goeddwaender, lear hjir út, hwermei 't de wiere wille
 Hjir to forkryen is; jy hadde nou it lean
 Dat alle goede ljue wis ienkear hadde scille,
 Hwaens nocht it is in oar wirkdiedich by to stean.
 Al meye er fen de tsien ek njuggen efterbliuwe,
 Om 't mannichien to gau in goede died forjit,
 De tsiende scil de thank wol nei sîn helper driuwe
 Omdat de goede died him djip in 't herte sit!

PIER.

Dy joad dat wier fordeald in echte wite rawe!
 Hy die sa knap as hie 'r in goede kristen wêst.
 De measten, as se 't earst mar in 'e klauwen hawwe,
 Bitelje liend jild heal, en skinke yen de rest.
 Dat is in moai forhael, in joad, in pierewayer,
 Dy wirdt tsjin wille en thank sa deugdson en sa knap.
 It is in wânder hast, it koe fordeald net moayer,
 As 't wier is; mar licht is 't ek oars net as in grap.

MASTER.

Den sokke grappen mear; dat ljeawer as traktaetsjes,
 As wirden glêd en moai, dêr 't dwaen net efter sit.
 De grounwet fen de deugd hâldt net fen moaye praetsjes,
 Mar nationale krêft, der 't marge in sit en pit.
 Foriende minskekrêft, foriende minskeljeafde
 Kin mear as ien for ien ta nut fen minsken dwaen;
 Dêr 't lang oer 't Friske wad de kobbe en sémiuw sweefde,
 Dêr scil foriende krêft ûs lân foar wetter jaen.
 Dêr scil de lânbou den mei nye skeppe en ploege,

Mei wittenskip it wirk fen hjar bimoeying sjen ;
 En libje bernsberns bern dêr ienkear wolforneoge,
 Den giet it wirk fen ûs foarsiker net forlern.

PIER.

Ik thoct al, master seil 't op lest wol wer biplakke,
 Al kinn' je pas in kou en hûnser út elkoar,
 Jy ha 't nei mîn forstân sa mâlle slim net makke,
 Jy bringe 't ien en 't oar wol aerdich foar enoar.
 Sjach, as 't jou wachtsje kin, den matt' je 's redenearyje
 By uses skielik, by de komst fen ûs mînhear.
 Ik jouw twa flessen wîn en kinn' je 'm den bikeare,
 Lûkt hy ten mîn pleatshier de lîtste helt wer in,
 Den kry 't er appelsmots mei fine weake boâle,
 En rîs mei prûmen en keniel oer rîsenbry ;
 En bringt de merje my den ek in merjefoâl
 Wel nou, den jaen ik jou dêr twa rîksdaelders by.

MASTER.

Wel, hwet jy sidze, man ! Nou, 'k wol omtrint wol leawe,
 Jy smite net sa licht in hele bulte wei.
 Jy misse, as 't wêse mat, fêst ljeawer ek de mouwe,
 As de earm, dat jout min al in hopen minsken nei.
 Nou Pier, 'k ânthjit jo dit, ik seil der hwet om thinke,
 En dwaen mîn bêst foar jou ; 't seil oan mîn praet net stean,
 Mar 'k doar der foar dy tiid gjin fesse mear om drinke.
 It wirdt mîn tiid, — Joun Pier ! ik mat wol hinne gean.



Nei Amsterdam.

Al ien kear hie 'k to Amsterdam wêst. Amsterdam! hwer ik nea thoct hie to kommen; ommers — it plichte op 'e oare kant fen 'e wrâld to lidzen — en nou is 't thichte by.

„Keapman?“ frege min my op 'e boot.

„Né,“ sei 'k.

„Foar plesier, licht?“

„Ja,“ sei 'k.

„En den lîkme allinne? — dat rêdde jy net, dat giet net goed.“

It gong al goed, lêsers, — ik rêdde 't wol.

Ik gêng stikom nei 't Folkspaleis.

Dêr sit nou in rîksdaelder oan fen mines.

Ho dat paleis is, scille de lêsers wol witte, en dêrom biskriuw ik it mar net.

Ik hab dy earste joun fjouwer ûre ôfroun, hwet ik rinne koe, sadat ik einlings op 'e plantagie leau 'k — in it simmer-theater fen Victor Driessens „*De hertogin van Gerolstein*“ fortoanen sioen hab — en om ien man sîn grou liif lake hab, dêr jimmer in soldaet tsjin oan roun, dat er werom stuite.

Ik hie alles goed merkbiten, en woe nei mîn ketier. 'k Roun hird — wol in heal ûre, en do 't ik miende dat ik er wêse scoe, wier 'k krekt op it 'selde sté dêr ik koers nomd hie.

In jong faem frege 'k hwet ik rinne moast.

„Vraag in dat koffihuis,“ sei se.

Ik die 't net.

„Né,” sei in hear dy in lîts bitsje lawearre, „Je moet hier geen mensch vragen, — waar moet u zijn?”

Ik sei 't him.

„Kom aan!” sei er „geef mij den arm! Ik moet dien kant toch uit.”

Ik die 't.

„En waar is u vandaan?”

„Uit Friesland,” sei 'k.

„Dan doet het mij het grootst genoeg, u aan te treffen. Van de Friezen hou ik veel, daar heb ik mee op!”

„Is mijnheer wellicht ook een Fries?” frege 'k.

„Excuseer, — dat niet! Ik ben een echte oude Amsterdammer poorter. Mijne familie is hier bekend sedert 1300. Zoo doende ben ik met alles bekend hier.

Thans kom ik van eene vergadering van scheepstimmergezellen. Er was oppositie tusschen patroons en werkliden, maar wij hebben 't in orde.

En hier moet u zijn.”

„Wel bedankt, mijnheer!”

„Niet noodig — Bonjour!”

Ik slepte mîn pine in 'e holle wer wei, en wier de oare moarns om acht ûre al in 'e Dieretûn.

't Is mear as de reis wirdich.

Fjouwer ûren hab ik der genot hawn, lîk as ik nea earder hie. In joad het my do in hele bulte strietten opneamd. — „En had ik dat kind niet”, sei er — „Loop jongen! Sta bengel! — dan liep ik met je meê.”

Hy die 't wrachtich, de goede man, en brocht my op it Trippenhûs mei skilderyen.

As ik to Amsterdam wenne, den gong ik dêr alle dagen hinne, leau 'k.

Om Jan Steen, dy ik al ien kear sjoen hie, bin 'k werom

wêst om it yet ris to sjen. Hy hâldt yen it glês ta, en de útdrukking fen sîn troanje is thinkt my: „Hwet reket dy — en my — den eigentlik dy hele kromme fordraeide wrâld?” 'k Bin laitsjende foartgien.

Dit is sabwet in koart bigrîp fen mîn earste Amsterdamske reis en mei ien nei den Haech.

De twade hab ik dien de op ien nei leste Amsterdamske merke by 't útgean in 1876 en mei ien nei Haerlem.

Dy it tofoaren nimmer barre mocht om to reisgjen kin nou in hele bulte wille ha foar in bîtsje jild.

Woll' jimme 't ha, lêzers? Far den as ik mei in steamboat nei Amsterdam bygelîks.

Dy wide sé! Dat moaye waer! Dat throchskinende wetter! — Jy tille der fen op!

Dy greate kajût in 'e boat fen wol 30 foet lang: seis greate tafels der in, en in spegel oan 'e weach.

Al is er den ek bûten my mar ien healdronken matroas in, dy beide breadronkene jonges dy by de treppen del tûmelje fen blîdskip, omdat se neat to bitsjinjen hadde, forgoedsje dat wer. De matroas slept as in dea poep.

Boppe op it dek sjoch ik dy tûmeljende brûnfisken in 'e sé.

Dy greate smûgjende machine kreunt.

In sé op stiket in wrak boppe wetter en lit de inhouten sjen, lîk as in fisk dy bipluse is de bonken.

By Starom hâlde wy efkes stil, mar ik sjoch den dochs hwet fen âld Starom.

Ek fammen — lekker gûd.

Inkhuzen ek efkes gûd innimme.

Marken sjoch ik -- hearlik moai!

De Oranjeslusen to Skellingwoude dêr in ljeaf lîtse

plesierboeyer, mei jonge hearen en dames, in op en del dounset.

Boppe de machine oer de boat is in brêgge mei leningen oan 'e kant.

Boppe op de brêgge stiet de kaptein. Hy kommandearret en sîn kommando wirdt throch ien fen de jonges oerbrocht oan de machinist by de machine. — Hark!! „Zachjes an!“ „Halve kracht!“ „Drie kwart!“ „Volle kracht!“ „Vooruit!“ —

En den — dat Amsterdam by moai waer! Hearlik!

Lang ha je 't sjoen, dat Amsterdam, út sé, — lang der nei forlange om der to wêsen, en einlings dêr komme jy oan by 't helpstation fen de Easterspoarwei. — It hert tilt yen op!

Tallease minsken rinne yen to mjitte, al scoe de stêd leech rinne; en onder al dy talleasen, is net in inkeld hert dat for jou slacht — nin hân dy nei jou útstitsen wirdt. Jy fiele jou forlitten. Mar ek mar efkes — hwent alle minsken binne broerren.

't Is merke noch to Amsterdam.

„Te Amsterdam is 't altijd kermis,“ seit er ien.

Ik leau 't wol, — mar Amsterdam is sonder merke moayer as der mei.

Ik hab in 'e stêdsskouborch wêst, en hwet ik dêr foar de eagen hawn ha, mat min sjoen ha om it to begripen. Men spile *Iduna, de sterregodin*.

It wier in merkestik, mear op sjen as op hearren birekkene, en dôch — as efter in blauwe wolke, dy al geande wei thinder waerd, in Eden fen hearlike blommen to sjen kaem, dêr sêftsjes oan biweging in like to wêsen, om einlings iepen to gean, den wier 't siker, as min der onforwacht in jong frouminske stean seach, mei in himels-

blauwe jurk oan mei goudene stjerren, as it ek in himelsk wesen wier.

En as hja den hjar dochter Flora en hjar man warden fen frede en treast taspriek, — mei in sierlike hâlding en in bidaerde en moaye stimme — den like 't ierdske foarby gien.

Siker! as min út dy skouborch den de Leidske strjitte lâns, geande wei in 'e Kalverstrjitte bilânned, hwer alles blinkt fen ljocht in moaye winkels, — hwer nou en den in seale mei wîndrinkende hearen to sjen is — throch dat de doarren en finsters iepen steane; hwer hearen en dames sonder ophâlden yen tsjinkomme sonder dat min in stap hjerre kin, op de sêfte flier fen asphalt of hwet it wêse mei, den liket it wol op it Himelsk Jerusalem út 'e Skrift.

Ik wit it — it is de ljochtside fen Amsterdam; oer de skaedside wol ik it net ha.

Throch 't moaye waer bliuwt mannieh ien op reis.

Throch 't moaye waer thoct ik wer om hûs, hwent by lilck waer op sé — ik wit er in bitsje fen — dat is akelik!

Sa liddich as it hinne wier, sa fol waerd it nou op 'e boat.

Mear as honderd minsken, wol 'k leauwe, woene wer fen Amsterdam ou.

Kisten, koffers, sonder ein.

Ofskiednimme, — hânjaen, — groetenis bistelle, — roppe, — winke, — joadinnen mei parren, — flokke ek al in bitsje, — laitsje, skatterje en ek krite, lêzers, „*tranen wegpinken*” in 't Hollânsk. Sjuch! dy jonge ljue bringe hjar mem oan boat, — hânknipe, 'patsje jaen, — yetris hânjaen, — ien stap foarût dwaen, en den wer twa tobek.

Einlings op 'e wâl geane de jonge ljue nei stêd op ; — de man rjucht út — en 't wifke sjucht om en pinkt oan de eagen. —

It thochte om Salomon's earste gerjucht. — 'k Hab ek in mem hawn, lêzers. — Dat jong wifke wier de mem hjar bern — de man wier skoansoan.

Onder al de minsken op 'e boat foel foaral in jonkje my in 't each, mei in pakje klean oan fen in onmogelike kleur en fen in onmogelik fatsoen.

It bistie út in buiske en in broek, dy beide efter in in thryehoek ûtrouwen, omtrint as in sinnewiser fen foaren. In greate platte pet en wide skoen hâlden de onderen boppein by elkoar.

Dat jonkje wier den hjir en den dêr. Ik seach al ris roun, as ik ek in wapene man mei swiere bakkebirden gewaer wirde koe ; — mar né, ik seach neat.

Dat jonkje liet den hjir en den dêr oan de minsken sîn pompieren sjen, en min sei my do, dat dy jonge út Almelo, út it forbetterhûs kaem.

Ik loerke ek ris in dy pompieren, oer in oar sîn skouder hinne, en seach der boppe stean :

Ontslag.

en onder oan

Gedrag : Vrij goed.

Dêrop fortelde dy jonge, dat er to min jild mei krige hie om thûs in Grinsêrlân to kommen ; en ek wol hwet iten mochte, en jawol — in broadtsje fleach him op 'e knibbel, dat er sels net wiste ho 't er komd wier.

In wifke hjerde ik sidzen :

„Dat hê we him al goed inpeperd ; — hij moet an 't station te Harlingen zegge : beneden 10 jaar, hij kan best voor negen door ; as er dat nou maar onthoudt.” De

jonge like threttsien of fiertsien jier âld. 'k Thocht oars earst as elk in kromke joech; — mar ik sei neat — en die neat.

Der binne „zonden van bedrieff en zonden van nalatigheid”, plichte ûs âld Dominy to sidzen.

As men seis ûren op in boat fol minsken forkeard het, den forbînt dat al sa 'n bîtsje; min het sa lang ien lot.

By 't oankommen to Harns, fiede ik ek dat dat sa wier; en 't wier krekt as dy blide bernegesichten op 'e wâl ek bliid wieren dat ik wer oanlânne. Mar 't gou hjar mem, yet mei 'n lîtske op 'e earm. Dat hie al nei Amsterdam wêst, en ik wier wrîchtich fiftich jier âld foar dat ik der kaem!

Och, hwet in blide gesichten! Wolkom, wolkom! en der spatten dy reisgers ût elkoar. Ik moast to Harns in kaertsje nimme nei hûs op en forwondere my oer in jonge dy sa brîk en sa freamd in en oar dûkt for 't loket fen 't bureau in 't station stie. De man dy 't kaertsje ré makke, praette frjeunlik tsjin dy jonge, mar ik forstie de wir-den net. — De jonge sei: „ja, ja!” en krige in kaertsje.

't Wier de jonge fen 'e boat, dy mei ûs fearn wier. Hy spile sîn rôl dy er op 'e boat, de earste deis fen sîn kommen wer in 'e maetskippy, leard hie, krekt as op sîn ontslach stie, *vrij goed*, mar 't foldie my net, lêzers!

En hjir mei hâldt mîn reisbiskriuwing *nei* en *fen* Amsterdam op. Hwet er al to Amsterdam, den Haech, Haerlem ensfh. to sjean is (ik hab in kanon fen de Ruiters en de in flarden sketten flagge fen Kenau Hasselaar beet hawn), mat min sels ondersîkje, fen biskriuwen leart min it net — alteast net glêd.



Net al to Earlik en net al to Godleas.

PETEAR FEN JAPIK EN METTEN.

METTEN.

Bist thûs, frjeun Japik ?

JAPIK.

Ja, hjir bin 'k.

METTEN.

Ik siikje in alle hoeken.

Hwet prullen hest dêr ?

JAPIK.

Prullen, man !

'k Bin hannelsman in boeken.

METTEN.

In âlde boeken ? Witst net oars

Mear oan de kost to kommen ?

JAPIK.

Dat wit ik net, mar 'k bring nou nut

Oan wîse ljuwe en dommen,

Dat pal stean ûren oer in bûch

Bigoun my to forthretten,

En dêrom thoekt ik : gjin gemael !

Ik meitse koarte metten ;

Ik skommelje âlde boeken op,

Hwet fine en ek hwet grouwe ;
 Den wol 'k mei bindeltsje op 'e rêch
 Mar by de streek lâns sjouwe.
 Negoasje is earlik, ho 't ek giet ;
 Sjach ik goed út mîn eagen ,
 Den rint it altiid fen 'e thried.
 Ik bin net gau forlegen ,
 Oer hwet ik sidze mat of net ;
 'k Kin brimstich sjean en flaye
 As 'k earst wit, hwer 't de wîn wei komt ,
 Den kin 'k my der nei draye.

METTEN.

Dat is geriflik, siker wier !
 Dîn gaven binn' bigearlik.
 Mar ast' ien in 'e nekke skopst ,
 Dat is just net heel earlik.
 En dêr is 't dy fêst om to dwaen ,
 Hwet hoeft oars sa to drayen ,
 En babbelje alles throch elkoar
 Mei brimstich sjean en flayen ?
 Dy 't rjucht wol, hâldt de kop er foar ,
 Al scoed er ek biswike ;
 Den koed er om sîn earlikheid
 Gjin heale striebreed wike.
 Dou bist, bigrîp ik, moai op stap
 In merkegast to wirden ,
 In knopedrayer op sîn bêst ;
 Mei 'n roastich mês mei skirden
 Snyst oaren de earen fen 'e kop ;
 En as se it einlings fiele,
 Den scill' se dîn hânswaarstekinst
 En dy der by forniele.

Hwa scoe dat thocht ha ? ljeawe ginst !

Dou koest soms hast al preekje.

Do thocht ik, Japik kriget yet

In swarte roak mei 'n steekje.

En nou in boekejoad ! Hwet kin

In ding al nuwer rinne,

Hwet kin in bjuster snoade kop

Al danich him forsinne.

Dou moast oars wîser wêse as ik

Mei al dîn lêserye,

En nou kinst sûnder kwanslery

Net ienris iten krye.

JAPIK.

Ik woe de wrâld ljeafst earlik throech ;

In alle dingen suwer,

Mar 'k staette rounom hast de kop.

Ik thochte, dat is nuwer !

Nei 't master seit en doomny leart,

En nei 't wy dûdlik lêse

In 't âlde goede bibelboek,

Den moast it oarsom wêse.

Mar sjoch, der stiet: *Net to Godleas*

En ek net *al to earlik*.

Dat gong me as lye mâlke in 't ear,

Ik thochte, dat is hearlik !

Dat middel wirdt, leau 'k, folle brûkt,

Ik mien it op to merken

Hast alle dagen ; 't past fen sels

Op snein net in 'e tsjerken. —

En do 'k der fjirder mear om thocht,

Klonk 't oeral my to mjitte,

Hwet foardiel joech, dat moast min dwaen,

Al sei 't gewisse : „litte !”
 ' Is saek mar thige bluf to slaen
 Om sa de ljue to snappen ,
 En like er somtiids streken út ,
 Min rekkent dy for grappen.
 Earst thocht ik , as ik keapman wird
 In allerhanne boeken ,
 Den tsjinje 'k dochs mîn soun forstân
 Dêr ik hwet by to brûken.
 'k Neam 't iene goed en 't oar forkeard ,
 Sa goed ik 't mien to witten ;
 Nou think ik : nim mar rîp en grien ,
 'k Ha 't allegear to sliten.

METTEN.

Jawol , den bist al goed op wei ,
 Dat hab ik in 'e rekken ,
 Hwent prullegûd mat oan 'e man
 Throch lûd der fen to sprekken.
 Sa seach ik Ljouter merke in joad ,
 Dy spile for kiesmaster ,
 Den hied er for lîkdoarnen ek
 Yet smarselgûd ta 'n plaster.
 Dat joech er elk forgees , dy 't koft
 Sa 'n fleske for de mûle ,
 Dat help yen daelk , al moast min ek
 Fen pine beare en gûle.
 Earst sei er : „Goede vrienden laat
 Vooral je kiezen sitte !”
 En letter : 't ienichst middel wier
 Min moast se lûke litte.
 't Kin wêse , dat wol fen sîn gûd
 De pine hwet bidarre ,

Mar 'k thoct, dou kinst mei bluffery
 Wol moai dîn bûse smarre.
 Dos Japik, dou mast ek sa mar:
 Dit boekje matt' jy lêse,
 Den ken jy, al binn' jy in earne siel,
 Mei gauwens skatrîk wêse.
 De *Geestelijke Zeeman* is
 Foar dy 't net skrieme kinne,
 En woll' jy laitse, man! ho slim
 Swiersettich as jy binne,
 Dit boek, dêr mat je om laitse, ja,
 't Scil al jou leed fordriuwe;
 Al ha je in fiskbonke in 'e kiel,
 Dy kin der net in bliuwe.
 Voor ieder die met geld omgaat
 Scil dit boek nuttich wêse, 'n
 Elk wirdt sîn eigen abbekaet
 Throch in dit boek to lêsen.
 Hjr binn' recepten, keapje dy,
 Den kinn' je dokter mye
 En leare in hopen daegliks spil
 Foar 'n bitsje klear to kryen.
 Hjr ha jy flinke wittenskip
 In boek for alle stânnen
 Dat lêsen wirdt en prîsge wirdt
 Throch alle knappe mannen.
 Koartom, my thinkt it kin net oars,
 Ast' sok in hannel driuwste,
 Den mast soms hwet biprate, dêrst
 Nin gewel sels fen leauste.

JAPIK.

Ja, leugens en dêr wierheid throch

Dat helpt, it seil net miste.
 To minsten aste by de ljue
 Mei *ienkear* holpen biste.
 Dêrom kin freamd folk folle mear
 As eigen folk bigjinne.
 Ik ha 't in Ljoustermerke sjoen
 Ho gek de minsken binne
 Mei freamde bluf. Al binn' se oars taei
 En woll' se neat hast misse.
 Do joegen s' 't jild swietfleurich wei,
 By thûsnen, scoe 'k wol gisse.
 Der kaem bombarie in 'e krant
 Fen Noard-Amearikanen
 Dy scoene in greате tinte opslaen
 Mei flaggen en mei fanen,
 Nou ja, dy tinte kaem to Ljouw't,
 Mei lieuwen, oaljefanten
 Mei oard'el hûnderd hinders en
 In kliber freamde klanten.
 Hja diene in optocht throch de stêd
 Mei spïlljue en gesketter,
 Elk stie forbaesd dat oan to sjean,
 En ik forbaesde letter.
 Hwent elk dy in dat spil woe, hie
 'n Rîksdaelder to biteljen;
 Do krong it folk der sa in op,
 As wier der jild to heljen.
 Der wier ek lîtser hîngstespil,
 Dêr teagen ek gûds hinne.
 Mar think ris ta, ho stomme liep
 d' Amearikanen binne
 Hja setten de oaljefanten thicht

By Corty's houten tinte ;
 It folk forroun , de Amerikaen
 Dy pakte wer de einten.
 My thoct, de Friesen lieten do
 Throch bluf to fier hjar liede ,
 En Jonathan dy lake er om ,
 Hy koe mei 't jild wol riede.
 Hwent thritich weinen hied er wol
 Mei kisten en mei koffers ,
 Dêr stoppe er de rîksdaelders in ,
 Us folks frywillige offers.
 Unaerdich wier dat spil just net ;
 Mar komme er thritich weinen
 Om jild fen ûs to heljen , den
 Bigjint it hird to einen.
 „Wel , het meneer die schepsels zien ?”
 Sei 'n joadtsje tsjin in oar ,
 „Die olifanten ? Ikke wel !
 Maar 'k ben der bang voor , hoor !
 En kerel het lewaai gemaakt ,
 Hy komt 'em an zen beene ,
 De kerel , weet je ! — en d' olifant
 Zen smoelbek hangt zoo hene —
 Meneer het ommers wel gezien
 Die smoelbek ? — en hy slaet em ,
 Die kerel — dat ik denk , meneer ,
 Zen leve dat vergaat em !”
 Mar ik forkeapje in boekje near
 Oer 't freeslik jildforkwisten ,
 Oer diwelskinst en de idelheid
 Fen 't sjean nei wilde bisten.
 En liich ik dêr in kromke by

Sids 'k Ljouwerd wirdt in Babel;
 Dêr is nou krekt in moard hast bard
 As Kaïn die oan Abel;
 In kearel fen in hîngstespil
 Kin bisten sa bisprekke,
 Dat minsken wirde er throch forgriemd
 En brekke dêr de nekke;
 Ik bin dat Babilon ûntflucht
 Mei 'n restje goede boeken;
 Ik thochte, bûten om binn' ljue,
 Dy witte dy to brûken;
 Den slît ik mannich exemplaer,
 En kry soms bêste kofje.
 Dos net t' oprjucht, net to godleas
 Dêr doar ik wol op pojfe.

METTEN.

'k Leau, as in hopen keapljue hjar
 Konsjensje laei to blikken,
 Den scoe men wûndre dingen sjean
 En rare brike stikken.
 In mines kaem den raepsied foar
 En koalsied throch 'noar hinne,
 En wirtelsied en klawersied
 Scoe 'r ek throch hinne rinne.
 Ik thocht forline winter, kom,
 De siedsek op 'e nekke.
 Siedkeapman wier 'k en binnen koart
 Wier 'k throch mîn foarrie rekke,
 It leste koft in âld soldaet,
 Dy hie in Indje tsjinne.
 Nou hied er pensioen, nei 'k mien,
 Om hûnderd goune hinne,

En dêrfen wier er rintenier,
 En hie hwet tûntsjerye.
 Ik sei: Dit is mîn leste, man,
 Jy kinn' 't foar 'n bitsje krye,
 Do die 'r in set, — ik seach 't him oan.
 Mar midden in 'e simmer,
 Do trof er my, en as 't jou blyeft!
 Do stie 't in heel ein slimmer.
 Do learde 'k earst hwet flokken is,
 Hwet died er rare setten!
 De protters gîngen op 'e flecht
 As waerd der op hjar sketten.
 Radisen siedde er en 't waerd koal,
 Salaed waerd petersilje,
 En der woechs wite klaver throch.
 Ik thochte, kom, ûtfilje!
 Mar hy het foar sîn bûrljue do
 Sîn fransk A. B. herhelle.
 Hy hie my kofje jown, tabak,
 En ek ta 'n eint bitelle;
 En ik forkofte bygelîks
 Him rapen for citroenen.
 't Wier net to leauwen, sei er, mar
 Dy 't hjar oertsjûgje woene,
 Dy koene meikomme in 'e tûn
 En sjean dêr mîn skandalen.
 Hy sei: As 'k weer dien vent trappeer,
 Zal hem de duivel hale.
 Mar koe ik 't helpe, dat dy fint
 Sa dom wier as in okse?
 Koe ik it helpe, dat mîn sied
 Op 't lest sa throch 'noar mjokse?

Ik hie 't him sein, it leste wier 't,
 Ek, dat er 'n inkeld kerltsje
 Wol in de sek fordwale koe,
 Mei 'n grappich moai forteltsje.
 Hy striek sîn knewel do hwet op,
 „Potdomme! niet onaerdich
 Je bent me een fidele vent,
 Potdomme, een borrel waardig!
 Maar wat et slimst-is van de zaak,
 Ik heb geen enkel dropje;
 As 'k jou betaal, dan houd ik maar
 Twee centen in mijn kopje.
 Maar 't neemt nie weg, je krijgt 'em wel,
 Kom later maar es kijke,
 Dan zal met een de kwaliteit
 Van jou artikels blijke.”
 Dat blikte, mar it waerd swier waer,
 En do 'k my goed bithochte,
 Do liet ik sidze, dat ik him
 Sîn siedjild skielik brochte.
 „Potdomme, 't helpt niet,” sei er do,
 „Al mijn tuinierderije
 Geeft niemedal; die kan je wel
 Voor 'n dubbel maatje krije.”

JAPIK.

Dîn earste sidzen is dochs wier,
 Dat kin út alles blíkje;
 In earlik man, sa seiste niis,
 Kin net in striebreed wíkje,
 Gjin healen, leau ik. En fordeald!
 Nou kinst my soks forhelje?
 Dy earne bloed de stûren sa

Mei 'n skeane streek ûnthelje!
 Dou biste krekt allik as ik
 Yet in 'e wrâld fortîse.
 Dou kinst dîn praten ek al net
 Goed mei dîn dwaen biwîse.
 Net al t' oprjucht, net to godleas,
 't Symboal foar alle lânnen,
 Foar alle minsken hast, dat skînt
 Hjir mar de kroan to spannen.
 Amearika! Amearika!
 Jimm' spoarweimaetskippen,
 Dy praetten jimme moai ûs ta,
 Om sa ûs jild to kryen!
 Dêr sitt' wy nou mei kranten fol
 Fen leugens en bombarie,
 En mei Sint Paul, Sint Pacifik
 En oar pompier is 't larie.
 En Minnisota — ek al koal!
 En Florida — fen 't selde!
 En spaensk pompier! — och, dat min noait
 Fortrouwen der in stelde,
 Mar 't eigen lân, mei eigen jild
 In pleats goed stipelearde!
 As mannich jildbisitter him
 Hjir in ûs lân bikearde,
 Hwet wier der den in nut to dwaen
 Hjir yet in ûs lânsdouwen.
 En 't jild, dat nou om utens fjucht,
 Koe den in pleats hjir bliuwe.
 Ja, wise minsken binn' soms dwaes
 Dwaes binne we allegearre,

Sa dwaes , dat we eigen libbenslok
Soms op en út bidjerre.

METTEN.

Hest freamde effekten in bisit

Of eigen lânsompieren ?

Hwer krigest oars sa 'n dwaesheid wei

En sokke dwase gieren ?

Ik hab sa 'n Amsterdamsken fen

Dy folksffit-lottery ,

Dy kostet my 'n ríkedaelder , — for

In daelder kinst it krye.

Mar oars ik hab in somke jild

Utstean by ús notaris ;

Nou wol 'k in spiltsje keapje as 't kin ,

Hy helpt wol mear ornaris.

Mar hwer 'k nou meast biswier in sjuch ,

Dat is dat strikjildskriuwen ;

Ik leau , it spant ek dealis om

Dêr earlik by to bliuwen.

Mar meast binn' se ek net sa godleas

Of 't bruit der sa hwet hinne ,

Om 't knappe ljue , sa fier 't min wit ,

Dêr ek wol hjit op binne ;

Al meitsje hja de koal ek sûr

For dy 't hwet keapje matte ,

Dy 't misse mat , dy wint er by ,

Dos earlik mei 'noar parte.

Sok ding moast ek op skoalle mar

Leard wirde , scoe 'k wol sidze ;

Dat help licht hwet foar dy as man

Him dêr op út woe lidze.

Hwent as 't de bern al instampt wirdt :

„Altiid mar earlik hannelje,” —
 Hwet helpt dat as 't mear foardiel jout
 Dat we oars it paed biwannelje.
 Ik liich, as 'k bear dat 'k keapje wol,
 Hwet oaren gracch bigeare,
 En snap 'k in flink deihier dêr mei,
 Dochs bliuw 'k in man fen eare.
 'k Bin ûnoprjucht, as ik my falsk
 Foardoch en fin ûtklirkje
 Hwet oaren thinke en wolle, en den
 Hjar skea dêr mei biwirkje.
 'k Lies lesten, domme heidens koe
 Min alderbêst bikeare;
 As se earst hwet wisten en hwet koe'n,
 Den woe 't sa goed net beare.
 Den sidz' se, jimme dogge kwea
 Dat wy heel string bistrasje;
 Jimm' binne falsk, ho lûd jimme op
 De kristennamme ek blaffe.
 Wy bliuwe heidens, om 't wy net
 Bisjean en leauwe kinne,
 Dat jimme mei jimm' kristendom
 Sa folle better binne.
 Min makket net mei praten goed,
 Hwet deden lûd wersprekke
 Jimm' roafje en moardsje ûnder 'noar,
 Brekke ûs as 't kin de nekke.
 Natûrlikheid mei soun forstân,
 Gjit boppe in djippe leare,
 Sa 't liket; hwent hja litte hjar
 Net malle bêst bikeare.

JAPIK.

Ja, witste, wy binne allegearr'

In stik fen 't selde lekken,

Wy habbe, hwet min dêroan docht,

Us lekken en ûs brekken.

De wrâld dy leit, as altiid, yet

In 't goed en kwea bitize,

En dêrom lit min soms it goed'

Wer efkes boppe rize.

As beakens op 'e libbensé,

Wirdt dêr 't Kompas nei rjuchte,

Den kinn' de bêste minsken wer

Mei frucht tsjin 't kweade fjuchte.

Ik ha nou oan dîn praet fornomd

Dou thinkst dêroer as ikke:

Net skean, mar earlik throch de wrâld,

Dêr seil min 't bêst mei skikke.

Ik bearde niis dat 'k knoeye woe;

Sa lîk as follen knoeye:

Mar Metten, siker wier, ik kin

My dêr net mei bimoeye

It striidt mei mîn oertsjûging, 'k leau,

Dat we elkoar dêrûn lîkje;

Ja, Metten, 'k kin der dy wol foar,

Fen earlik wost net wîkje.

Godleas — sa 'n bitsje — allegear!

Dat is in minske kwale;

't Wier better oars, mar 't komt sa net,

Ho lang 't wy dêroer male.

De wrâld dy giet hjar eigen gong

Mei skeane brike setten,

En bûten alles bliuwe dou

En ik soms ek net, Metten!
 Dou wierst al moai op stap, do mei
 d' Outhanke helt fen Indje,
 Dy het om dy sa freeslik flokt,
 Nou thinkt er licht: „Ik vindje
 Wel weer;” — wost graech in spiltsje ha
 Den seit er licht: „Potdomme!
 Daar snap ik hem het kluijfe weg;
 Daar mot i maar om komme,
 Dan bied ik boven alles uit!
 Die landrot zal et wete,
 Waarvoor 'k men goeie geld aan zijn
 Slecht zaad heb weggesmete.
 Potdomme! dat een oud soldaat
 Zich door zoo'n uil liet foppe.
 Ik mag hem, als i voor me komt,
 Wel naar de maan toe skoppe.” —
 Sa straft it kwea hem sels, en dy
 Forkearde siedderye,
 Dêr kinste, thinkt my, nou en den
 In bulte spil mei krye.

METTEN.

Nou, de âld soldaet dy leart my neat.
 Hwet scoe hy strîkjildskriuwe?
 Hy mat sîn hele libben lâns
 Mei skild oerladen bliuwe.
 Hy keapet — mar bitellet net
 Iens altiid sîn jenewer.
 Hûskeapjen! né, dêrfoar is hy
 Net suwer oan de lewer.
 Hy skopt my ek net mâlle fier,
 Dy heal forthoarre stakker;

Hy is al swak út Indje komd
 En wîrdt yet daegliks swakker.
 As hy 't my dwaen mat, sjean 'k it spil
 Net mâlle slim tomjitte,
 As folle mansker ljue my mar
 Net in 't farwetter sitte.
 Dy doar min lang sa goed net oan,
 Ek mei om ûs notaris ;
 Dy sjucht sîn folk oan, en hy myt
 Sîn klanten hwet ornaris.
 It bieden stiet elk like fry,
 Mar as me om strîkjild minet
 En wol net keapje, den thinkt my
 Dat me oaren falsk forblinet.
 Elk ken dat neame sa 't er wol,
 Ik seil der mar fen swye ;
 Mar roun oprjuchtens kin gjin plak
 By sokke affearen krye.

JAPIK.

Wês dou den mar ris roun oprjucht,
 En rop it elk tomjitte :
 Ik wol dat hûs en lân graech ha.
 Ik think, dat seit wol litte.
 Mar seiste, 'k wol 't net ha, fy né !
 Al heste 't in 'e kikert,
 Ik nim 't as 't mûglik is altiid :
 Sids mar hwer 't dat op liket.
 En throch 'noar hinne mjukse sied
 Forkeapje — sids ris, Metten,
 Ho hjit dat — 't echte wird dêrfoar
 In 't frîsk is, leau 'k : ousetten !
 Dat klinkt ek net bysûndre moai.

Dou mast sa lûd net blaffe ,
 Hwent krye strîkjildskriuwers ek
 Net faek de strop ta straffe ?
 De wrâld, sa 'k sei, dy is net oars,
 En ek net oars to kryen ;
 Of elk foar oar mat foar him sels
 Dy dingen sjean to myen.
 It wirdt in skoalle en tsjerke leard :
 „In alles earlik bliuwe ,
 „Den kin 't yen goed gean'', mar it blikt,
 Dat follen dat net leauwe,
 It like my sa slim net ta
 In tsjerke yet to bouwen
 Mei in skoalle er by, dy 't opskrift hie :
Gjin menske to fortrouwen.
 Dat wier in middel foar de kwael
 Net to godleas, net t' earlik.
 Dat neamt min licht in diwelslear ,
 Mar 't is in 't dwaen bigearlik.
 Min leart de bern de streken net
 Dy 't lefter op hjar wachtsje ;
 Men leart hjar wol : hja matte 't kwea,
 Hwet soart ek, djip forachtsje.
 En letter woll' se throch de wrâld
 Den matt' se streken leare ;
 En oars den wol 't mei hwet se dwaen
 Faek heel end al net beare.

METTEN.

Mar, diker, jonkjen, as min dat
 De bern fen jongs op learde
 Ik think dat soms in boekeman
 In liepe kearel skearde.

Den waerd it helte slimmer yet ;
 Dos leare mat min 't goede.
 Dat giet soms swier, en flot en glêd
 Leart immen faek it tsjoede.
 Mar ûs gehispel oer dit stik
 Draeit hjir sahwet om hinne,
 Dat folle minsken in hjar dwaen
 Al hwet skînheilich binne.
 Der swetse in boel fen earlikheid,
 Mar dy 't dêr lang nei harkje
 Sjean einling, dat dy guten hjar
 Stil in 'e dongsleat karkje.

JAPIK.

Sa gîng 't omtrint dy âld soldaet
 Mei 'n keapman in hwet sieden.

METTEN.

Hwet hoeft dat nou, om jimmer oan
 It der wer op to lieden ?

JAPIK.

Ja, krekt sa seiste de âld soldaet
 Dy die dy neat gjin hinder,
 Mar krigest it mei greater ljue
 To dwaen, den waerd it minder.
 Sa giet it soms ek mei de ljue
 Dy 't net in striebreed wîkje,
 Mar likwol as 't hjar skea oanbringt
 Al gau in útwei siikje.

METTEN.

Dou sikest joun mei eigen munt
 My jimmer to biteljen.

JAPIK.

Allinne om goede learing foar

Us beide er út to heljen.
 't Is disse; Om mar sa folle as 't kin
 Yens saken rjucht to drjuwen.
 En ek sa folle as 't mûglik is
 In earlik man to bliuwen.

METTEN.

Nou, net t' oprjucht, net to godleas,
 Dat is ek mar gesanger;
 Der komme gûds mei throch de wrâld,
 Mar earlik dêrret langer.



Breawapens.

BAES SKROAR EN DE FJILDWACHTER.

FJILDWACHTER.

Joun baes ! ho is 't mei jou ? of ljeawer mei mîn jas ?

BAES.

Al makke, man !

FJILDW.

Kom, fiks ! Ik hoopje fiks to pas.

BAES.

Soa al ? En ik ha thocht der moast hwet spasio bliuwe,
Hwent wie'r to wiid den koe 'k him gau hwet nauwer riuwe ;
Howol ik thocht, der wier ek like folle kâns,
Dat jy hwet dyden en him folle koe'n mei glâns.
Jy hadde nou in post, howol ik net goed wit,
Hofolle smôar en fet der op sa'n baentsje sit.
Mar komt in meager skiep út min in better lân
Den dyt it yen al gau moai skiklik in 'e hân.
Jy binn' der aerdich út ; jou traktemint stiet fêst,
Der ha je klean op ta, dy binne moai en bêst.
Jy kinne deis en nachts mei 'n sabel waepne gean
En feilich sûnder frees elk drîst to reden stean.
Jy stappe kwier en kreas de moaiste herberch in,
En drinke beyersch bier ef reade brândewîn ;
Elk het ûntsach for jou as man fen wet en rjucht,
Dy onbiskromme en drîst elk ien in d' eagen sjocht ;

En as 't op merke of by in pret ris thige spant,
 En jy bithwinge dat, den wirde je in 'e krant
 Utroppen as in man, dy 't past op plicht en ear;
 In pear rîksdaelders jouwt dat licht of yette mear.
 Sa 'n tafal hab ik nea, mîn wirk sejit neat op oer
 As soms hwet snipeltsjes fen bûtenst of fen foer.

FJILDW.

Nou stil ris ef kes, baes, in koarde, side of jern
 En twiskenlinnen matte je ommers sels foarsjen.
 Ek knopen dwaen j' er by en somtiids foerring ek,
 Dêr sit fest goed hwet op; oars wie'n jy wol in gek.
 De snipeltsjes dy wirde ek licht hwet skeadlik knipt,
 En hwet ânbrûkber is wirdt in 'e fodkoer wipt.
 Den kin je rosse en dwaen mei heal oudraegne klean
 En sels op sa 'n menear foar 'n bîtsje himmel gean.
 Jy kinne hinnen hâlde, in skiep of in kenin;
 Kanarjeflechtery sit ek wol foardeel in.
 Hierknippe, skeare en hwet negoasje in almenakken,
 Pompier en pinnen, dêr is wol hwet mei to pakken.
 Boarstrûden, lewertraen en echte Urbanuspillen,
 Wiermkoekjes foar de bern en mear fen sokke spillen,
 Dy jouwe goed fortsjinst: Mînhear de Theofile
 Het nou in poaske wer for wûnderdokter spile;
 Hy bringt de waechsdom mei sîn gûd in hier en bird,
 'k Think dat hy sels dêrthroch rûch in 'e bûse wirdt.
 Ha je ek al bern, baes skroar?

BAES.

Dat leau 'k, to minstenâlwe.

FJILDW.

Wol nou, dat komt to pas by lewertraen en salwe,
 Jou wiif dy stiet jou by en leit de minsken 'ût
 Hwet wûnder dit of dat bysûnders in him slût.

En stjûr je den jou bern mei lint en bân to keap
 En bringt den elk hwet oan, den wirdt it gau in heap.

BAES.

In heap, dat ha je goed, mar net fen ûs fortsjinst,
 Mar rokken, broeken, skoen, in hûnderd op sîn miust.
 Der mat hwet wêse mei sa'n greate flite bern,
 En den mei nidle en thried in alles to forsjen;
 Ik hoef dat wapen foar mîn brea net glêd to slîppen.
 Jimm' hadde neat to dwaen as kuyerjen en kîppen,
 En rosse twiskentiids jimm' great ûnbidich swird,
 Omdat it by wiet waer oars read en roastich wirdt.
 In hearelibben is't! Saun gûne traktemint
 Wîks. Ha je ek wiif en bern? Dat is my net bikend.

FJILD.

Ik bin nou koartlîn troude, mar bern ha 'k yette net.

BAES.

Den ha je 't rommer yet as mannichien it het,
 Den wit je yet net hwet hûshalden is, goe frjeun;
 Mar jy binn' stomme lang in âlde ruter bleaun.

FJILDW.

Jawol, ik hab heel lang ûs kening Willem tsjinne,
 En dy 't soldaet is docht mar bêst en bliuw allinne.
 Nou bin 'k der ou en 'k hab in aerdich wîfke krige,
 Dat doar ik sidze, ja, dat slagge my mar thige,
 Sa 'n âld soldaet as ik koe 't net licht better treffe.
 'k Wol net graech eigen gûd boppe oar ljues gûd forheffe,
 Mar sa 't ik sei, mîn wiif is kras en by de pinken,
 En frjeunlik, gol en goed, hja flucht hast op mîn winken,
 En dêrom seil je er wol hwet fen bigripe kinne,
 Dat wy wol in ûs skik en mei 'noar lokkich binne,
 It moeit my yette net dat 'k troude bin, dat is wier.

BAES.

Dat wol 'k wol leauwe, mar jimm' binne yet net fier.
 Ik bin jou gâns in 't foar en ik fortel jou dit,
 Dat de aerdichheid faek meast in de earste wiken sit.
 As jy foar de aerdichheid der faek ris nocht oan ha,
 Dat ik it jou foarspel ho 't komt — den sids ik sa:
 Jy ha nei 'n jier of hwet licht ek in hûs fol bern.

FJILDW.

Dat sids je, baes, — mar dêr wit jy gjin gewel fen.

BAES.

Jy krye in stik of tsien.

FJILDW.

Net mear as saun of acht.

BAES.

Nou goed, fen elkmes fiif fen beiderlei geslacht;
 En mat jy dêrmei fen saun goune wiks bistan,
 Den fiel je, 't hoeft er lang net ry in lâns to gean.
 Oan sjipte en fjûr en ljocht, oan middeimiel en brea
 Kint op: hwer kry' jimm' den yet klean fen om 'e lea?
 As jy it witte ik net, ik kin 't net profitearje,
 Mar jy binn' knap, as jy dat mei saun goune klearje,
 Dat giet net, en den sjucht jou wiif sa sûr as jittich,
 Den is se n't aerdich mear, mar jimmeroan forthriettich.

FJILDW.

Hwet till' je er swier oer, baes, min scoe der bang fen wirde.
 Mei 'n bitsje moeite kin ik jou dat oars bitsjudde,
 Jy stelle in boel bilang in my; jy profitearje,
 Ho 't ik mei bern, dy 'k yet net hab, it ienris klearje.
 Mar as wy kloek en deun safolle as 't kin bisparje,
 Licht dat wy foar dy tiid in bitsje by 'noar garje;
 Ik wit, dat wol net bêst, in goune is gau forsille,
 Mar 'n minske kin in boel mei 'n goede fêste wille.

Us âldste bern, it mei in fanke wêse of jonge,
 Kin gau hwet boadskip rinne of by de wide sjonge.
 Ik set de bern oan 't wirk sa gau se mar hwet kinne,
 'k Think as de lîtse rint, de âldste great hast binne;
 Dy plak ik hjir of dêr by 'n hantwirk of by 't nayen,
 Sa hoopje ik mei de fleet er heel wol throch to swayen
 En wol je 't moayer ha, mîn âldste trouwe thige.
 As 'k op mîn âlde dei ris steun oan sokken krige,
 Den hie 'k se net forgees as lîtse bern biwekke.
 As 't sa woe, hiene jy it nîskes lang net rekke.
 As de eagen skimerje, de foetten 't paed net roaye
 En eigen bern dat paed mei ljochte blommen stroaye,
 As de âlden wirch fen lêst by berneljeafde skûlje,
 De bern yens pakestoel mei ljeaflik grien biwoelje
 Sa lang as 't kin yen graech bihâlde en fornoegje,
 De leste âldertrien mei berneljeafde droegje;
 Wier dat net aerdich, baes, mocht dat jou ienkear barre!
 Den woll' je fêst jo graech mei iwer dêr foar warre.

BAES.

Al hie 'k ek Jobs gedild, den koe it yet net skikke,
 Sa mealt it throch elkoar, it rint my út 'e mikke.
 Mîn bern binn' twisken hea en gêrs, gjin sûpe of mâlke,
 En ride mei elkoar it hea mar oer 'e balke.
 Mîn âldste jonge is toalwe jier, dy mat hwet wirde;
 Dat kin 'k, al dwaen 'k mîn bêst der op, him net bitsjudde.
 Hy leart, seit master, goed, en koed er dêr by bliuwe
 Den scoe 'r wol ta de rang fen helpskoalmaster kliuwe.
 Ja, helpskoalmaster, sei 'k; kinn' jy dat doel birikke
 Den matt' je ek helpe, hwent ik kin 't allinne n't skikke.
 Hja matte leare en dwaen nei mîn sin fierst to folle,
 It skînt dat hjar pikeurs hjar net graech misse wolle,
 Ja, koen' de hearen mei elkoar dy saken driuwe,

Hja woene licht hjar bern wol in 'e skoallen thriuwe
 En helje den de trakteminten in 'e hichte.
 Den moasten borgerbern al wer foar sokken swichte.
 't Wirdt grif it ien of 't oar, helpmasters mat min hadde
 En jierliks wirde er mar in hele bulte skrabbe.

FJILDW.

Dy posten hadde, baes, dy matte er klear foar wêze,
 By âlds koe elk en ien net skiklik skriuwe en lêze;
 Mar dat is nou hwet oars, dy hwet is mat studearje,
 Oars kin er 't in sîn post net tsjin sîn maten klearje.
 Bern leare folle mear as mannich âlden kenne,
 Omdat de masters nou binei prefesters binne.

BAES.

My thinkt, dat 's om 'e nocht, it seil sa heech to lûken.
 Hwet helpt yen kennis, dy 't min nea net hoeft to brûken?
 Folle âlden kinn' hjar bern net lang op skoalle hâlde;
 Ta 'n jier of taalwe ta, den binn't al ridlik âlde.
 En master kin sa gau der alles net in stampe,
 Hy mat mei soun forstân tsjin rou foaroardiël kampe.
 Den bout er faek op 't lest mar koalen in sîn tûn.
 Ik die 't, leau 'k, ek, hwent dat jouwt somtiids mear fortûn
 As kennis en forstân to stampen in 'e bern,
 Dy 't út 'e skoalle wei wer efter'e ploege tsjen.
 Dos 't helpskoalmasterswark hoeft net sa heech ûthelle,
 Hwent nei 't se er wark fen ha wirdt dat hjir noait bitelle.
 Ploechhûnsders binne 't mar, dy warbre skoalleljue;
 Foarname hearen sjugge op hjar en hjar bidriuw
 Foarachtlik del; as hja seishûnderd goune ha,
 Den seit in riedshear: O! dêr kinn' se bêst mei ta.

FJILDW.

Nou, wirdt mîn âldste in jonge, op ien nei d' âldste 'n
 dochter,

Den sjean 'k dat sa net in, mar gâns in bitsje ljochter.
 Ik lit de jonge leare, al is 't ont fiftsien jier,
 En 't fanke like goed, dat mien ik siker wier.
 Folle âlden dwaen dat net, mar litt' se ljeawer skrepe
 En litse bern binn' faek, throch 't wirk, gau pake en beppe.
 Sa binn' de jonge lea in de earste groei belet,
 En as sa'n jonkje den 't gewear to dragen het,
 Den is er smel en tear; op 't saeilân kinn' wy 't sjen,
 Der binn' soldaten soms dy likje greate bern.
 Om dea to sejitten, dat is wier, is al sa goed
 In stumper as in reus; mar 't bliuwt dochs minskebloed.
 En komt der yet in wet, dat earm net mear as rik
 Bilêsting op it bloed takomt, den stiet it brik
 Dat nêst in thige man in lilliputter stiet,
 Sa great pas as 't gewear en dy tsjalkskonkich giet.
 Dos baes, forstean my goed, lit leare, man, jou bern,
 Den gean' se licht foarût en net sa gau forlern.

BAES.

Jy prate er deftich oer, mar ha je 's âlwe bern . . . ,

FJILDW.

Né, acht!

BAES.

Nou acht! — Den scill' je 't wol hwet oars bisjen;
 Den mat gau de earste er út of helpe jou in hân.
 Jy seine, mines koene op sjou mei lint en bân;
 Mar as 't gjin soune wier, jy hingen jou 'r oan op,
 Sa rint it throch elkoar, sa sûzet jou de kop.
 Ik hab it al ris hawn, do makke 'k masters jas
 Oan de iene kant to lang, oan de oare kant to koart;
 Dat kaem út al 't getiis en bernetsieren foart.
 En dêrom skípje 'k se ou oan dy 't se hadde wol;
 Hwent, siker wier, it is by uses hast to fol.

Net dat 'k se misse wol, to sidzen throch de dea,
 Mar 't is de wierheid, man, foar threttsien ha 'k gjin brea,
 Min het op sa'n menear to folle soarch en kommer.
 Ik think wol, wier 'k net trouw, den hie 'k it folle rommer.

FJILDW.

Dat koe sa wêze, man, mar mooglik wiern' je dan
 Allike min as nou tofreden, goede man,
 Hwent elk het sîn biswier. Jouw mar gjin moed forlern,
 Der is hjir op 'e wrâld wol iten foar jou bern.
 De wrâld is rûm en fol, foar dy it leauwe en wite,
 Dat flit de hûnger keart, dat wirkljue lekker ite,
 Dat minskeljeafde faek hjir minskerampen nekket
 Dat godstsjinst mear en mear it lok fen neisten rekket.
 't Giet langsom, mar 't sârdei fen deugd in 't wird biskûle
 Folt wees en widdou, as se hûnger ha, de mûle;
 It jout de blinen ljocht, en sprake en lûd de stommen,
 It leart throch berntsjes soms skînheiligen en dommen,
 't Nimt wirkfolk lêsten ou, throch mannich kinstmachine,
 De geast fen wittenskip seil brea for minsken fine,
 Sa lang 't hjir iten waechst, foar boazen en foar goede
 De sinne skînt en 't reint, binn' we in in feil'ge hoede.
 Ienkear sa 'k niis al sei, binn' licht jou âldersoargen
 't Kaptael dat rinte jout, en binn' de bern jou boargen
 Op 'e âlde dei; en hoedsje jou foar libbenslêsten,
 Sa lang 't jy libbenssêd iens lidzen gean' to rêsten,

BAES.

Dat 's moai! Mar de âlde lear dy seit: in inkelde âlde
 Kin better mei gedild hjir tsien bern ûnderhâlde
 As tsien bern mei elkoar 't in inkeld âlder dogge.
 En as jy somtiids dêr in klear biwîs fen sjogge,
 Den sacket jou de moed wer amper nei de hakken,
 Den wit min soms de saek hast net goed oan to pakken.


In nidle is sa 'n lîts ding om dêrmei 't brea to winnen,
 Dat ik er nou en den al op bigjin to sinnen,
 Om mei sa'n naimachine 't wirk mar to forrjuchtsjen;
 Den kin dat deade ding mar tsjin mîn lêsten fjuchtsje.
 'k Nim k'narjeflechtery en hinnen en keninen,
 Dêr hoopje 'k twiskentiids hwet wille mei to finen.
 Mar lint en bân, sjea dêr! dat is my hwet to min;
 De bern negoasje dwaen, dat is net nei mîn sin.
 As jy ris de achtste ha, mei ik it heel wol lye,
 Dat jy foar ien fen hjar den mar dat baentsje krye.
 Den is jou jild ek op, dat scille je ûnderfine;
 Ja, jou saun goune wîks seil den as snie fordwine.
 En ha je 't ûngelok' dat je ek ris dronken reitse,
 Den kinn' se op 't alderslimst jou ek jou post ûntmeitse.
 Jy witte, sa kin 't gean, dat stikje wirdt wol spile,
 Dat ljue mei 'n sobre post sa op droech sân forsile.
 Dêrom lear dit fen my (jy woene my ek leare),
 In hantwirk is de baes; den kin 't sa net biteare.
 Den binn' jy j' eigen man, sa lang 't jy wrotte kinne
 Hâld jy de wapens foar jou brea — dat bêste binne,
 Ja, better as jou swird, kanonnen en kartouwen.
 Mei wapens foar yens brêa kin min bihâlden bliuwe,
 Dy meitse in hûsgesin net earm, mar bringe segen
 En meitse wolfeart mar gjin bloedspoar op hjar wegen.

FJILDW.

Jy redeneanje gnap en lang net sûnder groun.
 Mar 'k mat der siker út. Joun baes!

BAES.

Ek goeden joun!



Twa Bûrwifkes.

In bleek in thryen jout kibberjen.

TRÎN.

Moarn Griet! Kom, ha je 't waskjen dien?
Ik ek, dat is nou flink ris gien.
Wy kinne 't krekt togarre skikke,
Om ien tiid ha wy 't op 'e blikke.

GRIET.

Ei ja, dochs binn' wy beide lêst
By Jel; dy wint it altiid fêst.
Dy kin hwet mear as sljuchtwei hinne
Oars scoen' wy 't thoct ik ienkear winne.

TRÎN.

't Is krekt as is dy minskeskou,
Hja komt binei net út 'e kou;
Dat sit in hele dei to naikjen,
En foar it finster hwet ta draikjen.

GRIET.

Ik wit wol hwer 't fen dinne komt:
Ik hab it niiskes wol fornomd,
Sjoch jou mar efkes op 'e blikke,
Den wit je 't krekt sa goed as ikke.

TRÎN (*sjocht.*)

Jawol! nou kom, klear is de saek!
Dat spil komt einlings in 'e haek,

't Is poppegûd foar hjar, scoe 'k achtsje,
 Dat kin dy grouwe Jel wol wachtsje ;
 Den wirdt se i's wîs hwet as dat seit,
 En wirdt hjar man dochs ek ris heit,
 To minsten scill' wy dat mar stelle.
 'k Ha in dy tiid al fjouwer helle,
 En wy binn' mei mankoaren troude,
 Dos is 't gjin wonder, wol biskoud,
 Dat wy 't tsjin hjar net hâlde kinne,
 Om 't hja mar mei hjar beiden binne.
 Hja het forteld, dat skîtfenîn,
 Ik siet er as in briedswan in,
 Der kaem my neat hast throch de hannen,
 En stikne klean en skûrde pannen,
 As by ûs, seach min nearne net!
 As hja ek fjouwer bern ris het,
 Den scil de moedfear ek wol sinke.
 Sa 'n sniggel, net? min scoe 't net thinke.
 Hwet dy to rottelskûtsjen docht.
 As ik fen pakkedragers kocht
 To borch, en liet dy ljue den rinne,
 Den scoe'n wy ek wol pronkje kinne.
 't Spant dat min 't mûlwirk iepen hâldt,
 Oan fjûr en ljocht, oan sjippe en sâlt
 Mat m' in 'e wike fry hwet misse.
 't Is wier, min kin it hast net risse,
 't Is wierheid hwet ik jou fortel!
 Hwet mient dy lompe grouwe Jel!
 Hie 'k mar as greatljues faem faek tsjinne,
 Licht dat wy den sa 'n post ek hiene.
 Us heit het ek al skutter wêst,
 Mar soks dat helpt nou net mear, fêst ;

Oars hiene Jan en ik onearre
 Dat Jan ek mar ris sollistearre!
 Hwent sjoch, by de fjildwachtery
 Dêr mat wol faek in nyen by.
 Den waerd er dochs ris bûnte Bokke;
 Hy het al tiden lang nou sjokke
 As onbisoldigd wit jy hwat, —
 Mar dat is lakmoes — sa is dat;
 Mar om 't dy soarte er rom fêst binne,
 Giet dat foar spek en brea sa hinne.
 Do 't Jan earst ûtgong mei de stoâk
 Do brûkte er heel end al gjin slok,
 En as er drank naem in 'e mûle,
 Den seach er as der moster skûle.
 En nou, och minsken, ho 't er 't mei!
 Hy wipt mar 't iene 't oare nei,
 En komt er thûs, den is er brimstich,
 Mar Jan is klear oars en fornimstich
 Hy skriuwt fôrdeald faek 'n heel forhael,
 Dat hjit er den in prinsforbael,
 Jawol, hy is in kleare fint
 En in mîn each in moai adstint;
 Hy kin al mei de stoâk ramaye
 In 't roun, moai by de foet del saye;
 Hy het in thige moai bosk' hier
 En hast in knewel, siker wier.

GRIET.

Dat is oars soms as 't bienders binne,
 My thoct dêr scoe 't oars bûten kinne;
 Us Kees seit dat hja binn' to keap
 To Ljouwert — wol in hele heap.
 Hy het wol mei komeedsje spile,

Den lûkt er soms in swiere sile.
 Hy leart nou wer in heel relaes,
 Dat is fen Aleksander Maes.
 It stik dat hjit — ho deale? ho? —
 O ja, ik leau *Monti Christo*.
 Hy sei, dat knewels, bakkebirden
 Nou al fen Ljouwert helle wirde.
 Den ha se onderskate lumen;
 Dat wirdt fortoand den mei kostumen.
 En as 't den nei it ein ta giet,
 Den ha 's in stik: „*Hwer biste Griet!*”
 Dat scil fen Waling Dykstra wêze,
 Dat matt' se op 't boerefrîsk oerlêze.
 It earste is 'n oandwaenlik stik
 Mar 't oare, sa forwachtsje ik,
 Dat kin 'k oan Kees nou heel wol wite,
 Dêr scil dy joun gjin ien om krite.
 Dy Waling, dat leau ik er fen,
 Is fêst in heel plesierich man,
 Dy kin it heel moai op 'noar stelle;
 Mar sjuch, hy wirdt er foar bitelle;
 Den kin 't! Mar sjuch je wol, ûs Kees
 Kostumet altiid glêd forgees;
 Ja soms — hy wol 't net.rjucht ûs sidze —
 Ut eigen bûse er jild by lidze.
 Hwent swirden, mûtsen en pompier,
 Dat kry' se sims fen wit ho fier,
 En hwet se foar de kaertsjes barre,
 Dat kinne se op meast mei fortarren.
 Nou is ûs Kees in tsjeppe feint
 En as 't nou sa ris kaem op 'e ein, 't
 Dat spîljen einde in fryerye,

Den koe 'r faek noch wol hwet bidye.
 Jy matt' my net forklappe Trîn,
 Ik seil jou sidze ho 'k it fin ;
 De dochter fen mînhear Comiris
 — Ik sids jou dat it wrachtich wier is —
 Dy sjucht, is Kees Monti Christoe,
 Krekt as se 'm foart wol hadde woe.
 — Forklap my net, — mar 'k leau foar fêst,
 Dat wirdt in pear op 't alderlêst.

TRÎN.

'k Forwachtsje, Griet, as 't hast sa fier is,
 Den seil wol gau mînhear Comiris
 Him sidze, dat is gjin akkoart,
 By 't trouwen passe soart by soart.
 Dat think ik, stiet er fen to duchten,
 Dat wirdt it ein fen al dy kluchten.
 En dos, ik think, dat jimme Kees
 Dy spilet dêrfoar glêd forgees,
 En 't einbislût wirdt lak en leedsje.
 't Is al in boel mei dy komeedsje,
 Dêr hadde jy komise Jel,
 Sa 'n mâlle sleauwe totebel
 Dy spilet, krekt as goare tante,
 Ek al foar in komediante.
 Hwa 't hjir in Frîslân kuy'rje mocht
 Dy stapt, foar 't hy der sels om thoct
 Of 't witte koe, forbaesd en kjel,
 Perdoes op in komeedsje del.
 Mîn man dy seit, it is isbaerlik
 En foar de jonge ljue gefaerlik.

GRIET.

Dat mei den wêze sa as 't wol,

Hja hâlde it spîljen dochts moai fol.
 En my is 't goed — hwent jonge ljuwe
 Matt' hjir of dêr de tiid fordriuwe.

TRÎN.

Ei ja, hwent ljue as jou en ik,
 Wy passe better op ûs stik,
 Dat wy ûs tiid sa net forprate;
 Wy fine in ûs wirk mear bate.
 Mar sjoch je wol, komise Jel
 Dat is in hele rottelbel;
 Dy sei, as Kees komeedsjespile,
 Den waerd er dronken onderwilen;
 Hja sei, it wier der al ris bard —
 Dat het se mei in eed bisward
 En my mei kleuren ek forhelle,
 Hwet ik jou nou ris seil fortelle.
 Ik leau hast fen de leste kear,
 Do kaem er hwet in frjemde hear,
 Dy wier 'n healgoune fierst to folle
 En hy hie 't dochts wol heare wollen.
 Hy sei tsjin Knillis, dy dêr wier',
 En by de doar op skildwacht stie,
 Lit my foar 'n dûbeltsje passearje
 Jy kinn' jou sels der foar traktearje.
 't Is bêst, seit Knilles; mar dy man
 Fint fierder wer in oare Jan
 To wachtsjen by in oare poste,
 Dêr 't hy sîn dûbeltsje ek wer loste.
 Thry' fjouwer kear hie 'r dat al dien
 En wier sa 'n oare gong in gien,
 Sa gong 'r fen efteren nei foaren,
 En einlings stie 'r wer bûten doaren.

Dat hiet in grap mar 't wier to slim,
 Hwent sjuch je, hja bidragen him.
 Komise Jel dy het 't forhelle
 En ik ha 't mar wer neifortelle.

GRIET.

Jawol! Jou onbisoldigd Jan
 Waerd dêr do in bisoldigd man.
 Dos as je dat faek neifortelle,
 Den wirdt jou eigen skande oanhelle.
 Hwent Jan stiet altiid by de doar
 To long'rjen op in slok fen 'n oar.
 Us Knillis kin him sels wol drippe,
 Dy het net sa 'n jenewerlippe.

TRÎN.

Jenewerlippe! sljuchte blei,
 Jouwstou ûs den dy kladde nei?
 Pas dou mar op dîn konkelpoâtsje!
 Matstou in oar hjir sa bikladsje?
 Dou briedhin op in âlde stoel!
 Pas dou mar op dîn smoarge boel!
 Sa ha 'k it nou net earder witten,
 Het Jan him sa bikeapje litten?
 Ald klokhûs! sniggel! sleauwe tut!
 Ha 't hert ris, sids ris wer sa 'n wird,
 Ald întaest! — Wol, min scoe 't net thinke!
 Scoe Jan him dêr foar dronken drinke?
 Foar 'n dûbeltsje, al wier it wier?
 Foar 'n dûbeltsje? Dat liechste, slier!
 Scoe Jan foar 'n dûb'ltsje dronken rinne?
 Hwa scoe sa 'n ding bigripe kinne?
 Dou rottelskûte! pas op Kees!
 Dy spilet — sûpt en fryt forgees

Mei 'n dochter fen mînhear Comiris
 Sa 'n keeshoun! nou, pas op, as 't wier is!
 Ik think net ienris dat er doarst,
 Sa 'n apekop! sa 'n boet hanswoarst!
 Hwet scoestou mei dîn Monte Kriste?
 Hwer biste wei komd, sids, hwa biste?
 Gemiene boel — dîn hele skaei —
 Dou mei dîn skûtelwaskersdraei —
 En Knilles mei sîn takseskonken!
 Sûpt Jan foar 'n dûbeltsje him dronken?

GRIET.

Dat ha net 'k sein; — ik sei, dy man
 Dy waerd forrifele throch Jan;
 Throch Jan — throch Kees net — en throch oaren
 Kaem dy foar 'n skelling bûten doaren.
 Ik scoe in briedhin wêze, nou!
 Den bin ik krekt lîk ien as dou.
 Ik ha by knappe ljuwe tsjinne.
 Gemiene soadtsje, dat jimm' binne!
 Dou klauste altîd nei dy ta:
 De blikke in thryen dy wy ha,
 Dy scoest' allinne hadde wolle,
 To minsten hest' nou fierst to folle.
 Hjir seiste mei dîn âld himdsmouwe
 Wol oardel foet wer nei dy klauwe.
 Hjir by dit beamke stiet in streek
 En krekt sa fier rint ek ûs bleek,
 Dat ha 'k er mei in pantsje stritsen
 En dîn âld fleissek hwet forlitsen
 En ek, fordeald, oan Jelle kant,
 Hest' fierst to folle nawenant.
 Sa bist' fen aerd, dou lilke târre!
 Mast' dou hjir sa de bek opskârre?

TRÎN.

Dat doch ik, en hest' mear gemael,
Den makket Jan dy prinsferbael,
Ald goesepoat! den seil er jimme
Mei rjucht ris thige 't hier ûtkjimme.

GRIET.

Nou bergje dou dîn âld himdsmou
Of 'k skûr fordomd in stik er ou!

TRÎN.

Ha 't hert ris in dîn âlde knokkel,
Den flean ik rasen op dîn poggel.

GRIET.

Och heare! ik wird diwels, Trîn!
Hâld op! en oars ik klau er in!

TRÎN.

Ik hâld net op, it rint to fier!
Ik pak dy by dîn bargehier!

GRIET.

Och heare, Trîn, sa kin 't dochs net! —
Dat ûs hjir sa oerstjûr brocht het,
Dat komt fen dy komise Jeltsje
En throch hjar dûbeltsjes fortelstsje.

TRÎN.

Nou ja! jou smeulden sa op Jan,
Op mîn rîks onbesoldigd man.

GRIET.

Jou seyen ek al, sjoch, ûs Kees
Dy hie in bulte sok forgees.

TRÎN.

It is to gek! sa 't wy hjir binne
Mat min doch nedich mei 'noar kinne.

GRIET.

En tsien jier ha wy hjir al wêst
En 't altiid rêdden sûnder lêst.

TRIN.

Jawis! mar dy komise Jel,
Dy klitse, stookt ûs hjir de hel.

GRIET.

Dy tonne bier mei tsjokke mil,
Leau dat dy moarn hwet hadde scil,
Hja kin net waskje, op hjar blikke
Is 't gûd sa giel as wier it rikke;
Hjar himden, och, hwet binn' dy thin,
En nye kin dêr fêst net fen;
De lekkens binne by 'noar stoppe,
Der leit in himdroâk onderst boppe.
En den dat bernepoppegûd!
Hwet binn' dy seamen raer, biroerd!
't Is by 'noar ript fen âld' en ny;
As 't mines wier, den skamme 'k my.

TRIN.

Ik ek. Den hie 'k it oars in 'e es.
Ik bin tsjin alle greatljus tres,
Mar 'k hie 't in oarder fen hwet binn'je;
Jel scoe der hjar oan spiegelje kinne.
Der leit in hele lange loer,
Oukomstich think ik fen sîn moer,
Dy scil se think ik dêr om moanje;
Earmoedich sok is 't, al dy franje.
Ei, wit je, dat komiselean
Dêr kin, sa 't skînt, gjin ny op stean
Nou makket Jel mei skreppen skûrren
It byenoar út âlde loarren.

GRIET.

Hja is den oars yet al siptil,
 Dêr het se dy komisekfl
 Fen ond'ren koarte in hannebridte,
 Dêr 't hja de mouwen mei forsette.
 „Ja, ja! mijn vrouwtje past op streek,
 Wij komen verder elke week,
 En mag het zoo een tijd lang duren,
 Dan raek ik vry een huis te huren;”
 Dat mat er sein ha de komiis
 By 't keapjen fen in healpoun tsiis
 En fen „een paar ons varkensreuzel.”
 Den het er altiid sok gejeusel.

TRÎN.

Hja komme skriël mei 't iten lâns,
 Ik leau den binn' wy better mansk;
 Mocht Jan fen 't rîk bisoldigd reitsje,
 Den seill' wy ûs yet mear formeitsje;
 My thinkt altiid in stewich miel
 Bihâldt ûs lichem en ûs siel.
 Min kin altiid wol hongerlye
 As min net het en neat mear kin krye.
 Mar 't is in wonder pear, hwent Jel,
 Dy boarst fen tsjokkens hast út 't fel,
 En hy is meager as in lêbbe,
 En dochs hja ha de selde krêbbe.

GRIET.

Dat wit je net! sjoch, jou en ik
 Passe altiid thige op ûs stik,
 Mar nimm' dochs inkeld wol in bite,
 Dat Kees en Jan sa lîk net wite.
 Jan is jou man, en Kees mîn soan,

Dat komt er net sa krekt op oan.
 Ik woe allinne dit mar sidze,
 Min mat de kaert net iepen lidze ;
 In man dy alles wite wol
 Dy bringt in wiif de kop op hol ;
 Jou binn' troude wiif en ik bin widdou ,
 Mar is 't gjin wierheid, Trîn, hwet sids jou ?

TRÎN.

Ik sids 't mei jou! -- en Jan seit ek,
 Bisoargje my mar flêsk en spek ;
 In klontsjes, koeke en swietekouwe
 Kinstou dîn eigen master bljouwe.

GRIET.

In swietekou — 'k mat sidze Trîn,
 Dêr dogge Kees en ik net in,
 Dêr doar ik siker hast op poſje ;
 't Wirdt oars net as in potsje kofje.

TRÎN.

Op poſje, Griet! hwet mienst' dêr mei?
 Bin ik in swietekoayer? sei!
 Dou maste witte hwetste seiste,
 Oars kinst' op ny my rasen meitsje.
 It is dy fêst er om to dwaen
 My bokkens op 'e kop to jaen ;
 Dou hest mar nocht oan stikelstekken
 En quae fen elk en ien to sprekken.
 Ik leau, dat ik komise Jel
 Dîn rabbery ris wer fortel :
 Dat minske hjir sa leech to lidzen!
 En lîk fol hwet fen hjar to sidzen!
 It ik sa 'n swietekou? fordikje!
 Dêr mast ris ien wird mear oer kikje,

Den scil 'k dy mei dîn kofjelippe
 Ris in de kanslerye wippe.
 It is, fordeald, mar efkes lîn
 Do sloechst by my der alles in,
 En nou hjitst my in swietekoayer,
 Dat wirdt mar geande wei nou moayer!
 Dat earne sloof, komise Jel,
 Birabbe fen sa 'n raer âld fel!
 Hja binne dochts in koarte jierren
 Al fry om wer in hûs to hieren;
 Hja krye in hûske, splinterny
 Dat ha se oerwoun, sids ik dy.
 Dat is hwet oars as alle moarnen
 Oan oare minskens ear to toarnen!
 It wirk mar wirk, gjin iten klear,
 Sa stietst dêr mei de hannen gear.
 Oan Jeltsje kinst in leske nimme;
 Dy minsken binn' hwet oars as jinne,
 Jel is oprjucht, dou biste falsk.
 De kofjekanne oan 'e hals
 Sa wolst mar ljeafst de tiid forgrieme,
 En den in 't wirk sa'n bitsje klieme!
 Nou is, fordild, de hele moarn
 Wer throch dîn rabbery bidoarn. —

GRIET.

Nou is 't den freeslik, freeslik is 't!
 Sa 'n bekestik! As in oar 't net wist,
 Den scoe min yen foar elk ien skamje;
 Ik kin my sels hast net bidamje!
 Mar ien ding ha 'k dy niis al sei:
 Dy âlde fleissek nimst der wei.
 Wy jaen de hier allik as jinne

En litte ûs rjucht ûs net ontnimme.
 As ik oan Jeltsje wer fortel
 Fen lange loer en lellebel,
 Earmoedich sok en âlde franje,
 Den bried ik dy in moai kastanje!
 Wy prate mar ienfâldich sa
 Ho 't wy en ho wer oaren 't ha.
 Ik bin sa bang foar moaite en lyen
 En in it praten altiid myen.
 Dou bist' sa onforstânnich, Trîn,
 Dou spyste anstons mar fenîn.
 Ik trilje hast oan al mîn lidden;
 Ik bin yet nea sa ûtskeld wurden.
 Kortlîn do wierstou ek by my
 En kofje mei in klontsje er by
 Dat joech ik dy mei tsjokke reamme; —
 Mast' my nou kofjeslabber neame?

TRIN.

Wol nou, bin ik in swietekou?
 En den dy diwelske himdsmou,
 Hwet hest' dêroer in raer gebear!
 Sjoch! as ik him, sjea sa, nou tear
 Krekt op 'e helt, — hwet seiste nou?
 Praet den net wer oar swietekou.
 Den kinn' wy 't heel wol mei 'noar skikke,
 Den binn' wy 't iens wer, dou en ikke.

GRIET.

Nou goed. En ha wy al hwet sei,
 Dêr kraeit net mear in hoanne nei;
 Hwent, siker wier, in bleek in thryen
 Dat joech oars licht wol kibberyen.
 Wy kinne mei 'noar fiks oer wei,

En dêrom kom nou hjoed oerdei
To kofjedrinken, hear jy, Trîntsje,
Mei 'n klontsje of in bont kokîntsje,

TRÎN.

Nou goed, 'k seil komme en tonei
Soargje ik ris wer foar alderlei
Nou, moarn!

GRIET.

Moarn Nînke! bêdsje del!
Oars kry' wy beide spil mei Jel.



Krap Jild.

Ja, poch mar, en swets mar, en strîkje mar op,
En kjim nei de mode it hier op jou top,
En rook in sigaer, mei 'n spaensk reidsje in 'e hân,
En stap as in banjer, great hearskip, throch 't lân;
Sit krap jild jou efter, it hellet jou in,
Al sâp jy likeuren, madeare en wîn.

Krap jild is in spoek, dat min maklik net deit,
't Sy dat min yen stil hâldt of folle er fen seit;
't Sy dat min ek pochelt en wrot dat hwet dogt,
Dat dealeske spoek binimt faek yen de nocht.
It sit in de kelder, op 't bêdsté, in 't spîn,
En jei it foar út — it komt efter wer in.

Min wol it net wêse ho nei as 't yen is,
As smoart it yen hast, den noch seit men: 't is mis!
En oar, mient me grif, kin it spoeksel net sjen,
Howol 't min net iens mear hast sîkhelje ken.
Ho neyer in oar ek it spoek by yen wiist,
Ho mear dat min liicht, dat 't yen sels soms oangriist.

Jy geane mar hinne, dêr nimmen it wit,
Dat krap jild jou thochgeans de broek efter sit;
It dûrret onaris net iens malle lang,

Of sels wird je op ny ek wer skrutel en bang.
 Min freget: hwa bin jy? en bichtsje den op;
 De jildkrappe hekse dy aeit j' om 'e kop.

Dat pleachbeest binimt yen it folle forstân,
 En dêrom regearret it jild nou it lân;
 It sprekt, dat dy 't spoek in 'e holle altîd sit,
 Gjûn sikkepit den fen de lânsaken wit;
 y ljue matte soun wêse, stewich fen krêft,
 En sidze: „sa mat it,” net freegje: „*hwet blyeast?*”

Jongfeinten en fammen dy witte it to let,
 Dat immen mei krap jild gjûn oanspraken het,
 En ha se dat letter den al to hird leard,
 Den is 't soms to let en den bliuwt it forkeard.
 Den smiet rom jild wreed hjar de beach om 'e lea,
 Hja lûke en wrotte mei krap jild hjar dea.

De wrâld mei de minsken dy laket hjar oan,
 De eagen forblinde by 't blinkend fortoan
 Fen goud en fen silwer, fen pronk en fen pracht,
 Op 't blinkende moanljocht bikrûpt hjar de nacht;
 Omdat se 't net kenden, it spoeksel krap jild,
 Sa waerd onbithocht soms hjar jildtsje forspild.

Hja strike hjar op as mînhear en jiffrou
 En krekt as se freegje: „ho liket it nou?”
 Nou scoe min net sidze dat 's Jan of dat 's Griet:
 Oan d' ankels faek modd'r oan 'e mil ta thochwiet;
 Noch koart lîn oan 't wrotten, en nou op 'e wei
 Sjugg' boer en boerinne hjar gnâskjende nei.

En oaren, fen 't wrotten en wramen sa sêd,
 Forpoffe it in dei twa en geau' net op bêd,

Forsûpe en fordounsje hjar lits bîtsje splint ,
 As 't slagje wol soms ta de lêste heal cint.
 Hja sliere en hja giere en hja oâlje op 'e wei ,
 Kastlein en kastleinske dy gnûskje hjar nei.

Krap jild , sidze oaren, is better as neat ,
 Soms wirdt in lits somke hwa wit wol ho great ;
 Is Hainpoep bitelle en sejit er hwet oer ,
 Min weaget mei lotsjen ek dy lêste stûr.
 Hja binne op moed en hja geane hjar wei ,
 En Hainpoep en Mozes dy gnûskje hjar nei.

Mar 't wol faek net winne, al hie min ek flokt ,
 Mar lîkwol forliese dat wol , wol dat lokt ,
 Sa komt mei krap jild den al dealske gau 't ein ,
 It spoeket den om jou , jy binne forslein.
 En sjugg' jy de boer, lotteryjoad of poep ,
 't Is as in rîksdaelder de kiel jou ût kroep.

En kin min wer prate , min kibbet mar ta ;
 It wiif kryt de skild den , mar wol dy net ha
 Sa rekket sa 'n pear wol ris danich op 't ein ,
 Mei neyels wol kaerde mei fûsten wol slein.
 En faek dat min 't spoeksel krap jild dêr den seach
 Mei rjuchters en doarwarders efter de rêch.

Den jaget dy hekse de lommert yen op ;
 Min frêget : „Wat motje ?” den folget de strop ,
 In stik fen yen sels of in stik fen yens wiif
 Dat hinget min op , en jou misse it geriif ,
 En kry'je geriif fen in lits kromke jild ,
 Dochs miss' jy jou klean , en biun' libbensliif fild.

Jou bûrman dy wit it, seit tsjin jou: „Kom oan!
 Kom by my to praten tsjerke út snein to moarn.”
 Jy sidze: „ik thankje, 'k ha oars hwet in 't sin”;
 Den seit er hwerom net? ei, doch it, as 't kin,
 Kom den de neimiddeis hwet let op 'e dei
 En nim den foaral ek jou wiif efkes mei.

Dêr sit je. Nou, doom'ny komt even *in huis*.
 „Wel vrienden, hoe gaat het — hé! man zonder buis,
 Je bent zeker heet! — en jou vrouw, naar ik merk.....
 Maar 'k zag van je beiden geen een in de kerk?”
 Al wiern' jy mei leugens en flokwirden fol,
 As doom'ny er by stiet is 't krekt as 't net wol,

Hwent oars scoen' jy krasse as wiern' je in soldaet,
 Dy min sa by tafal de romer om staet.
 En ha jy jou bûrman en Doom'ny fen 't liif,
 Den kry' jy op ny wer in kampslach mei 't wiif;
 It bliuwt in commissie, in heiselik krûs,
 Gjinn jild in 'e hûs — en it baitsje net thûs.

Ik think wol: de greaten dy wit it sa net,
 Hwet min mei krap jild to forhakstûkjen het;
 Min kriget fen hjar wol sa nou en den ried,
 Krekt as it oan immen den sels mar hast stiet.
 Om jild to bisitten: „doch keardel jou bêst,
 Den komt it foarsiker yet goed op it lêst.”

Nou mat min ek sidze, dy ried is net min
 Fen immen dy erfd het en letter wer kin;
 Mar matt' je mei arbeid en wrotten der oan,
 Den klinkt sok musik jou misrabel fen toan.

Hwent wrot mar, ja wrot mar jou heel libben lâns,
Dochs bliuw' jy, mei thûsnen, en earene hâns.

Sa is it; doch thûsenen slagget it ek
Binoege to libjen en sûnder eat brek,
Mar arbeiders habbe ûs lân sa throcheide,
De ky matte siker ris nedich forweide.
Amearika kin noch wol arbeiders ha,
It lean is der heech, dat min kin er mei ta.

By ûs kin in man mei in wiif en hwet bern
Sîn libben lâns oars net as earemoed sjen;
It wirk is goedkeap en de arbeiders rom,
In 't iten soms kindich, in 't wirk wol ris dom;
Wier beide 't hwet oars, it siet net sa foar 't krûs,
Dy kras is fînt brea -- en ek rounom en thûs.

De sek op it skouder, de stoâk in de hân,
Mar swalkje de wrâld in, mar út en throch 't lân;
De kreft is kaptael en de arbeid is macht,
En dom is er dy dêr gjin oandacht op slacht;
Kryt ienkear de massa dat goed efter 't ear,
Den is op 'e wrâld ek sa 'n earmoed net mear.

It giet wol oerlangsom, 't bigjin fea de striid
Dy merkt min dochs dûdlik al wiid en al siid;
Arbeidersgenoatskippen komme er oan 't ljocht
En habbe 't in Inglân al thige fier brocht;
Mar swier is de striid en great is it kabael
Mei d' oerâlde machten, de krêft fen 't kaptael.

As ienkear it wirkfolk sa dom net mear is,
Den winne hja fjild, leau ik siker en wis;
It wirk foar de dommen, dy spreuk giet oan 'e ein,

Het ienkear it wirkfolk it goed onderlein ;
 Hja binn' dochs de kréft, dy it nedige dwaen ,
 't Kaptael fen de riken hjar dûbeld werjaen.

De boer mat út 't lân wol sîn onderhâld krye
 Throch 't wirkfolk ; en matte dy 't wirk dwane lye ?
 As ommers it wirkfolk der ien jier net wie',
 Hwet lânhear, dy hege lânshieren den hie ?
 Hwa hie hjar de turf op 'e souder den tild ?
 De riken, fordild, krigen sels den krap jild.

Twa machten, dy elkoar nou soms wol forachtsje,
 Dêr scill' we den letter mear heil mar fen wachtsje
 En heare en sjean ek, hwet elk foar' oar docht.
 Wy winskje oan allen rom jild en rom nocht ;
 Mar net like folle, de deale noch ta,
 Hwer scoe den mear nocht yet oan arbeidsjen ha ?

Krap jild is in segen ek wer op sîn tiid
 En makket it minskdom sa wirksom en bliid ;
 Koarddouners, hanswoarsten dy springe in 't roun
 En rinne onderstboppest, de kop nei de groun,
 En dichters en rimers dy brûke hjar kop
 En sidze, dat 't lillet, mar rîmstikken op.

Hja sjonge en spîlje en blaze en trompetsje,
 As 't net giet om jild den kin ik it net fetsje ;
 Mar elk en ien komt faek er sa hast mei foar
 As wier it ambitie foar 't nocht fen in oar ;
 Oan suwere wierheid ha follen in mier.
 It jild driuwt de wrâld, dat is stielich en wier.

En wierheid is 't dat min tsjinwirdich in 't lân
 Mar siket to libjen fier boppe yens stân ;

Onnedige dingen dêr hâldt min oan fêst,
 En dit bringt krap jild en in snidegen lêst.
 Us paken en beppen dy hiene 't sa net;
 Dy liken nin bît mar hien' moppen in 't fet.

O sarjiske rokjes! O sits en o baei!
 O foerlekken fiifskaft, hwet ha wy 'n lawaei
 Mei strikken en dassen, manchetten en lint,
 Mar faek in ûs jildlaedsje hast net in cint,
 O ienfâld fen earen, dy better ûs past,
 Basisargje de Friesen wer jild in de kast.



Maimoarne.

Mei 't each op 't Mailiet /en D. R. CAMPHUYSEN.

Camphuysen! 't moaiste fen it jier
 Dat laket wer, dat sjucht sa blier
 In gèrs, in blom, in krûd.
 Wer is 't sa — binn' Jy lang al wei —
 Maimoarne lit hjar jefte n't nei;
 Wer heart min 't fûgellûd

Wer is de skepping great en rom;
 Wer, hwer ik mei mîn eagen kom,
 Is alles grien en 't rûkt.

Dy geur dy makket fûgels bliid,
 Dy sjonge en roppe, Moaye tiid!
 Gjin djier dy mâl him brûkt.

Gjin djier? — En 't minske, 't fê hjar bear,
 Dy brûkt him mâl, en sjucht mar near
 Op al dat blide del?

Camphuysen! minsken binue n't wiis,
 De wrâld is hjar gjin paradiis,
 Mar meast yet al in hel.

O ljeawe moaye tiid fen 't jier!
 O, meitsje my dochs like blier
 As gêrs en blom en krûd.
 Dat ik, Camphuysen! krekt as jou,
 Tofreden nea de hel hjir brou;
 Mar sjong mei 'n thank ber lûd.

O minsken, libje wy dochs wiis!
 Den wirdt de wrâld in paradiis
 In elke libbensstân;
 Al roâl't it lok ek hinne en wer,
 Den yet!.... Wy witte 't ommers dêr
 Is 't stjûr in heger hân.